

UTOPIA

THOMAS MORE

UTOPIA

Oersetting

P.W. BROUWER

STICHTING ELEKTROANYSKE LETTEREN FRYSLÂN

*Útjûn mei stipe fan:
– de provinsje Fryslân*

ISBN 90-71560-03-1

ISBN INTERNET: 90-71560-04-X

NUGI 612

© 2002 Piter Wibertus Brouwer, Rotterdam

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei hoe dan ek fermannichfâldige wurde sûnder dat der skriftlike tastimming fan de útjouwer oan foarôf giet.

Foarmjouwing en setwurk: Bornmeer dtp, Wânswert

Printwurk: Wöhrmann Print Service, Sutfen

In útjefte fan de Stichting Elektroanyske Letteren Fryslân, www.elfelf.nl

Bongeljierren

Thomas More: ridder, letter hillige yn de Katolike Tsjerke, Lord Chancellor (opperrjochter) fan Ingelân, twaris troud, heit fan in protte bern, berne yn Londen, 7 febrewaris, 1477, ûnthâlze op Tower Hill London, 6 july, 1535. Thomas More wie iennichst bern fan Sir John More, abbekaats en letter rjochter, by dy syn earste frou Agnes Graunger. Doe't er trettjin jier âld wie, waard er opnommen yn de hûshâlding fan kardinaal Morton, aartsbisskop fan Canterbury. Syn karakter en ferstân waarden opmurken troch de aartsbisskop. Dy stjoerde him om 1492 hinne nei Oxford ta, dat er dêr studearje koe: Frânsk, skiednis, wiskunde en fansels de klassiken. En hy learde der ek te fluit- en fioelespyljen. Nei twa jier Oxford teach er nei Londen om rjochten te studearjen. Njonken syn stúdzje briefke er in protte en skreau er gedichten yn it Latyn en it Ingelsk. Syn favorite skriuwer wie Pico della Mirandola, dêr't er in biografy fan feringelske. Fierders lies er graach de wurken fan de tsjerkfaars.

Pryster as net?

Doe't it Kristendom noch it kulturele bewâld oer Europa fierde, lieten ambisjeuze jonge yntellektuelen gauris yn har omgean en wurd pryster of muonts. Ommers, wat heechste bewûndering ôftwinge moast, wie it martlerskip foar de tsjerke, of de neiste imitaasje dêrfan. Krekt as Erasmus hat More op sa'n karjêre omstind, en hy wie yn dy snuorje hielendal troch de godstsjinst en in eventuele ropping yn de besnijding nommen. Hy droech sels in himd fan stikelich hier, en bestege in protte tiid oan gebed en selskastijing. By einsluten joech er dy religieuze ambysje op. Erasmus, syn freon en fertrouwing, seit dêroer: (Epp. 447): "It ien-

nichste dat makke dat er net foar dat libben keas wie dat er net syn langstme nei it houlik kwytwurde koe. Hy keas der dêrom foar en wês leaver in keine oarehelte as in ûnkeine pryster.”

Houliken

Doe't it beslút om gjin pryster te wurden ienris nommen wie, sette More al syn krêft yn syn maatskiplike karjêre en net sûnder sukses. Yn 1501 waard er sels yn it parlemint keazen. Dêr fersette er him daalks tsjin it jaan fan ekstra jild oan Kening Hindrik. Wylst troude er yn 1505 mei Jane Colte, de âldste dochter fan John Colte. In skriuwer fan dy tiid, Roper, docht dêroer in wat skandablêdsje-eftige, mar ek nijsgjirrige, tyngje: “hoewol't er de twadde dochter leaver hie, want hy fûn har it knapst en it tûkst, like it him skande foar de âldste suster as dy fernimme soe dat er de pree joech oan de jongere en dêrom, út in beskaat begrut-sjen wei, keas er de âldste as syn frou.” Hja krigen ferskate bern en doe't syn frou stoar, troude More mei in widdo dy't sân jier âlder wie as hy.

Politike karjêre: More as opperrjochter en inquisiteur

As opperrjochter fan Ingelân hie More in aardich ynkommen. Hy liet in hûs oan de Thames delsette, en wie oer alle boegen in maatskiplik suksesfol man. As opperrjochter moast er lykwols ek de wetlik fêststelde straffen tsjin ketterij oplizze. Dat die er, en dêrtroch wie er net wakkere populêr by de protestantske skriuwers fan syn tiid. More koe it yn prinsipe wol lykfine mei de wetten tsjin ketterij. Hy besocht kettters altiten sa fier te krijen dat se har ideeën oerjoege. Lykwols hat er dochs fjouwer minsken fanwege ketterij ombringe litten yn de tiid dat er opperrjochter wie.

More and Erasmus

Yn 1497 kaam More yn 'e kunde mei Erasmus, by Lord Mountjoy thús, maecenas en learling fan More. Beide mannen koene it aardich meiinoar fine. Erasmus hat faak by More oan hûs west, en se briefkjen

meiinoar oant it lêste. Erasmus hat in portret fan More jûn yn syn brief oan Ulrich von Hutten, datearre 23 July, 1519 (Epp. 447), dêr't wy in priuwke fan jouwe: "As er praat mei leard of kundich folk, hat er wille fan har kennisse, as er praat mei sot of dommich folk hat er wille fan har brek oan kennisse. Hy fielt him net misledige troch profesjonele grapmakers. Hy kin himsels wûnder skikke nei stimming en persoan. As er mei froulju praat, sels as er mei syn eigen frou praat, is er fleurich en bizich. Gjinen wurdt minder regeard troch de mieningen fan de massa, en gjinen bliuwt doch tichter by it sûn ferstân." Nettsjinsteande syn freonskip mei Erasmus, achte More as kristen it lijen foar God wichtiger as de wille, en stelde er syn fijannen mear op priis as syn freonen. Doe't er yn de Tower opsletten wie, skreau er yn in gebed dat er der nei stribbet om syn fijannen mear op priis te stellen as syn freonen: "Jou my de graasje, Leave God ...

dat ik ferlies fan materieel guod, freonen, frijheid, libben en alles leechachtsje, om Kristus te bewinnen;

dat ik myn slimste fijannen as myn bêste freonen beskôgje, want de bruorren fan Josef koene him nea safolle goeds mei har leafde en freonskip dwaan as syn fijannen mei har haat en lilkaardigens."

Mei it ferfal fan it kristendom yn ús tiid kinne wy, sels as wy kristenen binne, ús amper sokke ideeën en fiellingen mear yntinke. Lit ús ferwering fan sokke ideeën lykwols in oantrún wêze om de wearde-oardielen fan ús eigen tiid te hifkjen en te ferlykjen mei wat wy oan wearde-oardielen yn ússels ûntdekke.

Utopia as sosjalistysk hânboek

More waard yn 1515 lid makke fan in wichtige dillegaasje dy't ôfreizge nei Flaanderen om de belangen fan Ingelske keaplju dêr te hoedzjen. Hy wie seis moanne lang net yn Ingelân en dus ek frij fan deistige ombalgingen. Yn dy snuorje skreau er in part fan de Utopia, dat er it oare jier ôfmakke en publisearre. De Utopia is ek syn ferneamdste boek. It

is in beskriuwing fan de perfekte steat, sa't ek Plato en Marx dy jûn ha. More ropt net eksplisyt op ta in revolúsje, lykas Marx docht, mar wol ymplisyt, troch de misstannen yn de maatskippij fan syn tiid oan te kleien. De Utopia is frij aktueel: sa skikt More, oars as de katolike tsjerke, selsmoard en eutanasy yn as der sprake is fan grut lijen. De Utopia hat dochs in sterk sosjalistyske ynslach. More syn Utopia hat ommers gjin sosjale en ekomomyske klassen, dat in sosjalistysk ideaal by útstek is. De minsken binne dêr allegearre gelyk en se ha allegear deselde rjochten en plichten. Se wurkje allegear like lang, nammentlik seis oeren deis, dus op dat punt wurdt it sosjalistyske prinsipe fan de ferdieling fan arbeid tapast. Alles wurdt gelyk ferparte, dat nimmen hoecht bang foar hongere of earmoede te wêzen. Honger en earmoede bringe de minsken ommers op it ferkearde paad en as dy der net binne, sil der ek suver gjin misdie wêze. Alle klean binne simpel en praktysk, om opfallerij en oandachtlûkerij foar te kommen. De Utopeërs libje as yn in kommune: se ha gjin eigen wenten en se ite yn grutte groepen yn kantines. Bern feroarje fan hûshâlding neigeraden it berop dat se leare wolle. Der is suver gjin ferskil yn klean, besit, ynkommen en frije tiid dat nimmen fielt him better as in oar.

Religy en rjochtfeardichheid yn de Utopia

Utopia ferskilt op ien punt fan it wurk fan Plato en Marx oangeande de ideale steat: noch Plato noch Marx wol oan de religy wylst religy yn de Utopia krekt in positive rol spilet. De kening fan Utopia hat foarskreaun dat alle boargers fan Utopia oan twa begjinsels leauwe moatte (fierders is der aardich wat religieuze frijheid). Te'n earste moat alleman leauwe oan de ûnstjerlikens fan de siel en twad moat alleman leauwe oan it bestean fan beanning en straf yn it libben nei de dea. It is eins hiel logysk dat soks foarskreaun wurdt. Ommers, mei dy twa begjinsels wurdt it prinsipe fan rjochtfeardichheid psychologyske realiteit jûn. Ommers, sûnder libben nei de dea en sûnder beanning en straf foar misdie yn

it libben nei de dea ... soe der gjin rjochtfear dichheid wêze. Deselde konklúzje hat Plato yn syn “Republyk” ek al lutsen. Lykwols binne der twa problemen mei More syn fizy. Te’n earsten is it risseltaat fan beleaning en straf dat etyk simpelwei in kwestje fan eigenbelang wurdt. Men is net goed om’t men fan it goede hâldt en de misdie hatet, men is allinich mar goed omreden fan de beleaning yn it libben nei de dea. Twad is der in probleem mei in skets fan Utopia dy’t it Kristendom eigen is. Foar it Kristendom bestiet Utopia al: it libben nei de dea is Utopia. Dêr is alles ommers perfekt, tanksy God. It libben FOAR de dea docht der dêrtroch net mear ta. Wa’t yn dit libben earmoed of honger lijt, sil yn it libben nei de dea troch God kompensearre wurde, misdie sil bestraft wurde, en sa fuorthinne. Dus wêr makket More him drok om? Wêrom soe er him om earmoed en misdie bekroadzje as nei de dea alles rjochtset wurdt? De tsjerke, protestantsk of roomsk, hat dat yntuityf oanfield en him dêrom nea net bekroade om sosjale misstannen. Nietzsche hat as earste eksplisyt makke dat it libben foar de dea folslein yrrlevant, ferachtlik en kleurleas wurdt as der in perfekt libben nei de dea wachtet. De oplossing fan it probleem fan de rjochtfear dichheid, sa’t More, Plato en it Kristendom dy sketse (beleaning en straf nei de dea), hat syn priis: it libben foar de dea ferliest oan belang. Foar Marx, dêr foar oer, is rjochtfear dichheid in ding dat troch minsken yn DIT libben ôftwongen wurde moat. Dat makket dat Marx ek in stik grimmitiger is as More.

Underwiis yn de Utopia

More hie goed troch dat ûnderwiis de bêste foarm fan yndoktrinaasje fan noarmen en wearden ofwol kulturele foarming is. De measte sosjologen soene it der mei lykfine kinne dat ûnderwiis moraal en deugd skept. Neffens Marx moat yn in rjochtfeardige maatskippij boppedat elkenien itselde ûnderwiis ha. Dêrmei giet Marx fansels foarby oan yndividuele neden en mooglikheden, oan differensearre ûnderwiis. Foar More gie it net sasear om gelyk ûnderwiis, mar om ûnderwiis überhaupt. More

seach yn it ûnderwiis in mooglikheid om te bouwen oan de ideale steat en de minsken better te meitsjen, en dat yn in ieu dat der net folle ûnderwiis wie, en dat de eask fan ûnderwiis foar iderien troch de measten beskôge waard as in nij en bespotlik konsept.

Fertsjinste fan de Utopia

Wylst wurde More syn ideeën oer de maatskippij tsjinsprutsen troch ús eigen tiid: hoe goed as de minsken it ek ha, de jongerein wol opwining en aventuer en eksperimintearje mei drugs en stellerij. In rike stêd as Ljouwert is tagelyk ek in frijwat misdiedige stêd. Earmoed is net it iennichste motyf foar misdie. Minsken ha graach moaiere klean oan as har buorlju: dat stipet har selsrespekt. En it sprekwurd “mandeguod is skandeguod” is in foldwaande beskriuwing fan it kommunistyske eksperimint dat yn de tweintichste ieu yn East-Europa plakfûn hat. Lykwols leit de fertsjinste fan More syn Utopia net yn oft er no gelyk hat mei syn mieningen omtrint de ideale steat of net, mar yn it BESYKJEN in bettere steat te beskriuwen en yn it LEAUWEN oan de mooglikheid in bettere steat te meitsjen, wat dat “better” dan ek wêze mei. Mei oare wurden, de minske kin syn omjouwing SKEPPE.

Dea: More en Kening Hindrik VIII

Yn syn hûs oan de Thames hie More gauris oanrin. Sels de kening himsels kaam wolris by him del. Dan rûn er gauris earm yn earm mei More in slach troch de tún, en hie wille fan syn briljante konversaasje. Mar More makke him gjin yllúzjes oer de keninklike freonskip. Lykas er tsjin syn skoansoan Roper sei: “As er foar myn holle in kasteel yn Frankryk krije koe, leau mar dat it rôlje soe.” Yn hoefier hat More selsmoard pleegd troch te stjerren foar syn prinsipes? Yn 1530 waard der in keninklike proklamaasje útdien dat Hindrik “Opperst Haad” fan de tsjerke wêze soe “sa fier as de wetten fan God soks tastiene”. More wegere soks te ûnderskriuwen. Hy fersette him ek tsjin Kening

Hindriks plannen oangeande skieding, oangeande de macht fan de paus en oangeande de wetten tsjin ketters. Dêrtroch rekke er út de geunst en yn 1532 moast er syn funksje fan Lord Chancellor opjaan. Hy ferlear in grut part fan syn ynkomsten, en skikte syn libbenstijl dêrneffens yn. Yn dy snuorje skreau er ek syn grêfskrift, in wat droech stik fan twa siden lang dêr't ek syn funksjes en syn kwaaltsjes op it aljemint komme. Yn dat grêfskrift komt lykwols al in nijsgjirrige opmerking foar oer syn relaasje mei syn twa froulju: "Och hoe goed hiene wy it mei ús trijen yn in houlik hân ha kinnen as lot en religy it tastien hiene." Blykber tocht More wat oars oer monogamy as yn ús tiid wenst is. Yn 1534 moast in anty-pauslik stik ûnderskreaun wurde: it soe de bern fan Kening Hindrik en Anne Boleyn wettich meitsje (wylst Hindrik sûnder pauslike tastimming skieden wie fan syn foarige frou). More wegere en waard feroardield ta de dea troch it tou. De kening feroare dat sels yn de dea troch de bile. Lykas Addison skreau yn de *Spectator* (No. 349) "More like net oars te wurden fan it feit dat syn holle oer in pear dagen ôfslein wurde soe". De eksekúsje krige syn beslach op Tower Hill op 6 july 1635. Fan More waard troch Paus Pius XI in hillige makke yn 1935.

Wurken fan More

In komplette edysje fan More syn Ingelske wurken waard publisearre troch William Rastell, in neef fan More, yn 1557. De earste printinge fan de Latynske wurken ferskynde yn Basel yn 1563, en in folsleinere edysje yn Leuven yn 1565. Under folgje de dielen fan de *Yale Edition of the Complete Works of St. Thomas More*.

cw1. English Poems. Life of Pico. Last Things.

cw2. Richard III.

cw3. I. Lucian Translations. II. Latin Poems.

cw4. Utopia.

cw5. Responsio ad Lutherum.

cw6. Dialogue Concerning Heresies.

- cw7. Letter to Bugenhagen, Supplications of Souls, Letter against Frith.
cw8. Confutation of Tyndale's Answer.
cw9. Apology of Sir Thomas More.
cw10. Debellation of Salem and Bizance.
cw11. Answer to a Poisoned Book.
cw12. Dialogue of Comfort.
cw13. Treatise upon the Passion, Treatise on the Blessed Body, Instructions and Prayers.
cw14. De Tristitia Christi.

ERIC HOEKSTRA

FOAROPWURD BY IT WURK
OER DE BÊSTE YNRJOCHTING FAN DE STEAT
THOMAS MORE OAN PETRUS EGIDIUS DE GROETENISSE

Ik skamje my wol, rju achte Petrus Egidius, Jo dit boekje oer de steat Utopia no pas, nei hast in jier, ta te stjoeren. Jo hiene it sûnder mis al binnen in wike as seis ferwachte, want Jo wisten, dat ik gjin wurk mear hie fan de opset, it útwurkjen en de yndieling. Ik hoegde allinne mar op te skriuwen wat Rafaël Jo en my allegearre ferteld hie. Ik hoegde my ek net drok te meitsjen oer de wurdkar, want syn styl wie no net bepaald beslipe, hy hat it hiele ferhaal foar de fûst wei ferteld, en lyk as Jo witte is syn Latyn lang sa goed net as syn Gryksk. Hoe tichter as ik bliuw by syn rjochten-sljochte wize fan útdrukken, hoe tichter as ik by de wierheid bliuw, en dat is it iennige, dêr't ik my yn dit gefal drok om hoech te meitsjen, en dêr't ik my dan ek allinne drok om makke ha.

Ja, Petrus, Jo hawwe gelyk. Alles wie al safier klear makke, dat der foar my hast neat mear wie om te dwaan. Mar wês hjir fan oertsjûge: as it oars west hie, hie it meitsjen en it yninoar setten fan in boekje as ditte hiel wat tiid ferge en in bulte tinkwurk, sels fan in reedlik yntelligint en ûntwikkeld minske. En as de styl dan noch oannimlik en krekt wêze moat soene seeën fan tiid net genôch west hawwe om it te dwaan, foar my alteast net. Mar no wie ik frij fan al dy soarch, want myn wurk wie inkeld: del te skriuwen wat ik heard hie, en soks wie fansels hiel maklik. Mar al it oare dat ik te dwaan hie hat my minder as gjin tiid litten om dit o sa maklike wurk dochs ôf te meitsjen. Ik ha hurd oan it wurk west yn de rjochtbanken, as rjochter of as advokaat, yn boargersaken en yn strafsaken. Der is dan altyd noch eat, dat neigongen wurde moat, ofwol as in persoanlike saak, of as in

saak fan de rjochtbank. Ik bin de hiele dei drok, al mar mei oare minsken dwaande, en de tiid, dy't ik oer ha is foar de húshâlding, dat foar mysels hie ik hielendal gjin tiid oer om te skriuwen.

Want sjoch, as ik thús kom moat ik prate mei de frou, boartsje mei de bern, en alles regelje mei it personiel. Ik sjoch dat wol as in plicht, want soks is perfoarst nedich as jo net in frjemde wêze wolle yn jo eigen hûs. En boppedat: men moat altyd besykje freonlik te wêzen foar it eigen folk, dêr't men mei húsmannet, oft men it no sels útsocht hat of it allinne mar tawurpen krijt troch tafal of sibbe en sibskip. Soks moat men altyd sa goed as it kin besykje, oars rekket men har kwyt, en wurde jins feinten jins master.

Sa geane de dagen, de moannen, it jier foarby. Jo kinne my freegje: wannear hawwe Jo dan noch skreaun? Wel, ik ha noch net oer de sliep praten of oer de tiid om te iten, want party minsken hawwe dêr like folle tiid foar nedich as om te sliepen, en de sliep nimt al de helte fan jins libben, mar it is al sa: de iennige tiid, dy't ik foar mysels ha helje ik ôf fan de sliep en it iten. En dêr wie mar in bytsje tiid ôf te heljen, dêrom koe ik mar net opsjitte. Mar einliks en telêsten ha ik dochs wat tiid fûn. Sa koe ik UTOPIA ôfmeitsje, en ik stjoer it Jo ta, dierbere Petrus, yn 'e hope, dat Jo it lêze sille, en my sizze, oft ik eat weilitten ha. Ik bin der net sa bang foar, dat soks bard is, want ik woe wol, dat myn ferstân en myn geleardens like grut en goed wiene as myn ûnthâld, mar it soe dochs wêze kinne dat my eat ûntsketten is, dat Jo noch witte.

Want sjoch: myn jonge assistint, Johannes Clement, wie der ek by, lyk as Jo noch wol witte sille. Ik soargje der altyd foar, dat er gjin petear mist, dêr't er wizer fan wurde kin, want hy lit al sa'n foarútgong sjen yn Gryksk en Latyn, dat ik noch ris grutte dingen fan him ferwachtsje: de jonge sprút wurdt al grien, en dat ûnthjit in grutte rispinge. No: hy wie der by, en hy hat my twifelje

litten oer ien punt. Safier as ik my te binnen bringe kin hat Rafaël ús ferteld dat de brêge oer de Anydrus yn Amaurotum fiifhûndert meter lang wie. Mar Johannes wol dêr twahûndert meter ôfhelje, want neffens him wie de rivier dêre net mear as trijehûndert meter breed. Wolle Jo Jo ûnthâld noch ris tantsje wat dat oanbelanget? As Jo it mei him iens binne, sil ik it op Jo wurd oannimme, en der fan útgean, dat ik in flater slein ha. Mar as Jo it folslein fergetten hawwe, dan lit ik stean wat ik skreaun ha, want sa ha ik it ûnthâlden. Ik bin der, lyk as Jo sjogge, echt op út en lis de feiten goed fêst, en as ik twifelje, wol ik leafst net fier fan de wierheid ôfwike, want ik bin leaver earlik as eigenwiis yn wat ik opskriuw.

Hoewol: it ienfâldichste wie as Jo it Rafaël sels fregen, mûnling of skriftlik. Ja, dat moasten Jo yn alle gefallen mar dwaan, want der is noch in oare kwestje, dy't my tsjin it krop stekt. Ik wit net wa syn skuld oft it is, mines, jowes of Rafaël sines, mar wy hawwe der net om tocht en freegje him wêr't yn de nije wrâld Utopia no krekt leit. Ik hie der wol in leaf bytsje jild foar oer, om dat fersom goed te meitsjen. Want ik fyn it fan mysels wol wat dwaas, nei alles wat ik oer it eilân skreaun ha, net sizze te kinnen, yn hokker see oft it winliken leit. En boppedat: der binne in pear lju yn Ingelân, dy't der hinne wolle. Benammen ien fan harren, in teolooch, wol o sa graach dêrhinne, net út idele benijdens, want it is in tige from man, mar allinne om dêr it kristendom fierder te bringen. Dat is der al brocht, mei in protte faasje, mar om't er alles neffens de stelde oarder dwaan wol, is er fan doel him troch de paus dêrhinne stjoere te litten. Earst wol er him dan ta biskop wijje litte, biskop fan Utopia. Hy hat der gjin beswier tsjin dat er troch it sels te freegjen ta dat hege amt komme moat. Want hy fynt sok freegjen folslein yn oarder, as it net bart om der better fan te wurden yn jild of yn oansjen, mar allinne út iver foar it hillich leauwe.

Dêrom, achte Petrus, wolle Jo sa goed wêze en besykje Rafaël te sprekken te krijen, of him oars te skriuwen, en him dúdlik te freegjen oft myn wurden de wierheid en de hiele wierheid befetsje? Faaks wie it de baas, en lit him it boek sels sjen, want hy kin fierwei it bêst alle flaters der út helje, en soks kin er net goed dwaan sûnder it hiele wurk troch te lêzen. Jo koene dan ek ris neigean, hoe't er it fynt, dat ik alles, wat er útsocht hat, beskreaun ha. Want as er fan doel is alles sels op te skriuwen sil er wol leaver hawwe dat ik soks net doch, en ik soe net graach alles wat er fertelle wol al ûnder de minsken bringe, want dan hat syn ferhaal alle glâns ferlern.

Om Jo de wierheid te sizzen: ik bin noch net út de rie oft ik it al as net printsje litte sil. Elk hat syn meuch, en der binne minsken, dy't hielendal gjin gefoel foar humor hawwe. Oaren binne altyd poer op immen tsjin, wat er ek skriuwt. Der binne ek guon, dy't nearne wat fan begripe, dat men docht der faaks better oan wille te meitsjen, en it libben te genietsjen, leaver as jinsels út te pûchellen en jin dea te wrotten om de minsken wat te learen of har te fermeitsjen, wylst hja allinne op alles wat jo dogge spije, of alteast der op gjin inkelde wize tankber foar binne. De measte lêzers witte neat fan literatuer, en mear as ien sjocht der út de hichte wei op del. Sleauwen en slûgen fine alles te dreech, wat net sleau en slûch is. En echte gelearden smite alles as fiersten te gewoan fier wei, wat net stiif stiet fan âlderwetske wurden. Der binne guon, dy't allinne fan de klassike skriuwers hâlde, oaren hâlde allinne fan har eigen wurk. Guon binne sa ernstich, dat hja alle humor ôfwize, oaren binne sa heal-ûntwikkele, dat hja der dochs neat fan begripe. Der binne guon, dy't troch in blinkje irony oanlutsen wurde as in wettersuchtige nei it wetter, oaren feroarje fan oardiel, alle kearen dat hja opsteane en wer sitten geane. En dan binne der de biersûpers, dy't yn de bierhuzen sitte en ex cathedra har feroardielingen útsprekke, krekt sa't it har foar de mûle komt. Hja pakke je oan lyk

as in wrakselder it hier fan syn tsjinstanner oanpakt, en besykje jo sa op 'e grûn te krijen, wylst hja sels sa keal binne as in biljertballe, dat jo krije sels nearne grip op.

En dan: de measte lêzers binne sa ûntankber dat, sels al hawwe se wille sûnder ein fan in boek, dochs fiele se net in sprút tankberens foar de skriuwer oer. Hja hawwe wat fan de rouwe gasten, dy't nei in hearlik miel iten nei hûs ta geane, folstoppe mei iten, sûnder ek mar in wurd fan tank te sizzen oan de gasthear. Wêrom soe men dan op eigen kosten in feestmiel oanrjochtsje foar minsken mei sa'n sinnige en ûnlykwichtige smaak, en mei sa'n ûndjippe tankberens foar wat bean wurdt?

Mar, lyk as ik al sein ha, besykje Rafaël Hythlodæus te sprekken te krijen. Ik kin de oare kwestjes letter noch wol yn my omgean litte, mar it is eins al te let om noch al te keken te wêzen, no't ik it boek al skreaun ha. Dus: as hy der neat op tsjin hat: oft ik it printsje lit of net sil ôfhingje fan de goerie fan myn freonen en benammen fan Jo.

Myn bêste winsken, Petrus Egidius, foar Jo en foar Jo leave frou. En wês sa goed en tink ek mei leafde oan my, want ik tink mei mear as mei leafde oan Jo.

Mei rju achtinge,

THOMAS MORE

EARSTE BOEK

Rede fan de treflike bear
RAFAEL HYTHLODEUS
oer de bêste steatsfoarm,
útjûn troch de eale bear
THOMAS MORE,
boarger en assistint-rjochter
fan Londen.

DER WIE KOARTLYN IN LYTS MAR EARNSTICH SKEEL TUSKEN dy grutte hearsker mei alle deugden fan in goed foarst, de ûnferwinlike majesteit Kening Hendrik, de achtste fan dy namme, kening fan Ingelân, en Syn Trochlofte Heechheid Prins Karel fan Castilië. Ik waard doe nei Flaanderen stjoerd om te praten oer it skeel, en alles rjocht te setten, mei myn grutte freon Cutberth Tunstall, in treflik man, dy't sûnt beneamd is ta argyfmaster, ta algemiene foldwaning. Syn geleardheid en karakter sil ik fierder neat oer sizze, net om't ik bang bin dat ik tefolle yn syn foardiel sizze soe, mar om't syn geleardens en syn feardigens folle grutter binne as dat ik se beskriuwe kin. Ik soe dan mei myn lampke de sinne oanwize moatte, lyk as it sprekwurd seit.

Yn Brugge kamen wy yn de kunde, lyk as ek ôfpraat wie, mei de gesanten fan de prins fan Kastilië, allegearre mannen fan grutte kwizekwânsje. Har lieder wie de boargemaster fan Brugge, in man fan oansjen en ynsjoch, mar it measte tink- en sprekwurk waard dien troch de Proast fan Kassel, Georgius Temsicius, in man as sprekker hikke en tein, en treflik yn al syn praten. Hy wist ek alles fan wetten en rjochten, en sawol út himsels as troch syn lange ûnderfining wie er in betûft keapman. Nei in pear dagen wiene der noch mar in pear punten oer, dêr't wy it net oer iens wurde koene, dat hja namen ôfskie, en setten ôf nei Brussel, om har foarst dêr oer kedize te litten. Wilens gyng ik nei Antwerpen foar eigen saken.

Doe't ik dêr wie, kamen der ferskate minsken op besite, mar ik hie de measte wille fan de oanrin fan in jonge ynwenner fan

Antwerpen, Petrus Egidius. Hy wurdt troch syn eigen minsken heech yn eare hâlden, en hat in wichtich plak yn dy stêd, mar hy fertsjinnet mear: it heechste plak, dat der mar foar him te krijen is. Want ik wit net wat mear yndruk op my makke hat: syn grutte geleardheid of syn treflik karakter. Wis: hy is in eal minske en in treflik gelearde. Hy is foar eltsenien oer like earlik, mar foar syn freonen is er sa goed, sa meilibjend en sa leaf, dat er sawat ien-nich wêze sil yn syn freoneard, hy is ûngewoan sêftsinnich, altyd earnstich, en hy bliuwt der ienfâldich by. Hy is ek in smout prater, en kin soks wêze sûnder ek mar immen op it sear te kommen. Ik hie graach nei Ingelân werom gien, om myn wiif en de bern werom te sjen, want ik wie al fjouwer moanne fan hûs, mar myn ûnwennigens waard foar in grut part weinommen troch it geniet fan syn oanwêzigens en syn petearen.

Op in dei hie ik in tsjinst meimakke yn de Leaffrouwetsjerke, in prachtich gebou, altyd fol minsken. Ik woe krekt werom gean nei myn hotel, doe't ik tafallich Petrus Egidius seach, yn drok petear mei in wat âldere frjemdling mei in troch de sinne ferbaarnd oantlit, in lang burd en in mantel, dy't er oer it skouder slein hie. Doe't ik him seach tocht ik, om syn uterlik en om syn klean, dat it in soarte fan seekaptein wie. Doe krige Petrus my yn it each. Hy kaam daliks op my ôf, sei my goeiemoarn, en foar't ik tiid hie en sis wat werom, treau er my in eintsje mei. "Sjogge Jo dy man dêr," frege er, en hy wiisde op de man, dêr't er krekt noch mei oan it praten wie, "ik woe him krekt útstelle en kom efkes by Jo oan." "As it in freon fan Jo is," sei ik doe, "sil ik o sa bliid wêze as er mei Jo mei komt." "As Jo hearre, wat foar in man as it is, sille Jo altyd bliid wêze mei syn kommen, want der is gjin man op 'e wrâld dy't Jo safolle ferhalen fertelle kin oer frjemde en fiere lannen en de minsken dêr. En ik wit, hoe graach as Jo sokke ferhalen hearre." "Dan ha ik it dochs net sa fier misret," andere

ik, “ik tocht al daliks doe’t ik him seach dat it in seeman wie.” “Mar dêr binne Jo dan moai mis mei”, sei er wer, “ik bedoel: it is hielendal gjin seeman lyk as Palinurus. Hy liket mear op Ulysses, ja sels op Plato. Want ús freon Rafal, sa hjit er, Rafaël Hythlodeus, is mear in gelearde. Hy wit aardich wat fan Latyn en in ferskriklike soad fan Gryksk. Hy hat him talein op Gryksk, want hy hâldt fan wiisbegearte, en hy fynt dat dêr neat oer skreaun is dat de muoite wurdich is yn it Latyn, útsein dan in pear lytse stikjes by Seneca en Cicero. Hy woe wat fan de wrâld sjen, en dêrom hat er syn broers yn Portugal, want dêr komt er wei, efterlitten om syn pleats te bebuorkjen, en hy is op reis gien mei Amerigo Vespucci. Jo witte fan dy syn fjouwer reizen, en syn boek oer dy reizen, dat hjoed de dei alleman lêst? No, Rafaël hat al op de earste trije reizen hieltyd mei him mei west, mar hy kaam net tagelyk mei him werom fan de fjirde. Op de ein fan de fjirde reis hat er Amerigo sawat ôftwongen, dat er by de fjouwer en tweintich mannen wie, dy’t efterbleaun binne yn dat fort. En hy is dêre in hiel skoft bleaun, om syn nocht oan reizen wat te dwêsten. Hy woe wat rêstich oan dwaan. Net dat it him in protte skele koe, wêr’t er stoar. Hy hie twa sprekwurden, dêr’t er altyd op werom kaam: ‘Unbegraven deaden wurde bedutsen troch de himel’, en: ‘Jo kinne út alle plakken wei de himel ynkomme.’ Dat is in hâlding, dy’t him, as God him net holpen hie, in bulte lijen brocht hie. Mar hoe dan ek, doe’t Vespucci ienkear fuortgongen wie, hat Rafaël noch in bulte tochten ûndernommen mei fiif oare mannen fan it garnizoen. En by einsluten hiene hja it lok mei, en kamen yn Ceylon. Dêr fûnen se de wei nei Calcutta, en wiene sa lokkich in pear portugeeske skippen te finen, en sa, earder as dat se tocht hiene, kamen se wer thús.”

“Tige tank,” sei ik, “Ik wol o sa graach mei sa’n man prate. It is o sa freonlik, dat Jo my dy kâns jaan wolle.” Doe gyng ik

mei Petrus op Rafaël ta, wy fûstken meiinoar, en seine in pear dingen, dy't minsken plichtsje te sizzen, as hja meiinoar yn 'e kunde komme. Doe gyngen wy nei de tún fan myn hotel, dêr't wy ús delsetten op in seaddenbank, en wat frijer út prate koene.

Earst hat Rafaël ús ferteld wat der barde mei him en syn maten yn it fort, doe't Vespucci har efter litten hie. Om't hja freonlik en hoflik wiene krigen hja stadichoan it fertrouwen fan de minsken, dy't dêr taholden. Hja koene goed mei harren, it wie net allinne frede, mar stadichoan kaam der eat fan leafde. Hja koene bysûnder goed mei de ien as oare kening, syn namme en de namme fan syn folk binne my ûntsketten, en dy hat Rafaël en syn fiif maten jild en iten jûn foar in fierdere tocht. Hja mochten syn boaten en syn weinen brûke, en hy hat ek soarge foar in bêste gids, dy't de opdracht meikrigen hat har nei ferskate oare keningen te bringen. Foar dy keningen krigen hja oanbefellingsbrieven mei. Sa kamen hja nei dagen fan reizigjen yn grutte stêden en ticht bewenne gebieten, mei in hege graad fan politike organisaasje.

Op en om de evener lizze, lyk as Jo witte, likernôch oant de kearkringen ta, ûnbidige grutte woastenijen, ûnder in alles útdroegjende sinne. Alles sjocht der dêr treasteleas út. Der is gjin oanplant te sjen, gjin dier, allinne slangen en wylde bisten. En ek de minsken binne wyld en gefaarlik. Mar as jo wat fierder komme wurdt alles stadichoan oars. It klimaat is wat mylder, der groeit wat grien, de bisten en ek de minsken wurde wat hânsumer. En dan komme jo op it lêst by minsken, dy't yn stêden en doarpen wenje, en dy't de hiele dei teset binne mei hannel, net allinne mei elkoarren of mei de neiste buorlju, mar ek mei lannen dy't wat fierder fuort lizze. En dat joech my in kâns (Rafaël is noch altyd oan it wurd) om noch in oar lân te besilen, want doe't ik in skip fûn, en frege oft myn maten en ik meifarre koene, doe wiene hja bliid, dat wy mei gean woene. De earste skippen, dy't wy seagen,

hiene in platte boaiem, mei papyrus as seildoek, mei wylgetûken bynoar hâlden, mar ek wol fan lear. Mar letter seagen wy skippen mei in skerpe kyl, en mei echt seildoek, hast lyk as uzes. De skippers dêre wite alles fan de wyn en de streamen, mar ik ha mysels dêr bûtenwenstich achtenearre makke troch har de wurking fan it magnetysk kompas út te lizzen. Hja hiene der noch nea fan heard, en dêrom hiene hja altyd benaud west en gean fier de see op. Hja diene it ek net sa faak, allinne simmerdeis sa no en dan. Mar no hawwe hja sa'n betrouwen yn it kompas, dat hja ek net mear bang binne en reizgje by it winterdeis. Mar ik moat wol sizze, har gefoel foar feiligens roait nearne nei. Har al te grut betrouwen yn wat op himsels wol in nuttige útfining is kin maklik op in grutte ramp útrinne.

It soe fiersten te lang duorje, en eidzje alles noch ris oer wat er ús allegearre ferteld hat oer al de plakken, dêr't er west hat. Dat is ek net it doel fan dit boek. Faaks beskriuw ik dat allegearre noch ris yn in oar boek. Ik set dêr dan ek de nijsgjirrichste stikken út syn ferhaal yn, en de aardichste dingen dy't er sjoen hat yn ferskate beskavingen dy't fier fan ús ôf lizze. Dat wiene de saken, dêr't wy him it meast nei fregen, en dêr't er sels ek it leafst oer op de tekst wie. Wy hawwe him net frege, oft er noch meunsters sjoen hat, want meunsters binne gjin nijs mear. Der is nearne in tekoart oan ferskriklike skepsels, dy't de minsken oanfalle, har iten take, of hiele folken útroegje, mar foarbylden fan maatskiplike ynsettingen, dy't nij binne foar ús en dochs goed, binne net sa maklik te finen.

Fansels, hy hat in soad dingen sjoen yn de nije wrâld, dy't wy mei rjocht en reden ôfkarre soene, mar hy hat ek dingen sjoen dy't better binne as yn Europa, en dy't wy hjirre oernimme moasten. Mar dêr sil ik it letter oer hawwe. Myn plan foar no is inkeld wer te jaan wat er sein hat oer de wetten en it libben yn Utopia. Mar

earst moat ik fertelle hoe't it petear de kant útgean is nei wat der yn dy steat allegearre bart.

Rafaël hat it earst hân oer wat der oan beide kanten fan de ierdbol allegearre ferkeard giet, en dêr is in soad oer te sizzen, en doe oer de goeie dingen, dy't men yn de âlde en de nije wrâld fine kin. En dan benammen oer de ynrjochting fan de steat. It like wol as wist er alles fan de steaten, as hie er der jierren wenne, mar yn wurklikheid hie er der bytiden net mear as ien dei west. Op it lêst kaam Petrus Egidius der tusken: "Bêste Rafaël", sei er, "ik kin der net oer, dat Jo net by de ien as oare kening yn tsjinst gien binne, ik bin der wis fan dat eltse kening bliid wêze soe mei jo tsjinsten. Mei jo ynsjoch en jo ûnderfining binne Jo dêr op jo plak, net allinne om de lju te fermeitsjen, mar ek om har ynsjoch te jaan yn wat earne oars goed yn oarder makke is, en om har goerie te jaan. En tagelyk kinne Jo dan foar jo eigen belangen soargje, en in grutte stipe wêze foar jo freonen en al jo sibbe."

"Dêr tink ik net safolle oan," andere Rafaël. "Ik ha it gefoel, dat ik myn plichten foar har oer al lang dien ha. De measte minsken hingje oan har besit oant hja te âld en te siik wurden binne om der noch eat mei te dwaan, en dan litte hja it nei, mei grutte tsjinsin, oan lju, dêr't hja winliken it mier oan hawwe. Mar ik ha alles al ûnder myn famylje en freonen ferparte, doe't ik noch jong wie en goed sûn. Ik bin fan miening, dat hja der no mar tefreden mei wêze moatte. Hja kinne net fan my ferwachtsje, dat ik noch fierder gean sil, en de slaaf fan in kening wurd om har noch mear goed te dwaan."

"Dat wie myn bedoeling net", sei Petrus wer, "gjin tsjinstbere slaaf, mar in tsjinner, dat wie wat ik sizze woe." "Och", Rafaël wer, "om in pear letters giet it net." "Jou it de namme, dy't Jo wolle," sa gyng Petrus troch, "ik tink dat it foar Jo de bêste wize wie om de minsken te helpen, de minsken, dy't Jo derom freegje, en de hiele mienskip. Sa ha Jo ek mear wille en lok yn Jo eigen libben."

“Hoe kin ik soks dwaan en stean tsjin mysels?” andere Rafaël. “No kin ik krekt sa libje as ik sels wol, en dat is mear as de measte lju oan it hof sizze kinne. En boppedat: de keningen hawwe al mear as genôch lju om har hinne om har te ferdivedearjen. It soe gjin beswier foar har wêze om it te dwaan sûnder my en noch in espeltsje minsken lyk as ik.”

“Bêste Rafaël,” sa begûn ik doe mar, “Jo hawwe, dat is dúdlikernôch, gjin niget oan jild, en ek net oan macht, en wiswier: ik ha foar sokke minsken mear earbied as foar de grutste keningen op de hiele wrâld. Mar it soe hielendal neffens jo grutte wiisheid en jo djippe ynsjoch wêze as Jo as in echte wiisgear der ta kamen, al bringt soks foar Josels nochal wat ûngemakken mei, om Jo yn tsjinst te stellen fan de hiele mienskip, en dêr jo talinten foar te brûken. En de bêste wize om soks te dwaan wie en stap nei de ien as oare kening en jou him goerie, en ik bin der wis fan dat jo rie goed wêze soe. Want alle keningen binne in soarte fan boarne, en by har wei rint in stream fan woldieden of fan ûnrjocht oer al de minsken fan har keninkryk. En Jo hawwe safolle ynsjoch opdien, en safolle saken fan de praktyk út besjoen en byhâlden, dat ien fan beiden al genôch wie om Jo ta in ideaal lid fan de Rie fan de kening te meitsjen.”

“Jo fersinne Jo yn twa dingen,” wie it andert, “ien kear yn my, en ien kear yn de dingen sels. Ik bin net sa knap as Jo tinke dat ik bin, en sels as ik dat wie dan soe ik gjin sprút goeds foar de mienskip dwaan kinne troch mysels in bulte wurk derby te jaan. Sa’t Jo witte, bêste More, binne de measte keningen allinne mar ynteresearre yn de wittenskip fan de oarloch, en dêr wit ik neat fan en ik wol der ek neat fan witte. En keningen witte neat fan wat der barre moat yn fredestiid. Hja binne der folle mear op út troch rjocht of ûnrjocht nije gebieten derby te krijen, as har eigen ryk goed te bestjoeren. En dan: der is gjin riedshear oan it hof fan

de kening, dy't sa wiis is dat er de rie fan in oar net nedich hat, of dy't him ferbyldet dat er sa wiis is, dat er de rie fan in oar net oannimme kin. En dochs binne hja altyd ree en sykje de geunst fan de bysûndere freonen fan de kening, troch mei te stimmen mei alles, ja ek mei it sleauwste dat hja sizze. En it is fansels hiel gewoan, dat eltsenien it meast fereale is op syn eigen tinzen en syn eigen útspraken. Sa binne ek de raven it meast fereale op har eigen bret, en apen op de eigen jongen.

As immen no sa'n keppel minsken, dy't in djip foaroardiel hawwe tsjin alles wat in oar betocht hat, wat nijs fertelt, eat dat er lêzen hat, of dat er sjoen hat yn fiere lannen, dan dogge de taharkers krekt as hat alles wat oant no ta tocht of sein is neat te betsjutten, en hja besykje daliks der wat tsjin yn te lizzen. En as hja op it lêst neat mear fine kinne dan sille hja sizze: ús foarâlden hawwe dat sa fêstlein en wa binne wy om te sizzen dat hja net wiis wiene? Dan geane hja efterút yn har stoel sitten, mei in gesicht as hiene hja it lêste wurd oer de kwestje sein. En soe it no wiswier sa slim wêze as immen foar wizer hâlden waard as syn foarfaars? Binne wy oars net altyd ree en wyk ôf fan wat hja oardere hawwe? Allinne wat hja net goed regele hawwe, dat litte wy yn wêzen, en wy wize grimmitich alles ôf, wat soks feroarje soe. Ik ha dy griem-mank fan fêsthâlden, sleauwens en heechhertigens hast oeral sjoen dêr't ik west ha, mar benammen yn Ingelân."

"Hawwe Jo ek yn ús lân west?" frege ik. "Jawisse", andere hy. "Ik ha dêr mear as in pear moanne trochbrocht, en wol nei de fjildslaggen, ferlern troch de opstannelingen út it westen, in reboelje dy't op in grutte moardpartij útrûn. Doe't ik dêr wie ha ik in protte freonlikens ûnderfûn fan de earbiedwurdige hear Jehannes Morton, de aartsbiskop fan Canterbury, kardinaal en doedestiids ek kanselier fan Ingelân. Hy wie in persoan, dêr't alleman grutte achtinge foar hie, mear om syn wiisheid en syn

goed karakter as om it hege plak, dat er hie yn tsjerke en steat. Hy wie net bûtenwenstich lang, mar rûn noch kearsrjocht, al wie er âld. Hy hie in oantlit, dat de minsken ta earbied brocht, net ta eangstme. Hy wie in maklik man om mei om te gean, mar altyd ernstich en weardich. Tajûn: hy die wol ris wat ûngemaklik, benammen as der minsken by him kamem om de ien as oare geunst, mar hy bedoelde it net sa min. Hy die it inkeld om nei te gean oft se wol ferstannich en hurd genôch wiene, want dat fûn er wichtich foar minsken, dy't mei it publyk omgean moasten. Hy wie in betûfte en glêde sprekker mei in grut ynsjoch yn de wetten. Hy hie ek in opmerklik goed ferstân en in goed ûnthâld, twa eigenskippen, dy't er troch gebrûk en stúdzje noch better makke hie.

De kening hie in grut betrouwen yn syn oardiel, en doe't ik dêr op besite wie like it wol as wie it hiele lân fan him ôfhinklik. En dat wie ek gjin wûnder, want sûnt er, hast noch in bern, fan de universiteit ôfkommen wie, hie er syn libben trochbrocht yn tsjinst fan de minsken en fan it rjocht, en wie er wiis wurden troch alderhande reboeljes en rjochtsaken. En wat immen sa leard hat ferjit er net sa gau.

Ien saak heucht my noch: wy wiene krekt oan it iten by de kardinaal. Der wie ek in jurist, ik wit oars net mear hoe't it petear dy kant út gyng, mar de jurist kaam te praten oer de strange maatregels, dy't nommen wiene tsjin de dieverij. 'Wy hingje se daliks op', sei er, 'ik ha wol plakken sjoen mei tweintich oan ien galge. En no is der ien ding, dat ik sa nuver fyn: wêrom binne der oeral dochs noch safolle dieven en rôvers?'

'Wat is dêr sa nuver oan,' frege ik, want ik ha nea bang west om wat te sizzen, ek al wie de kardinaal derby. 'Dy manier om dieven te straffen is net rjochtfeardich en maatskiplik net winsklik. Dy dieverij is net sa'n grutte misdie, dat er de deastraf fertsjinnet,

en gjin straf op ierde sil de dieverij tsjin hâlde as it de iennige wize is om oan iten te kommen. Wat dat oanbelanget lykje jimme, Ingelsken, krekt as de measte oare folken, op minne skoalmasters, dy't de learlingen leaver op 'e hûd jaan as se les te jaan. Sa jouwe de minsken dêr ek folle leaver ôfgryslke hurde straffen oan de dieven as dat se, wat folle better wie, oan alleman genôch joegen om fan te libjen. No moat immen wol stelle om it libben te behâlden, en dan wurdt er in misdiediger.'

'Der is dochs genôch foar alleman', sei de jurist wer, 'wy hawwe dochs ek genôch te dwaan foar eltsenien. Der is wurk genôch, der moat altyd arbeide wurde op it lân, hja kinne earlike baantsjes genôch krije, mar hja geane leaver as dieven en rôvers troch de tiid.'

'O nee, sa maklik komme Jo der net ôf,' sei ik doe. 'Lit ús mar net prate oer de soldaat, dy't in earm of in skonk ferspille hat yn tsjinst fan kening en lân, hjirre of om utens, faaks yn de oarloch tsjin de rebellen yn Cornwall of yn de fjildslaggen yn Frankryk, net salang ferlyn. As sa'n man wer thús komt kin er gewoanwei syn âlde wurk net wer opnimme, en hy is te âld om in nij fak te learen. Mar lit ús dêr mar net oer prate, want soks bart allinne as der ris skoft hâlden wurdt yn it oarlochfieren, en soks bart kom-selden. Nee, lit ús mar prate oer de dingen, dy't alle dagen barre. Op it foarste plak oer de grutte kliber eallju, dy't as de holders fan it wurk fan oaren libje, mei oare wurden: fan har hierders. En hja binne der net tefreden mei sels yn bûtenwenstige pronk en lúkse te libjen, hja hawwe ek noch in grutte keppel omstippers om har hinne, dy't nea leard hawwe om sels wat te fertsjinjen. Sa gau't de rju eale hear stjert, of hja sels siik wurde, krije hja daliks dien, want de hege hearen hâlde leaver in sûne útfretter yn libben as dat hja in siik minske iten jouwe. En erfgenamten kinne fakernôch de hiele op heite pong libjende kliber net mear ûnderhâlde. No

is in tsjinner, dy't dien krigen hat, in hongerlijer, as er net op rôf útgiet. Hy kin fansels wachtsje oant syn eigen klean en syn liif folslein útrûpele binne, en hy allinne noch as in skelet yn foddien omrint, mar dan sil der nearne mear in eale hear wêze, dy't him noch yn tsjinst nimme wol. En in boer nimt him alhielendal net. Want dy wit mar al te goed, hoe't sa'n ien, dy't yn wielde grutbrocht is en oars neat leard hat as wat om te stippen mei in swurd en in skild yn de hân, minder by steat is hurd te bodzjen foar in hongerleantsje en in hap foer as de lju, dy't soks fan bern ôf bewend binne, lyk as de boeren en de boerearbeiders.'

'En dochs binne dat krekt de lju,' sei myn tsjinstanner wer, 'dêr't wy it fan hawwe moatte. Dy lju, dy't de eallju tsjinne hawwe, dy moatte wy stypje, want hja binne de rêchbonke fan it lân yn tiden fan oarloch. Hja hawwe mear moed en mear fjochtersgeast as in gewoane wurkman of in boerearbeider.'

'Dan kinne Jo likegoed sizze', andere ik, 'dat wy om de oarloch de dieven goed fersoargje en yn libben hâlde moatte. Want Jo sille nea in tekoart oan dieven hawwe, salang as Jo soldaten gewoan fine. Ja, Jo hawwe grut gelyk: dieven wurden goeie soldaten, en soldaten binne ûndernimmende dieven. Dy twa beroppen falle foar in grut part gear. Mar dy swierrichheden ha se net allinne yn Ingelân, al hawwe hja it dêr wol slim. Mar it giet de hiele wrâld oer. Frankryk bygelyks hat it der like swier mei. It hiele lân sit dêr ek yn fredestiid, as jo dy tiid sa neame wolle, ûnder de soldaten, dy't hierd binne foar it selde wurk, dêr't jo ek de eallju en har tsjinnens foar yn hierd hawwe. De steatslju hawwe har no ienris ynbylde, dat der om it bestean fan de steat en de feilichheid dêrfan fêst te hâlden in machtich steand leger wêze moat, leafst fan betûfte soldaten, want rekruten hawwe hja it mier oan. En sa moatte hja wol nei oarloggen sykje om goed ôfrjochte soldaten te krijen, en dy der op út stjoere om de minsken de kiel troch

te snijen, want oars bart der mei har wat Sallustius al sa geastich omskreaun hat: Feardigens en sin ferdwine troch it neat dwaan. No hat Frankryk troch hurde ûnderfining al leard, hoe nuodlik as it is en hâld dy binden yn stân, mar der binne noch mear foarbylden te neamen, dêr't wy wat fan leare kinne, Rome, Carthago, Syrië, en noch safolle oare lannen. Altyd wer hawwe de steande legers dêr de kâns oangrypt en set it regear dat har yn tsjinst hie ôf, of nim it bestjoer oer it lân oer, of plonderje de stêden en rûpelje it folk út. Sa'n steand leger hat gjin inkelde sin. Dat wurdt al dúdlik út it feit, dat de Frânsen mei al har goed oefene soldaten der nea yn slagge binne jim sa mar oproppen leger fan net-beropslju te ferslaan. Mear wol ik der net fan sizze, om de oanwêzigen net al te folle te flaikjen. Boppedat: it is alhielendal net wier, dat dy arbeiders en boargers, dy't oproppen wurde foar de oarloch, safolle minder binne as de beropslju, dy't altiten by de eallju omrinne. Ja, it kin fansels wêze dat se wat minder binne, om't se net hielendal yn oarder binne, of yn noed sitte oer har húshâlding. Eallju helje graach sterke keardels yn 'e hûs, want hja wolle gjin sipelsekken as soldaat. Mar as dy keardels neat te dwaan hawwe as wat omhingje en dingen te dwaan, dy't in frou krekt likegoed dwaan kin, dan wurde se sleau en flanterich. Mar se soene net folle kâns krije har manlike krêft te ferspyljen as hja in fak leard hiene en oanpakke moasten lyk as dat in man past. Yn alle gefallen: ik kin net ynsjen hoe't it yn it algemien belang wêze kin in leger yn tsjinst te hâlden foar in oarloch, dy't jo net wolle, troch it ûnderhâlden fan sokke grutte kloften fersteurders fan de frede, as de frede sa ûneindige wichtiger is as de oarloch.

Mar dat is net it iennige, dat de earmen ta stellen oanset. Der binne oare faktoren dy't dêr, benammen yn jimme lân, sa liket it my ta, mear oan meiwurkje.'

'Hokker dan?' frege de kardinaal ynienen.

‘Skiep’ sei ik him, ‘skiep, dy nuete skepsels, dy’t mar in bytsje gêrs nedich hiene, hawwe no ynienen sa’n skroei, dat se minsken ite. Fjilden, hûzen, stêden, alles giet har troch it kielsgat. Om it wat dúdliker te sizzen: yn dy dielen fan it keninkryk Ingelân, dêr’t de bêste wolle wûn wurdt, de bêste wolle ek dy’t útfierd wurde kin, dêr hat de hege en de lege adel, om mar net te praten oer de mienskip fan de hillige abten, it hiele libben feroare. Net mear tefreden mei it ynkommen, dat har foargongers út de hierpleatsen helle hawwe, net mear tefreden mei it maklike en loaie libbentsje dat hja liede koene, in libben dat de mienskip gjin goed die, mar hawar, moasten hja perfoarst de mienskip kwea dwaan. En dêrom hawwe hja al har lân ornearre foar skiepleide. Dêr mocht net mear op boud wurde. Hja hawwe sels de huzen delhelle en hiele doarpen ôfbrutsen, útsein dan fansels de tsjerken, dy’t se brûke as skiephokken. Sa hawwe hja al it boulân yn woastenij feroare, noch folle mear as hja al dien hawwe mei har jachterij en har kastielparken. En wat bart der no oeral? Tûzenen hierboeren wurde fan har pleats ôfsetten. En ien roppige fretter, in pest foar it lân, kin om tsientûzen pûnsmiet lân hinne in grut hek sette. De boeren wurde troch leagens en bedroch derta brocht om har hûs en hiem op te jaan, of hja wurde narre en pleage oant hja út harsels alles ferkeapje. Hoe’t it allegearre ek giet, de earne lúsangels moatte fuort, manlju en froulju, heiten en memmen, widowen en wezen, en lytse bern. Alle feinten en fammen ek, en dêr hawwe de boeren der noch al wat fan, net út wielde, mar ienfâldichwei om’t jo in pleats net yn stân hâlde kinne sûnder wurkkrêften. Hja moatte út har hûzen, en fan de hiemen ôf, dêr’t hja alles witte, en altyd wurke hawwe, en hja kinne nearne oars in plak fine. En foar al har meubels en it oare húsrie krije hja ek neat, sels as hja al in plak fine koene om it del te setten. Mar dat fine se net, en ek dêrom krije hja der hast neat foar. En as hja in skoft omhongen hawwe

is dat bytsje ek op, en wat kinne hja dan oars dwaan as stelle, oant se, neffens de wet, ophongen wurde? Of hja wurde bidlers en skoaiers, mar ek dan kinne se yn de finzenis komme as swalkers en omstippers, as nimmen har wurk jout, hoe graach at se dat ek wolle. Want hja wiene wend om boerewurk te dwaan, en as der gjin boerelân mear is, is der ek gjin boerewurk mear. Want der is mar ien skiephoeder of kowedriuwer nedich foar in stik lân, dêr't folle mear wurkkrêften foar nedich wêze soene as der op boud waard.

Om deselde reden is it nôt hast oeral ek folle djoerder wurden. En de priis fan de wol is safier omheech gien, dat de earne wevers dy net mear betelje kinne, en dat betsjut dat der noch folle mear arbeiders útsmiten wurde. De wol is foar in part sa djoer wurden troch in besmetlike skieppesykte, dy't hiele keppels skiep útroege hat, krekt doe't in bulte boulân ta skiepweide makke wie. It like wol as hie God, om de begearigens fan de eallju te straffen, de skieppepest op har bisten ôfstjoerd, al hie it better west, dat hja it sels krigen hiene yn it plak fan har skiep.

Mar ek as it tal skiep wer wat grutter wurdt geane de prizen doch net mear omleech, want de hannel is meastentiids yn hannen fan in pear lju, dy't de prizen heech hâlde. Ik bedoel dit: de hannel stiet hielendal ûnder de macht fan in pear rike skevels, dy't net hoege te ferkeapjen foar't hja dat wolle, en hja wolle it allinne as hja foar de wol de priis krije, dy't hja freegje. Sa wurde ek de prizen fan it oare fee heechhâlden, benammen ek troch it feit, dat der mar in bytsje keallen en lammen oansetten wurde troch it ôfbrekken fan de pleatsen en de algemiene efterútgong yn de buorkerij. Want de troch de hannel ryk wurden eallju keapje allinne wat jonge bistjes op, litte se op har greide fet wurde, en ferkeapje se dan wer mei grouwe winst. Dêrom tink ik, dat wy it slimste noch net hân hawwe. Hja hawwe no noch mar allinne de prizen bedoarn yn dy gebieten, dêr't hja ferkeapje kinne, mar

aanst, as hja de dieren út de oare kontreien hurder weihelje as dy dêr wer opfokt wurde kinne, dan sil der ek dêr in tekoart oan goeie bisten komme, en dan giet it ek dêr ferkeard. Sa hawwe in pear roppige minsken ien fan Ingelâns grutste rykdommen yn in nasjonale ramp feroare. Want krekt om't it iten sa djoer is stjoere in bulte masters har feinten ta de doar út, en dat betsjut dat dy sûnder mis by de skoaiers en de dieven telâne komme, of, wat de eallju faaks mear yn har geast achtsje, ta rôverij oergean moatte.

En wat alles noch folle slimmer makket: tagelyk mei dy grutte earmoede sjogge wy oeral in grutte trochbringerij. Tsjinstlju, boargers, hannelers, ja, boerearbeiders, winliken alle klassen fan de mienskip, fergrieme dryst it jild oan iten en oan klean. Betink ek ris hoefolle knippen as der binne, ek sokken, dy't in deftige namme hawwe as wynskinkerij of bierhûs. Tink ek ris oan de liderlike gokspultsjes, dy't oeral dien wurde, mei dobbelstiennen, mei kaarten, bekens, ballen, kegels, skiven: wat binne it allegearre oars as middels om immen syn jild fergrieme te litten en him dan dief wurde te litten? Hâld op mei al dy nuodlike saken. Soargje, dat eltsenien, dy't in hûs of in hiel doarp ôfbrutsen hat, it sels wer opbouwe moat, of it lân dêromhinne oerdrage moat oan immen, dy't dat dwaan wol. Hâld de riken tsjin, dy't oeral oer kedize wolle en de hiele hannel yn hannen krije wolle. Bring it tal minsken dat libbet fan neatdwaan werom. Soargje derfoar, dat de greide wer boulân wurdt, en rjochtsje wer wolspinnerijen op, dat der wer in oerfloed oan earlik en nuttich wurk is foar it grutte leger wurkleazen. En dêr bedoel ik net allinne de lju mei, dy't no dieven binne, mar ek de omstippers, en de tsjinnens by de eallju, dy't, sa't it no stiet, allegearre dieven wurde sille. Oant jimme dy dingen yn oarder brocht hawwe, hawwe jimme it rjocht net in hege krop op te setten oer jim rjochtdei hâlden oer dieven en rôvers. Sok rjochtdei hâlden makket wol yndruk, mar rjochtfeardich en fer-

antwurde is it net. Want as jimme dy minsken earst ûnder dy minne omstandichheden opgroeie litte, en se bedjerre litte fan har jonge jierren ôf, dan moatte jimme der net frjemd fan opsjen, dat hja, as hja folwoexsen binne, de wandieden úthelje dêr't hja as bern al foar ornearre wiene. En dan is it net earlik, dy dieden sa fûl te bestraffen.'

Allang foar't ik útsprutsen hie, wie de jurist al klear mei syn andert. Hy wie blykber ien fan dy lju, dy't allinne mar in petear oan de gong hâlde kinne troch noch ris te sizzen wat der al sein is, en gjin andert te jaan, as wie it iennige dat der yn in petear op oankomt in goed ûnthâld.

'Jo hawwe it goed opsein, benammen foar in bûtenlanner, dy't alles fan hearren en sizzen hawwe moat,' sa andere er, 'mar Jo hawwe my net alhielendal begrepen. Dat sil ik besykje sa koart as it kin út te wurkjen. Ik sil de punten, dy't Jo neamd hawwe ien foar ien neirinne, en dan sil ik oanwize, wêr't Jo mis wiene, om't Jo dochs net krekt witte, hoe't alles hjir om en ta giet. En dan sil ik alles wat Jo sein hawwe wjerlizze. Om te begjinnen: ik tink dat Jo fjouwer ...'

'Wacht even', kaam de kardinaal dertusken. 'No't Jo sa begûn binne kinne Jo net mei ien see oan lân komme, liket my ta. Dêrom: kom no net mei Jo andert. Lit de saak yn jo omgean oant wy wer byinoar binne. Moarn faaks, as jimme allebeide frij binne? Wilens, myn bêste Rafaël, woe ik graach fan Jo hearre, wêrom't Jo der sa fûl op tsjin binne, dat dieverij mei de dea straft wurdt, en hokker straffen as Jo dan foar dieven en foar de mienskip better achten. Want Jo sille, tink ik, dochs ek wol fan miening wêze dat der in ein komme moat oan alle dieverij? En as de deastraffe al neat mear úthellet, hoe kinne wy der dan ea noch in ein oan meitsje? Jo kinne der wis fan wêze, dat in myldere straffe in oantrún ta misdiedichheid is, en dat eltsenien dat ek sa fiele sil.'

‘Emininsje,’ sei ik, ‘ik hâld der oan fêst, dat it net rjochtfear-
dich is en nim in man syn libben ôf om’t er in bytsje jild wei-
nommen hat. Neffens my stiet gjin inkeld bedrach oan jild yn
ferhâlding ta it libben fan in minske. Der wurdt wol sein dat de
straffe net jûn wurdt foar it weinimmen fan wat jild mar foar it
skeinen fan de rjochtfeardigens en it brekken fan de wet. Mar
is dat net in konstruksje dêr’t it absolute rjocht absolút by ta
ûnrjocht wurdt? Want neffens my kin in rjochstelsel nea sa strang
wêze dat in lytse ôfwiking straft wurdt mei de dea. In rjochstelsel
kin ek net boud wurde op de lear fan de Stoa, dat alle misdieden
oan inoar gelyk binne, en dat der dus gjin ûnderskie is tusken
dieverij en moard, want dat ûnderskie is der wòl. God hat sein:
Dou silst net deadzje. Docht dan it weinimmen fan in bytsje jild
dat gebod teneate? Der wurdt sein, dat dat gebod allinne jildt foar
deadzjen bûten de wet om, mar as dat sa is, wêrom soe dan de
minske net itselde sizze kinne fan somlike soarten fan rôf, fan
troubrek, fan meined? God hat ús ek ferbean ússels te deadzjen.
Mar as no de minsken it der oer iens wurde kinne, dat hja ûnder
beskate omstannichheden wol deadzje meie, nammentlik as de
rjochtsjinnners soks dogge, en dat dy dan net ûnder it gebod
falle, is it dan net safier kommen, dat de minsken it gebod fan
God allinne mar jilde litte foarsafier as it mei it minsklik gebod
oerienkomt? Dan kinne de minsken dat begjinsel ûneindich fier
útwreidzje, en oant yn alle ûnderdielen fan it minsklik libben
útmeitsje hoefier as Gods geboaden noch ûnderhâlden wurde
moatte. Under de wet fan Moses, dy’t oars hurd genôch wie,
ornearre foar slaven en stiifsettigen, waarden de dieven net ophon-
gen, mar bestraft. Wy kinne ús net yntinke, dat yn de nije bedie-
ling, dy’t Gods faderlike goedens foar al Syn bern oer sa dúdlik
sjen lit, ús safolle romte mear jûn wurde soe om wreed foar in oar
te wêzen as yn de âlde.

Dat binne myn beswieren tsjin de rjochtmjittigens fan de deastraffe, en dy binne basearre op myn tinken oer goed en kwea. Mar ik ha noch in beswier, en dat is basearre op de praktyk. Dieven en moardners op deselde wize bestraffe is net allinne dwaas, mar it is ek nuodlik foar de hiele mienskip. As in dief wit dat er, as er betrape wurdt op moard, like swier straft wurdt as wannear't er betrape wurdt op dieverij, dan wurdt er allinne mar oantreaun om minsken te deadzjen, dy't er oars allinne mar útrûpele hie. As er dan by moard pakt wurdt stiet er like faai as by dieverij, mar moard jout him folle mear kâns om út te naaien, want moard is hast net te bewizen as der gjin tsjûgen mear binne. Dêrom: mei ús besykjen en meitsje dieven kjel trune wy se allinne mar oan ûnskuldige minsken kâld te meitsjen. De wenstige fraach, hokker straffe soe dan better wêze, is net sa maklik in andert op te jaan. Mar it is ek net maklik en betink in noch mindere oplossing as dy't wy krekt besprutsen hawwe. Wêrom soene wy it dan net ris besykje op de wize dy't de Romeinen yn de âldheid, betûfte bestjoerders as hja wiene, salang besocht hawwe? Hja stjoerden, lyk as wy allegearre witte, de swiere misdiedigers de minen yn, of de stiengroeven, om dêr, har hiele libben yn de boeiens, dreech te bodzjen foar de mienskip. De bêste oplossing lykwols ha ik sjoen doe't ik op reis wie yn de omkriten fan Perzië, by in folk, dat de Polyriten neamd wurdt. Hja hawwe in eigen lân, skatplichtich oan de kening fan Perzië, mar hja koene dat lân hielendal sels yn rjochtsje, en hja hawwe der in grut en goed bestjoerd lân fan makke. It lân leit in ein fan de see ôf, oan alle kanten lizze bergen, hja kinne op har eigen grûn, dy't o sa fruchtber is, alles bouwe wat hja wolle. Dêrom hawwe hja ek net folle te krijen mei oare folken. Hja hawwe ek nea prikken yn it wurk steld om har lân út te wreidzjen. It lân is goed beskerme troch de bergen en troch it jild, dat se dêrfoar betelje oan de kening fan Perzië. Dat

betsjut, dat hja frijsteld binne fan militêre tsjinst, en dêrom kinne se yn wielde libje en lokkich wêze, al binne hja dan net ferneamd, of sels mar bekend, want, útsein dan de buorlju njonken harren, hat nimmen leau ik noch fan har heard.

No: by de Polyriten moat in betrape dief alles wat er stellen hat oan de eigner werom jaan, en net, lyk as yn de measte oare lannen, oan de kening. Dy hat der neffens de Polyriten likefolle rjocht op as de dief sels. As er wat er stellen hat sels net mear hat wurdt de wearde helle út syn eigen besittingen, en wat dêr fan oerbliuwt giet nei syn frou en bern. Sels wurdt er feroardiele ta hurde twangarbeid. Utsein by gefaltsjes as rôf mei geweld wurdt er net yn de boeiens slein of yn de finzenis fêstsetten, mar hy mei frij omrinne en moat arbeidzje foar de mienskip. Set er it yn 'e kant, of lûkt er it loaie lytsje, dan meitsje se him net noch trager troch him swiere keatlingen oan te lizzen, nee, dan giet de swipe der oer, om him oan te trunen. As er wakker boddet wurdt er net swier oanpakt; hy moat him wol alle jûnen melde, en wurdt dan foar de nacht opsletten, mar fierder hat er in goed libben, al moat er de hiele dei arbeidzje. It iten bygelyks is aardich goed. It wurdt troch de mienskip opbrocht, salang as er wurk docht foar de hiele mienskip. Yn de iene krite bart dat oars as yn de oare, somtiden moatte hja derom biddelje, soms wurdt der ek in aparte belêsting foar ynsteld. By biddeljen liket it dat jo der net wis fan binne wat jo te iten te krijen, mar dat falt ta, want dat folk is tearhertich en meilibjend, en der wurdt likefolle opbrocht as by in útskreaune nije belêsting, of by it fêstlizzen fan wat de wurken foar de mienskip opsmite, en wat de minsken, dy't der profyt fan hawwe der oan meibetelje moatte. Yn oare kriteren wurde de feroardielen net brûkt foar it wurk oan mienskipsbelangen, mar ferhierd om troch de minsken brûkt te wurden. Immen, dy't in arbeider nedich hat, giet nei de merke, en hiert der ien foar ien dei, foar folle minder

jild as dat er oan in frij man betelje soe. En hy kin ek de swipe brûke, as de feroardielde net hurd genôch boddet. Sa kinne se der wis fan wêze, dat der altyd wurk en iten is foar de feroardielen, en dat dy ek noch, alle dagen wer, wat dogge foar de mienskip. De feroardielen hawwe klean oan mei in spesjale kleur, dy't oars gjinien draacht. Har holle is net keal skeard, mar it hier is koart knipt krekt boppe de earen, en der is in lyts stikje fan it ear ôfhelle. Iten, drinken en klean, yn de foarskreaune kleur, kin eltsenien fan syn freonen oannimme, mar it is in swiere misdie om har jild te jaan, en foar har om jild oan te nimmen. En it is ek in swiere misdie foar in frij man om fan in slaaf, want sa wurde de feroardielen meastentiids neamd, jild oan te nimmen, ûnder watfoar betinksels ek. Foar de slaven is it in swiere misdie en reitsje in wapen, hokker dan ek, sels mar oan.

Alle slaven moatte in merkteken drage, yn alle krite oars, en it is in swiere misdie dat merkteken ôf te lizzen, of om sjoen te wurden bûten de eigen krite of om te praten mei in slaaf út in oare krite. In plan om te flechtsjen wurdt like swier bestraffe as it flechtsjen sels. De straffe foar sa'n plan is de dea foar in slaaf, en de slavernij foar in frij man, dy't der yn behelle is en it net trochjûn hat. It trochjaan fan sa'n plan om te flechtsjen leveret in frij man in aardich dofke jild op, en oan in slaaf de frijheid. En yn beide gefallen krijt de man, dy't it oanjûn hat, frijskatting foar syn oanpart yn it plan, want hja sizze dat it altyd better is in misdiedige ûndernimming ôf te brekken as dy troch te setten. Sa is dat dêr allegearre regele en it wurket goed en minsklik. De misdie wurdt fûl bestruft, mar it libben fan de misdiedigers wurdt sparre, en hja wurde sa oanpakt, dat se wol twongen wurde en wês goede lidden fan de mienskip, en besteege har fierdere libben om goed te meitsjen wat hja yn it ferline ferkeard dien hawwe. Mar der is mar in bytsje kâns op dat hja yn har âlde gewoantes werom

falle. Sa'n bytsje, dat hja oer it algemien sjoen wurde as de bêste begelieders op lange reizen. Want dêr wurde hja yn alle kriterien ek foar brûkt. Want slaven binne net by steat en wurd strjitterôver: hja meie gjin wapens drage, en as der jild op har fûn wurdt is dat in bewiis, dat hja nije misdieden begien hawwe, en as hja dan pakt wurde kostet it har de kop. En hja wurde altyd pakt, want hoe kinne se ûntkomme? Se kinne oan de klean kend wurde, en sels at se neaken omrinne sil har hier en har ear se noch ferriede.

Der is fansels in teoretyske kâns dat hja gearspanne en besykje it hiele regear oer te nimmen. Mar hoe kinne de slaven yn ien beskate krite soks tariede sûnder der mei slaven yn oare kriterien oer te praten? En soks kin gewoanwei net, hja kinne har net rieplachtsje of mei har prate, of har allinnich mar de tiid fan de dei sizze, lit stean fan mei har gearspanne. En kinne jim jim yntinke, dat de iene slaaf de oare yn in geheim plan hellet, dat sa faai is om út te fieren en sa foardielich om te ferrieden? Oan de oare kant: eltse slaaf hat de hope noch ienris frij te kommen, inkeld troch goed te dwaan wat him allegearre hjitten wurdt, en om de bestjoerders sjen te litten dat er wer in goed en betrouber man is, en dat bliuwe sil ek. En alle jierren wurde der ek in tal slaven frijlitten fanwege goed hâlden en dragen.

Ik ha der doe oan taheakke, dat ik net ynseach wêrom't dat systeem yn Ingelân net goed wurkje soe. It soe folle mear opsmite as de saneamde rjochtfearnichheid, dy't de jurist sa priizge hie. Mar ús learde freon, ik bedoel de jurist, skodholle. 'Sa'n systeem' sei er mei in fyn glimke, 'kin net ynfierd wurde yn Ingelân sûnder grutte gefaren foar it hiele lân'. Dat sei er, en sawat eltsenien wie it mei him iens. Doe sei de kardinaal wat him derfan tocht.

'Men kin net sizze oft it wurket as net, sûnder dat men it besocht hat. Mar ûnderstel no ris, dat de kening ree is en sjoch in skoftke ôf fan it útfieren fan de al útsprutsen deafûnnissen. Dan

kinne wy in proef nimme, nei't wy earst it asylrjocht foar even bûten wurking set ha. As it goede resultaten opsmyt kinne wy it systeem foar altyd ynfiere, en sa net dan kinne de al útsprutsen fûnnissen altyd noch útfierd wurde. De mienskip soe der gjin skea fan hawwe, en de gerjochtichheid ek net. En ûnderwilens kin it ek net safolle kwea. Tink net, dat it ferkeard is en besykje it earst mar ris mei de swervers en de swalkers. Wy meitsje altyd mar mear wetten tsjin dy lju, mar it hellet gjin sprút út.'

Doe't de kardinaal dat ienkear sein hie priizgen allegearre it plan om it hurdst, wylst tefoaren nimmen it ernstich nommen hie, doe't it fan my kaam. En hja seine benammen in soad goeds fan it plan oangeande de swalkers, want dat kaam allinne fan de kardinaal. Faaks moat ik it oare diel fan it petear mar weilitte, want dat wie net botte ernstich mear. Mar ik tink dochs net dat ik dat doch, want it wie sa ûnskuldich en it stie dochs net hielendal los fan wat wy al bepraat hiene.

Der siet oan tafel by de kardinaal ek in waarmmielrinder fan berop, dy't sa't it like foar biisfeint spylje woe, mar hy die soks hast al te oertsjûgend. De minsken woene wol glimkje, mar sa, dat se mear mei him as om him laitsje koene. Mar inkeld sei er ek wol ris wat goeds, om sa it leauwe fuort te sterkjen yn de oanfitering: As jo ynearsten net slagje, besykje, besykje, en besykje wer op nij. No wie der ien, dy joech him hânfet troch te sizzen, dat de kardinaal en ik it fraachstik fan de swalkers wol oplost hiene, mar dat der noch ien fraachstik iepen bleaun wie: wat moat der barre mei minsken, bidlers, dy't te âld of te swak binne om har eigen iten te fertsjinjen?

'Lit dat mar oan my oer', sei de rju eale hear doe, 'Ik sil jimme krekt sizze wat der barre moat. Ik moat sizze, ik bin der al jierren op út om dat soarte fan lju net mear te sjen. Ik ha al safolle te lijen hân fan it geklei en de skoaiery fan dat soarte minsken, en mei

al har sankjes ha se my noch nea in penny ûntfytmanje kinnen. Wat der altyd bart is ditte: ofwol ik fiel der neat foar en jou har wat, of ik fiel der wol wat foar, mar dan kin it net, want ik ha neat. Sa hawwe hja wol leard, gjin muoite mear te dwaan, en at se my sjogge, litte se my trochrinne, sûnder ien wurd te sizzen, as wie ik in pryster, dy't se dochs ek net helpe kin. Mar no stean ik efter it útstel: der moat in wet komme, dat alle bidlers yn de Benediktiner-kleasters opnommen wurde moatte. De manlju as likebruorren, de froulju as nonnen yn de frouljuskleasters.'

De kardinaal glimke him ta, de oaren ek, mar dy tochten dat it him earnst wie, mei útsûndering fan ien teologant, in Franciskaan, dy't troch dy gekjeierij oer kleasters en muontsen oanfitere, ek besocht wat gekheid te meitsjen, alhoewol 't er der oars frijwat grimmitich útseach, en gjin grapkes hawwe koe. 'Harkje ris', sa rôp er, 'sa gau komme Jo net fan de bidlers ôf. Wat wolle Jo dwaan mei de biddeldmuontsen?' 'Dêr is dochs al foar soarge', andere de biisfeint. 'De kardinaal hat dochs goed foar jimme soarge, doe't er fêstlei dat alle omstippers oan it wurk setten wurde moasten, mei de swipe der oer, en jimme binne dochs allegearre de grutste omstippers.'

Eltsenien seach no nei de kardinaal, mar doe't it dúdlik wie dat dy dy gekjeierij net sa slim fûn, hie eltsenien wille fan wat der sein waard. Allinne de biddeldmuonts net. Hy wie poerrazend en, gjin wûnder, hy hie himsels net mear yn 'e macht. Hy neamde de man in swetser, in sweeslaander, in ophakker, in Belialsbern, en hy ferflokke him mei alle ferflokkingen fan de Hillige Skriften. Mar no wie de fratsenmakker yn syn elemint. 'Earwurdige Broer,' sa begûn er, 'Jo meie Jo net sa lilck meitsje. Jo witte, wat der yn de Bibel stiet: Troch te fernearen rêde jimme jim libben.' 'Ik bin hielendal net lilck, ferrekte lammeling,' raasde de kleasterling, dat wiene syn eigenste wurden, 'en as ik lilck wêze soe wie it mei rjocht

en reden. “Wyn jimme mar op, mar bekweadigje jimme net”, sa stiet it yn de psalmen.’

De kardinaal sei doe freonlik dat er him wat ynhâlde moast. ‘My ynhâlde, Emininsje?’ herhelle er, ‘Ik hoech my alhielendal net yn te hâlden. It is in rjochtfeardige iver, dy’t my al dy dingen sizze lit, dy iver, dy’t ek de hilligen dreau’n hat. Dêrom ek de wurden fan de psalmist: “Fan iver foar Jo hûs wurd ik fertarre”. En wy sjonge dochs ek yn ’e tsjerke: “Hja, dy’t de grutte Elisa de gek oanstutsen hawwe, doe’t er de wei omheech gie, nei it hûs fan God, hja hawwe de iver fan de kealkop field.” En sa sil ek dy gekoanstekker, dy gûchhâns it noch wol fiele.’ ‘Ik bin der wis fan dat Jo it goed miene’, sei de kardinaal, ‘mar it liket my sa ta, dat Jo hâlden en dragen hilliger of yn alle gefallen wizer wêze soe, as Jo ophâlden mei dy fratsemakker earnstich te nimmen, want no gnize de minsken allinne mar om Jo.’ ‘Nee, Emininsje’, andere de frater wer, ‘it soe net wizer wêze. Want wa kin wizer wêze as Salomo, dy’t sein hat: “Anderje de dwaas mar neffens syn dommens”, en dat is krekt wat ik dien ha. Ik ha him de kûle wiist, dêr’t er yn falle soe as er net o sa foarsichtich is. By Elisa wiene der fjirtich gekoanstekkers en ien kealkop, en dochs wie syn iver grutternôch om har allegearre te straffen. Hoefolle slimmer sil it dan ôfrinne mei dy iene man, dy’t de gek hat mei alle kealkoppen yn de Kristenheid. Alle biddeloarden binne ommers keal, en wy hawwe in pauselike bulle, dy’t eltsenien ferbean hat dêrmei de gek te hawwen, oars wurdt er ekskommunisearre.’

Doe’t de kardinaal seach dat er dochs net fierder kaam joech er de fratsemakker de wink om der mei op te hâlden, en taktysk sloech er yn oar praat. En in skoftke letter stie er fan tafel op, en liet ús ek opstean, want, sei er, der binne in pear minsken, dy’t my sprekke wolle, en dy hawwe myn hulp nedich.

Dat wie it dan, bêste More, mar ik bin wol bang, dat ik Jo in

fiersten te lang ferhaal ferteld ha. Mar Jo ha der om frege, en Jo hawwe der mei nocht nei harke, dat ik fiede wol, dat Jo net woene dat ik ek mar eat weilitte soe. Yn alle gefallen like it my de muoite wurdich it hiele petear fan doe no noch ris wer te jaan, al wie it mar yn grutte halen, om Jo sjen te litten, hoe't de minsken tinke. As ik it sis laitsje se der allinne mar in bytsje om, mar doe't it bliken die dat de kardinaal der net op tsjin wie, doe koene se it der op slach allegearre mei lykfine. Ja, hja wiene der ynienen sa bot foar, dat hja in potsemakker, as dy in goedkarrend glimke fan de kardinaal krigen hie, ernstich nommen hawwe soene. En sa kinne Jo wol begripe, hoefolle as de minsken jaan soene foar myn goerie oan it Hof."

"Myn bêste Rafaël," andere ik, "Ik ha wille hân fan alles dat Jo seinen. Jo binne in smout prater, en wat Jo sizze is wiis. En boppedat: it hat my myn lân wer te binnen brocht, en dat net allinne, mar ek myn jonge jierren: ik ha wer tinke moatten oan de goede jierren, doe't ik opnommen wie yn de húshâlding fan de kardinaal. Ik ha Jo fan it begjin ôf oan lije meien, bêste Rafaël, mar Jo hawwe der gjin idee fan hoefolle wille as Jo my besoarge hawwe troch it opikkerjen fan de goede dingen út myn jonge jierren. Mar ik hâld deroan fêst: as Jo oer Jo tsjinsin hinne stapt soene Jo mei Jo goerie oan it Hof de mienskip in grutte tsjinst bewize. En dat betsjut dat it Jo plicht is as in dapper man dat ek te dwaan. Jo witte wat Jo freon Plato sein hat, dat de steaten allinne mar lokkich wurde kinne as de wiisgearen kening wurde, en alle keningen wiisbegearte studeare soene. En tink ris ta hoe fier as dat lok noch by ús wei bliuwt as de wiisgearen der sels net op sinne wolle de keningen goerie te jaan."

"O, sa beroerd binne hja no ek wer net," andere Rafaël, "hja dogge it sels graach, en hja hawwe it dien ek yn de boeken, dy't se útjûn hawwe. Mar de minsken, dy't wierliken de macht hawwe,

harkje net nei harren. En dat bedoelde Plato winliken ek. Hy wie derfan oertsjûge, dat keningen fan bern ôf oan ferkearde mieningen ynskúnd binne. En dêrom sille se nea nei in wiisgear hearre wolle, allinne at se sels wiisgear wurde, sa't Plato ûnderfûn hat mei Dionysius. Wat tinkt Jo dat der bart, as ik begûn mei in kening te sizzen, dat er ferstannige wetten meitsje moast, en besykje him de ferkearde grûnslaggen út de holle te praten? Ik soe der sels útsmiten wurde, of ik soe inkeld as in soarte fan fratsemakker sjoen wurde. Nim no bygelyks ris oan, dat ik yn Frankryk bin, yn de gearkomste fan de geheime rie fan de kening. De kening sels sit foar, en om de tafel hinne sitte al syn wichtichste riedshearen, dy't mei him prate oer hoe't hja ta in útdragene saak komme kinne yn dizze kwestjes: Hoe kin de Majesteit foet krije yn Milaan, en Napels werom krije ûnder syn bewâld? Hoe kin er Venetië feroverje en hiel Itaalje yn 'e macht krije? Hoe kin er Flaanderen yn hannen krije, Brabân, en by einsluten hiel Bourgondië, om noch mar net te praten oer alle oare lannen, dy't er al ferovere hat yn syn dreamen? De iene riedshear stelt dan in ferdrach mei de Venetianen út, dat krekt salang duorje sil as Frankryk der foardiel fan hat. Hy soe har as bûnsmaat nimme wolle, en har tastean wolle sels ek wat te plonderjen, dat kin men letter altyd werom nimme, as men krigen hat wat men hawwe wol. In oare riedshear docht de rekommandaasje en nim Dútske hiertroepen yn tsjinst, in tred-denien is der foar Switsers mei jild te lokjen. In fjirdenien jout de Majesteit de rie de keizer fan it Hillige Romeinske ryk troch in offerjefte fan goud geunstich te stimmen. En de fyfte tinkt dat it better is en knoopje goede betrekkingen oan mei de kening fan Arragon, en lit him as begjin it bewâld oer it keninkryk Navarra, dat yn alle gefallen noch net by him heart. En wilens is in seisde man teset mei de Prins fan Kastilië, dy't yn it Frânske kamp helle

wurde moat troch in houlik, en dat de minsken oan syn hof paaid wurden kinne mei in moai dôfke jild, as hja dat plan stypje.

En no it alderlêstichste fraachstik: wat dogge wy mei Ingelân? Earst soene wy yn alle gefallen in fredeskonferinsje belizze moatte, en slút in plechtich ferbûn, dat hielendal neat betsjut. Mei oare wurden: neam har freon, mar beskôgje se as fijân. En hâld de Skotten efter de hân, klear om in ynfal te dwaan, sa gau as it nedich is, dus as de Ingelsken ús kant útkomme. En tagelyk jouwe wy yn it geheim stipe, salang as it ferdrach duorret kin it net yn it iepenbier, oan in Ingelske edelman, dy't it lân útsetten is, en dy't oanspraak makket op de troan fan Ingelân. Dat soe de Majesteit bysûndere macht jaan kinne oer de kening fan Ingelân, dy't er dochs foar gjin sprút fertrout.

As it no sa fier kommen is en al dy grutte hearen alle grutte krêften yn beweging brocht hawwe, en alle riedshearen alle fjildtochten útstippele hawwe, dan stiet dizze earme jonge op, en dy jout de rie om alles oars te dwaan, om Itaalje te ferjitten en thús te bliuwen. Ik sis de kening dan dat Frankryk sels al hast te grut is foar ien man om noflik te bestjoeren, en dat er perfoarst net hoecht út te sjen nei nij lân om dat der by te nimmen. Ik praat dan oer wat der bard is yn Achorië, in lân dat súd-east fan Utopia leit. Fanwege de ien as oare trouwerij út in fier ferline tocht de kening fan Achorië dat er as erfgenamt oanspraak meitsje koe op in oar keninkryk, en hy begûn in oarloch om it ek te krijen. Syn folk wie it alhiel mei him iens. Hja hiene de oarloch wûn, mar doe seagen hja dat it folle swierder is in keninkryk fêst te hâlden as om it te feroverjen. Der wiene altyd mar troch reboeljes, en ek fan bûten ôf besochten de eardere regearders it lân wer werom te krijen. En de Anchoriërs moasten altyd mar wer fjochtsje tsjin de nije ûnderdienen fan de kening. Hja krigen de kâns net en stjoer har soldaten nei hûs, en wilens moasten hja altyd mar betelje. Al har

jild raande wei, it lân út, en de manlju moasten altyd mar wer it libben yn 'e waach sette foar de leafhawwerij fan ien. Yn it lân wie it net better as doe't de oarloch noch oan 'e gong wie, want troch de oarloch wiene de minsken der oan wend om te stellen en te moardzjen. En der wie gjin earbied mear foar hokker wet ek, de minsken diene wat se woene. Want de oandacht fan de kening wie oer twa keninkriken ferdield, en hy koe gjinien fan beiden foldwaande omtinken jaan. Doe't hja seagen, dat dy hopeleaze tastân duorje soe as hja der neat oan diene, namen de Anchoriërs lang om let in beslút. Hja gyngen nei de kening, en fregen him hoflik hokker keninkryk as er hâlde woe. Beide fêsthâlde koe net langer, want 'wy wurde no mar troch in heale kening bestjoerd, en sels as wy allinne mar in keppel mûlezels wiene soe it noch in folsleine baan wêze ús op 'e kuer te hâlden', seine hja. En sa moast dy brave kening syn nije keninkryk wol oerdrage oan in freon, dy't der letter ek wer útsmiten waard, en by syn âlde ryk bliuwe.

Ik soe de Frânske kening ek dit noch sizze. As er mei al dy oarloggen begûn en der in soadsje fan makke yn al dy lannen, dan soe er by eintsjebeslút gewaar wurde dat er himsels en syn folk te lider slaan litten hie, hielendal om neat. Ik soe him dêrom oanriede en set alles op by it keninkryk dat syn foarfaars him neilitten hawwe, en meitsje it sa woltierich en moai as er mar kin om syn leafde foar syn ûnderdienen te bewizen en har leafde echt te fertsjinjen, om mei har mei te libjen en har freonlik en goed te bestjoeren, en alle tinzen oer útwreiding fan it lân op te jaan, want hy hat al mear as genôch krigen om him mei dwaande te hâlden. En sis no ris, bêste More, hoe't myn goerie ûntfongen wurde soe?" "Net al te bêst", moast ik tajaan.

"Lit ús no ris fan in oar foarbyld útgean", sei Rafaël wer, "nim ris oan, dat de riedshearen fan de kening der foar riede moatte dat er wat mear jild om hannen kriget. De ien stelt dan út de

wearde fan it jild te ferheegjen as de kening jild útbetelje moat, en dy wearde bûtenwenstich sakje te litten, as de kening jild liene moat. Dan krijt er it jild goedkeap, en jout it djoer út. In oare riedshear riedt de kening oan en begjin in nije oarloch, skriuw foar dy oarloch in nije belêsting út, en slút sa gau as it jild binnen is frede mei grutte feesten en plechtichheden, en hâld dan it jild en meitsje it earme en domme folk wiis dat de kening neat hawwe moat fan bloedferjitten en ferwûningen.

In tredenien bringt him allang ferjitten en fermôge wetten wer yn it sin, wetten, dy't oeral brutsen wurde, om't nimmen mear wit dat se noch besteane. Hy moat dan it jild opeaskje dat him neffens dy wetten takomt. En, om't soks allegearre ûnder de mantel fan de gerjochthheid bart, sil dêrmei ek syn gesach, tagelyk mei syn jild, tanimme. Wer in oarenien jout him de rie en fier nije wetten yn, dy't swiere boeten lizze op misdieden, dy't tsjin it belang fan de hiele mienskip yn geane, en meitsje dan útsûnderingen foar dyjingen, dy't dy wetten wat ûngemaklik fine. Sa fielt it gewoane folk mear foar him, wylst er dochs de boeten binnen hellet fan de lju, dy't trochgeane mei it ferbeane, en it jild, dat oaren betelje om ûnder de wetten út te kommen. Fansels, it jild dat dêrfoar betelle wurdt sil ôfhingje fan it gewisse fan de kening. Hoe swierder at syn gewisse-beswieren binne tsjin it ferbrekken fan de wet, hoe mear as er tsjinakselje sil by dyjingen, dy't it dochs dwaan wolle, en hoe mear as in dispensaasje kostet.

In oare riedshear befellet him oan, de rjochters oan him te ferpflichtsjen en derfoar te soargjen, dat hja altyd in fonnis útsprekke yn syn foardiel. Hy moat har dêrom útnoegje yn syn paleis, en har rie freegje oer wat er neffens de wetten allegearre dwaan kin. En as der dingen binne, dy't neffens de wetten einliks net kinne dan sil der altyd wol in rjochter wêze, dy't in gatsje fine kin, dat it al kin. It kin wêze, dat er soks docht om't er graach tsjin in

oar yngean mei, of dat er net noch ris sizze wol wat in oar ek al sein hat, of dat er de kening op de lije side oankrûpe wol, it komt allegearre op itselde del: de rjochters begjinne der oars oer te tinken, in dúdlike saak begjint in bytsje tsjusterder te wurden, en de ienfâldichste dingen wurde oars útlein. En dat sil de kening de kâns jaan, en lis de wet út sa't foar him it bêste útkomt. Eltse-nien sil by eintsjebeslút tajaan, út eangstme of út hoflikens, en de nije útlis sil oannommen wurde troch alle rjochtbanken. Want der is altyd wol wat foar te sizzen, in proses sa ôfrinne te litten dat de kening der foardiel fan hat. Hja kinne har beroppe op it gewoanterjocht, of op de letter fan de wet, of op in feroaring yn de betsjutting fan wat der stiet, of, op it lêste plak, op in begjinsel dat mear wearde hat as in ierdske wet, en dat mear op it gewisse fan de rjochters drukt: de rjochten fan de kening, dêr't net oer praat wurde mei.

En hja kinne it allegear lykfine mei de miening fan Crassus, dat der nea genôch jild wêze kin as jo in leger yn stân hâlde moatte. En alleman stimt ek ta, dat de kening neat ferkeards dwaan kin, al soe er it ek noch sa graach wolle, want alles heart him ta, alle minsken yn it lân. En eigendom bestiet net, útsein dan foarsafer't de kening sa goed is om it net allegearre yn te pikken. Hy moat altyd besykje en soargje der foar, dat de minsken sa min mooglik eigendom hawwe, want syn hiele bestean hinget der fan ôf, dat syn ûnderdienen it net te goed hawwe, of al te frij binne. Want dan komme de minsken der net sa maklik mear ta en fernear ûnrjocht en ûnderdrukking, wylst earmoed en berôving minsken sleau en slûch makket en de nommele geast fan opstân bedimmet.

Dan soe ik wer opstean moatte en sis, dat it ûnwiis en ûnearlik wêze soe as de kening ien fan dy dingen dwaan soe. Want wat er oan gesach hat en oan feiligens hinget mear fan syn ûnderdienen ôf as fan himsels. 'Wêrom tinke Jo, dat hja Jo kening makke

hawwe,' soe ik freegje. 'Net foar Jo wolwêzen, mar foar harres. Hja hawwe Jo ta kening keazen om Jo safier te bringen, dat Jo Jo libben der by opsetten om har libben wat makliker te meitsjen, en har te bewarjen foar de ûngerjochtigens. Dêrom is it Jo wurk om nei te gean, oft hja it allegearre goed hawwe, en net oft Jo it sels goed hawwe. Krekt lyk as in skiepharder der foar soargje moat dat syn skiep it goed hawwe, en net hy allinne. En wat de miening oanbelanget dat de frede it bêst tsjinne wurdt troch it folk earm te hâlden: dat komt hielendal net oerien mei de feiten. Bidlers binne no krekt it soarte minsken dat it meast spul mei oaren siket. Wa sil mear fan doel wêze en meitsje reboelje as de man, dy't malkontint is mei it ûngelokkige libben dat er no libje moat? Wa kin hurder oantrúnd wurde om alles om te smiten, yn de hope der sels better fan te wurden as in man, dy't sels neat te ferspyljen hat? Nee, as in kening sa hate is en sa ferspijd troch syn ûnderdienen dat er har der allinne mar ûnder hâlde kin troch bidlers fan har te meitsjen, troch har alles ôf te nimmen en te ûntfytmanjen, dan kin er better ôfsjen fan it keningskip. Want sokke manieren om oan de macht te bliuwen hâlde de namme yn stân, mar ferneatigje de majesteit. Der is neat majesteitliks oan en bestjoer in naasje fan bidlers, de wiere majesteit bestiet yn it bestjoeren fan rike en goed libjende minsken. Dêr hat ek de grutske tinker Fabricius op doeld, doe't er sei, dat er leaver rike minsken bestjoere woe as sels ryk wêze. Wiswier: in man dy't yn wielde libje wol, en him dêrby ta de teannen út fermakket, wylst de minsken om him hinne allinne mar stinne en jammerje kinne, sa'n man kin gjin kening hjitte, hy is earder in boal.

Koartsein: it is net sa'n bêste dokter, dy't jo net fan de iene kwaal ôfhelpe kin sûnder jo in oare te besoargjen. En in kening, dy't de misdie net derûnder krije kin sûnder it algemien wolwêzen fan it folk yn de bedelte te triuwen, sa'n kening moast tajaan dat

er net wit hoe't er frije minsken bestjoere moat. Hy soe der mei begjinne moatte en krij ien fan syn eigen ûndeugden der ûnder, syn heechmoed of syn loaiens, want dat binne de ûndeugden dy't der by útstek foar soargje dat de kening hate of ferspijd wurdt. Hy soe op eigen manneboet libje moatte, sûnder oaren yn 'e wei te rinnen. En hy soe de bek nei de byt sette moatte. Hy soe de misdie troch in goed bestjoer te foaren komme moatte, leaver as better te wurden troch de bestriding dêrfan. Hy soe net al te gau âlde wetten wer ynfiere moatte, benammen net as de minsken sjen litten hawwe dat hja der bêst sûnder kinne, en hy soe nea en te ninter in misdie útfine moatte om fan de boeten better te wurden. Dat soe in rjochter ek net oan in gewoane man tastean, sa'n smoarge misdie.

Dan soe ik trochgean en fertel har wat oer in systeem dat se hawwe yn Macaria, in lân net fier fan Utopia ôf. Dêr moat de kening in plechtige ied ôflizze, by syn kroaning al, dat er nea mear as tûzen pûn goud yn de skatkist hawwe sil, of in lykwaardige somme oan sulver. Dat systeem is dúdlik opsetten troch in treflike kening dêre, dy't mear soarch hie foar it wolwêzen fan it lân as foar himsels. Hy tocht, it soe it op inoar steapeljen fan jild tefoaren komme, om't in te grutte rykdom by de kening earmoed yn it lân meibringe soe, en hy hie útrekkene dat er oan dat jild genôch hie om in opstân de baas te bliuwen of in ynfâl ôf te slaan, mar net genôch om de ien as oar fan syn opfolgers de kâns te jaan en fal in oar lân binnen. Dat siet der by him efter, mar dat net allinne. Hy hope ek, dat der no altyd genôch jild yn it lân omgean soe foar de gewoane keap en ferkeap, en dat de kening gjin oanlieding hawwe soe en jei de wearde fan it jild omheech, om't er dochs gjin jild fêsthâlde mocht boppe de tastiene grins. No, sa krije jo in kening, dy't freze wurdt troch de minne minsken, en dêr't de goeien echt fan hâlde kinne. Mar as ik sokke dingen sizze soe, en dat krekt

tsjin minsken, dy't graach oan it tsjinoerstelde fêsthâlde, tinke Jo dan, dat se nei my harkje soene?"

"Nee," andere ik, "Dat tink ik net. En ik kin ek net sizze, dat ik har dat kwea ôfnimme soe. Earlik sein: ik kin net ynsjen, dat it sin hat en sis soks, en jou goerie as jo witte, dat de oaren dy nea oannimme sille. Wat kinne jo dêr no foar goeds mei berikke? Hoe kinne hja no oait in tinkwize oannimme, dy't yngiet tsjin alles wat hja altyd sa oars oanfield hawwe? Sok praat jout in bulte wille as jo mei in pear freonen in petear opsette, mar soks kinne jo net sizze yn in gearkomste mei in kening."

"Dat woe ik ek mar sizze," andere Rafaël, "it hof is gjin plak foar filosofy." "Nee," andere ik, "dêr is wiswier gjin plak foar de akademyske fariaasje, as men inkeld sizze wol wat men tinkt, sûnder acht te slaan op de omstannichheden. Mar der is in eigen soart fan filosofy, dy't wit wat der libbet ûnder de minsken, en besiket dêr ek mei te libjen, en dan dochs yn in oanpaste foarm wat te sizzen dat in wiisgear sizze moat. Dat soarte fan wiisbegearte moasten Jo tapasse. Oars koe it der op lykje, dat Jo der tusken komme wolle as slaven yn in komeedzje fan Plautus, dy't op it toaniel neibouwe wat de filosofen sizze yn de Oktavia, dêr't Seneca yn besiket Nero te oertsjûgjen. Wis: it is better en sis hielendal neat as om alles om te setten yn in tragi-komeedzje, troch rigels út in oar toanielstik der trochhinne te mjuksen. Want ek al soe wat jo sizze oanslute op wat jo krekt sjoen hiene, it effekt soe dochs wêze dat jo it hiele stik bedoaren. Nee, it bêste wat jo dwaan kinne is te besykjen en meitsje fan it toanielstik dat no opfierd wurdt in sukses. Jo moatte it hiele stik net bedjerre, om't jo krekt oan in oar stik tinke, dat jo mear wille jûn hat.

Itselde jildt ek yn de polityk en yn it libben oan it hof. As it jo net slagget en skuor de ferkearde ideeën der hielendal út, en rekkenje mei de âlde ûndeugden ôf, sa folslein as jo soks winskje

soene, dan is dat noch gjin reden om hielendal bûten de polityk te bliuwen. Je kinne in skip net oan syn lot oerlitte yn in stoarm om't jo net bysteat binne en hâld de winen ûnder kontrôle. Fan 'e oare kant: it hat gjin inkelde sin om te besykjen en bring nije tinkbylden ûnder de minsken as jo der wis fan binne, dat dy minsken folslein op jo tsjin binne, en der nea oer neitocht hawwe, dat it ek oars kin as hja it altyd dien hawwe. Jo sille wat mear mei omwegen en omballingen arbeidzje moatte. Jo moatte alles sa foarsichtich en sa taktysk oanpakke as it mar kin, en wat jo net ynienen hielendal goed krije kinne moatte jo besykje sa'n bytsje kwea dwaan te litten as mar mooglik is. Want it is net mooglik, dat it mei alles goed giet, foar sa lang as de minsken noch net allegearre goed binne. En dat duorret noch wol in pear jier."

"Sa soe der oars neat barre", andere hy, "as dat ik, wylst ik de healwizens fan oaren besocht wei te nimmen, allinne mysels foar dy healwizens sparje soe. Want as ik de wierheid sizze wol, dan moat ik wol sizze wat ik sein ha. Ik wit net oft it wol oanbelanget, dat in filosoof leagens fertelt, mar ik kin soks yn alle gefallen net. It is goed mooglik, dat hja myn redenaasje net sa noflik fine, mar ik kin net ynsjen, wêrom't hja dy as folsleine fantasy ôfwize soene. Ik ha net oanpriizge wat Plato útwurke hat yn syn 'Republyk', en ek net wat der no al yn Utopia bart. It is dêr fansels folle better regele as hjirre, mar dat sille se nea begripe kinne, want hjir is alles boud op partikulier eigendom, en dêr op mienskiplik besit. Fansels wolle hja net harkje nei wat ik sein ha. Hja hawwe no ienkear in eigen wet fêstlein, en hja meie der net oer, dat immen har sjen lit dat it in faaie wei is, en har oanriedt en kies in oare wei. Mar ôfsjoen dêrfan: wat ha ik sein dat net sein wurde kin of net sein wurde moat yn in selskip, wêr en wannear dan ek? As wy nea wat doarden te sizzen wat guon ûngewoan fine, om't wy bang binne dat hja ús de gek oanstekke sille, dan

kinne wy, ek yn in kristlik lân, alles wol stilhâlde wat Kristus ús sein hat. Mar dat is it lêste wat Er woe. Hat Er ús net sein: Wat jimme yn it ear flústere is ferkundigje dat fan de dakken? En fierwei it meast fan wat Er leard hat leit folle fierder ôf fan wat wy gewoan fine as alles wat ik foarsteld ha, mar ik moat tajaan dat de predikanten, slúchslim as hja binne, dien hawwe wat Jo my oanret hawwe. Doe't hja seagen dat de minsken yn har hâlden en dragen net neffens de lear fan Kristus libje koene, hawwe hja Syn lear oan it libben fan de minsken oanpast, lyk as ek lead ombûgd wurde kin, en it sa foarinoar krigen dat lear en libben alteast foar in lyts part oerienstimme. Ik kin net ynsjen dat dêrmei de wrâld foarútgien is, allinne is it no wat makliker wurden it kweade te dwaan. Mar dat is ek it iennige dat ik berikke soe troch in sit te nimmen yn de rie fan de kening. Want ik soe tsjin de oare riedsleden ynstimme moatte, wat itselde is as net stimme, of ik soe mei har meistimme moatte, en dan soe ik lyk as Micio by Terentius seit har waansin stypje en yn stân hâlde. En dan dy omwei dêr't Jo oer sprutsen hawwe: as de dingen net goed dien wurde kinne doch se dan sa dat se it minst kwea kinne, ik sjoch net goed wat soks betsjutte moat. Oan it hof kinne Jo Jo eigen oardiel net foar jo hâlde, of deagewoan ynstimme mei in oar syn misdieden. Jo moatte de jammerdearlikste besluten meistimme en jo namme sette ûnder de meunsterlikste bepalingen. As jo net genôch opteinens sjen litte foar in strieminne wet wurde jo in ferrieder neamd, of in spion. En hokker kâns hawwe jo en doch ek mar in bytsje goeds mei sokke maten? Jo sille se net feroarje kinne, hja sille jo bedjerre, hoe'n goed karakter jo ek hawwe. Om't jo mei har yn ferbân brocht wurde, sille jo jo eigen yntegriteit ferlieze, of dy brûke moatte om har dwaasheid en kwealaster te fermoedsoenjen. Dat komt troch al dy omwegen fan Jo!

Dêrom hat Plato ek in prachtich ferhaal skreaun: wêrom't de wize fier by de saken fan de steat wei bliuwe moat. De wize sjocht eltsenien yn de rein op strjitte rinnen en dweiltrochwiet wurden. Hy wit dat er, as er nei bûten giet, like wiet wurde sil. En hy kin de minsken der net fan oertsjûgje dat se yn 'e hûs bliuwe moatte. Dêrom is er der tefreden mei sels droech te bliuwen, om't er de dommens fan de minsken dochs net feroarje kin. Mar, om Jo de wierheid te sizzen, bêste More, ik kin net ynsjen, hoe't jo ea echte rjochtfeardigens en in echt algemien wolwêzen krije kinne, salang as der partikulier eigendom is, en eltsenien hifke wurdt neffens syn jild. Of Jo moatte it rjochtfeardich fine dat it minste soarte fan minsken it bêste libben hat, en Jo moatte in lân woltierich achtsje, dêr't it wolwêzen allinne takomt oan in lytse minderheid. En sels dy is net folslein lokkich, om't alle oaren it ienfâldich wei ellindich hawwe. Ja, as ik tink oan alle earlike en ferstannige wetten yn de steat Utopia: dêr binne alle dingen sa treflik regele mei mar in bytsje wetten. Dêr krije alle wurkers har lean, en eltsenien dielt yn de woltier. As ik Utopia fergelykje mei safolle oare steaten, dy't altyd mar wer nije wetten meitsje, en nije rigeltsjes, mar dêr't nea wat goed regele is, dêr't gjin wet it partikulier besit helder stal jaan kin, en dêr't se sels net ienris fêstlizze kinne wat no winliken fan wa is, ja, as ik dat allegearre goed besjoen ha, fiel ik folle mear foar Plato, dy't it ferpofte en jou wetten oan minsken, dy't der net foar te finen wiene en draach alle besit oan de mienskip oer. Want dat hie dy tûke tinker wol begrepen: der is mar ien betingst foar in mienskip dy't folslein sûn wêze wol: alles wat der is sa earlik mooglik ûnder allegearre ferdiele. En dat kin net salang as der noch lju binne, dy't oan partikulier besit fêsthâlde. Want salang as immen mei it rjocht oan syn side safolle foar himsels nimme kin as mar mooglik is foar him, salang sil al it guod dat beskikber is, al is dat noch safolle, dochs yn hannen komme fan in lytse

keppel, en alle oaren sille earm wêze. En it wolwêzen sil op in ûngelikense wize ûnder de minsken ferparte wêze. De riken binne ynklauwerich, sûnder gewisse, en hja arbeidzje net, de earmen binne rjocht en sljocht, en hja moatte de hiele dei bealgje om de hiele mienskip libje te litten, en de riken de kâns te jaan om neat te dwaan.

Mei oare wurden: ik bin der fan oertsjûge dat jo al it guod nea earlik ferdiele kinne, of in goede ynrjochting fan de mienskip foarinoar krije kinne, as jo it partikulier eigendom net hielendal en folslein ôfskaffe. Sa lang as dat bestean bliuwt sil de grutte mearderheid fan de minsken, en it bêste diel dêrfan, dreech bodzje moatte ûnder de lêst fan de earmoed, de tsjinstberens en de ellinde. Ik sis net dat dy lêsten net minder wurde kinne, mar se kinne nea hielendal weinommen wurde. Jo kinne fansels in grins sette oan it lân of it kaptaal, dat immen hawwe mei. Jo kinne ek, troch in gaadlike wetjouwing, in lykwicht fan macht meitsje tusken de kening en syn ûnderdienen. Jo kinne it tsjin de wet meitsje om in publyk amt te keapjen, of dêr sels mar nei te stribjen, en it ûnnedich meitsje foar immen yn tsjinst fan de mienskip syn eigen jild dêrfoar út te jaan. Want as er soks al dwaan mei, sil er altyd wer besykje om it werom te krijen, troch bedroch en ôftwingjen, en rykdom sil dan altyd, mear as ynsjoch, de wichtichste eigenskip wurde foar in amt yn tsjinst fan de mienskip. Soksoarte wetten sille wat skerpe kanten byslipe, mar hja litte de saak yn wêzen. It is as mei in bliuwend ynfalide: medisinen kinne de pine weinimme, mar der is gjin hope op genêzing. Sa is it ek mei it lichem, dat mienskip hjit. As jo wat ferkearde dingen besykje te feroarjen, jouwe jo inkeld wat medisinen. Der is lykwols gjin hope op genêzing salang as it partikulier eigendom bestean bliuwt. En wat medisyn is foar de ien is fergif foar de oar, en jo kinne de ien neat taskikke sûnder it earst by de oar wei te nimmen.”

“Dêr bin ik it net mei iens,” ha ik doe andere. “Ik kin my net yntinke, dat der libbe wurde kin as alles fan de mienskip is. Der sille altyd lju wêze, dy’t dan it loaie lyntsje lûke, en nimmen soe noch hurd arbeidzje. As nimmen der better fan wurdt as er hurd wurket, sil eltsenien der op rekkenje, dat in oar alles foar him docht. En dan, as der wierliken hast neat mear is, draait it oeral sûnder mis op rôf en moard út. Want nimmen kin wat er mei syn eigen hannen foar himsels byinoar garre hat noch sines neame. En der kin ek gjin earbied wêze foar it gesach, want hoe kin der gesach wêze, as alle minsken gelyk binne?”

“It is gjin wûnder dat Jo sa tinke,” sei Rafaël doe, “want Jo kinne jo net ienris foarstelle, hoe’t soks gean soe. Mar as Jo mei west hiene nei Utopia, en it allegearre sels sjoen hiene lyk as ik it sjoen ha, want ik ha der mear as fiif jier wenne, dan soene Jo de earste wêze om ta te jaan dat Jo noch nea in lân sjoen hiene dat sa goed ynrjochte wie en in folk, dat sa goed bestjoerd waard.”

“Ik moat sizze,” kaam Petrus Aegidius der tusken, “dat Jo my net gau sa fier krije, dat ik leauw dat yn de nije wrâld alles safolle better is as yn de âlde. Ik soe tinke, der binne hjir doch ek tûke tinkers genôch, en wy hawwe al fan alles útfûn, noch ôfsjoen fan alles wat wy by tafal ûntdutsen hawwe. En ik tink ek, dat ús steaten âlder binne as harres.”

“Wat de âldens oanbelanget fan de steaten,” andere hy wer, “dêr koene Jo better oer oardielje as Jo har skiednisboeken sjoen hiene. As jo dy leauwe meie, dan wiene der dêr earder stêden as der hjir minsken wiene. En wat dy tûke tinkers en dy tafallige ûntdekkingen oanbelanget: wêrom soene dy allinne mar by ús foarkomme kinne? It kin wêze, dat hja mear ferstân hawwe as wy, it kin ek wêze, dat dat net sa is, mar ik bin der wis fan dat hja ús fier efter har litte as it op nocht oan it wurk en fertuten fan it wurd oankomt. Lyk as bliken docht út har jierboeken hiene hja,

foar dat wy der kamen, fan it libben by de Ultraequinoxialen, lyk as hja ús neame, nea wat heard, mei útsûndering fan ien kear, tolvehûndert jier ferlyn, doe't dêr in skip op it strân rûn dat troch in stoarm út it roer rekke wie. In pear skipbrekkelingen, Romeinen en Egyptenaren, koene nei it eilân swimme, en hja hawwe har dêr ta wenjen setten. En wat hawwe dy hurd wurkjende minsken fan dat tafallige barren allegearre leard! Der wie gjin inkelde wurkwize, brûkt yn it hiele Romeinske ryk, dy't hja net fan dy oanspielde skipbrekkelingen oernommen hawwe, en neffens wat hja heard hiene sels útwurke hawwe. En dat allegearre nei oanlieding fan ien moeting mei minsken út ús diel fan de wrâld. As it oarsom west hie, en immen fan harren by ús oanspield wie, dan is soks hjoeddedei folslein fergetten, lyk as it neiteam ek wol ferjitte sil, dat ik der ienris west ha. En sa gau as wy der wiene, namen hja daliks al it goeie dat Europa yn de lêste ieuwen foarinoar krigen hat oer. Mar ik tink net, dat wy sa gau wat oernimme sille dat dêr better regele is as hjirre. En dêrom tink ik ek, dat har steat better bestjoerd wurdt as uzes, en mear woltier hat, al hawwe hja net mear natuerlike rykdommen en ek net mear tûke tinkers."

"Och myn bêste Rafaël," sei ik doe, "wês dan sa goed en fertel ús wat mear oer dat eilân. En besykje net om koart te kriemen, mar fertel ús krekt hoe't it der dêr om en ta giet, mei it lânskip, de rivieren, de stêden, de minsken, de gewoanten, de ynstellings, de wetten, yn it koart alles wat wy neffens Jo nijsgjirrich fine soene. Jo kinne derfan oertsjûge wêze, dat alles wat wy noch net witte ús o sa oansprekke sil."

"Der is neat dat ik leaver die," sei er doe. "Ik ha alles no noch goed yn it ûnthâld. Mar soks nimt wol in protte tiid."

"Lit ús dan earst mar wat ite. Dan hawwe wy dêrnei safolle tiid as wy wolle."

"Goed," sei Rafaël, "lit ús it sa mar dwaan."

En dêrom gyngen wy yn 'e hûs foar it iten. En nei it iten gyngen wy wer werom nei itselde plak, nei deselde bank. Ik hie de tsjinners sein dat wy net steurd wurde moasten. Doe fregen Petrus Aegidius en ik Rafaël om it ferhaal, dat er ús ûnthjitten hie. En doe't er seach dat wy it mienden ek, en dat wy alles wat er meimakke hie graach hearre woene, tocht er in skofke nei en doe begûn er.

Primi libri finis, sequitur secundus.

Ein fan it earste boek, no folget it twadde.

It ferhaal fan Rafaël Hythlodæus oer de bêste ynrjochting fan de steat troch Thomas More.

TWADDE BOEK

Taspraak fan

RAFAËL HYTHLODEUS

*oer de bêste ynrjochting
fan de politike mienskip,
opskreaun troch*

THOMAS MORE.

IT EILÂN UTOPIA IS IT BREEDST YN 'E MIDDEN. DÊR IS IT trijhûndert kilometer breed. Fierder bliuwt it ek sa breed, útsein dan oan de einen, dy't stadichoan smeller wurde, en dan ombûge, krekt as wiene hja tekene troch twa passers tagelyk. Hja foarmje dan hast in sirkel fan sânhûndertfyftich kilometer omtrek. Jo kinne it eilân dêrom tekenje as in opgeande moanne, dêr't de twa hoarnen fan skaat binne troch in see-ingte fan tweintich kilometer. Dêr rint de see troch út en yn, en komt dan út yn in ûnbiedige mar, mar dat liket wol in grutte fiver, ringsom omheine troch heechlân en sa beskerme foar de hurde wyn. Dêrom leit it wetter meastentiids blakstil. Sa tsjinnet ek de hiele binnenbocht fan it eilân as haven, en de boaten kinne dêr oer hinne farre yn alle rjochtingen, wat o sa praktysk is foar eltsenien.

De yngong fan dy grutte haven, de see-ingte dus, is benaude fol rotsen en banken. Ien fan dy rotsen is net nuodlik foar de skippen, om't er heech boppe it wetter útsteekt. Hy stiet sawat midden yn de see-ingte, en der steane altiten wachtposten op. Mar de oare rotsen binne deadlik, want jo kinne se net sjen. Allinne de Utopianen witte, wêr't jo der feilich omhinne farre kinne, en dêrom kin in frjemd skip sûnder Utopiaanske loads de havens suver net ynkomme. De eigen skippen soene ek faai wêze, as der net beakens op it strân setten wiene, en inkeld al troch dy beakens der wei te heljen kinne hja alle fijanlike oarlochsskippen te lider gean litte, as hja dat wolle. Fansels, der binne ek havens genôch oan de oare side fan it eilân, mar dy binne allegeare hast net yn te nimmen, troch de natuer of keunstmjittich, dat in lyts

ploechje manlju kin oeral in ynfaasje troch in fijanlike float tefoaren komme.

Der wurdt ek sein, dat Utopia oarspronklik gjin eilân wie, en jo kinne dat sels ek sjen: it wie in skiereilân, oant it ynnommen waard troch immen, dy't Utopus neamd waard, en dy't it syn namme joech. It waard earder Abraxa neamd, en Utopus hat it feroare fan in lân, bewenne troch ûnwittende wylden, yn in lân, bewenne troch ien fan de meast beskaafde naasjes, ja it alderbeskaafde naasje fan de wrâld. Doe't er oan lân gongen wie, en it lân yn 'e macht krigen hie, hat er daliks in kanaal grave litten troch de tweintich kilometer brede stripe, dy't Utopia mei it fêste lân ferbûn, en der sa in eilân fan makke, mei oan alle kanten de see. Om't er bang wie dat er de befolking tsjin krije soe as er har dat wurk allinne dwaan liet, hat er ek syn soldaten ynskeakele. Mei al dy arbeiders hie er dat wurk samar klear, en de minsken op it fêstelân, dy't earst wat lake hiene om syn ûndernimmen, waarden der no kjel fan, sa gau en sa treflik as it gien wie.

Der binne fjouwerenfyftich prachtige grutte stêden op it eilân mei allegearre deselde taal, wetten, gewoantes en ynstellingen. Hja binne boud neffens ien plan, en foarsafier't de natuerlike situaasje it talit, sjogge hja der allegearre itselde út. De stêden lizze allegearre op syn minst fjouwer en tweintich kilometer útinoar, mar op syn heechst net mear as ien dei rinnen.

Alle stêden stjoere trije fan har âldere en belearde mannen nei de jierlikse moeting yn Amaurotus om dêr oer de algemiene saken fan it eilân te kedizen. Amaurotus wurdt as haadstêd sjoen, om't dy stêd yn de nâle fan it eilân leit, dat men dêr fan alle kanten maklik komme kin. De ferdieling fan it lân is sa regele, dat it gebiet dat by ien stêd heart op syn minste tweintich kilometer yn alle rjochtingen om de stêd hinne leit. Yn ien rjochting bytiden wat fierder, mar dêr komt de ôfstân dan ek oan syn maksimum.

Gjin inkelde stêd wol syn gebiet útwreidzje, want hja sjogge it lân net as eigendom, mar as grûn, dêr't se op arbeidzje moatte.

Op evenredige ôfstannen, oer it hiele lân hinne, binne pleatsen delsetten mei alles wat der foar de lânbou nedich is. De ynwenners fan de stêden geane dêr om bar hinne, en wenje dêr dan. Op alle pleatsen wenje op syn minst fjirtich folwoeksenen, en twa slaven. De slaven moatte dêr altyd bliuwe, de gewoane minsken wikselje. De lieding hawwe in heit en mem, dy't yn it sâlt bebiten binne. In ôfdielingstafersjochhâlder, dy't foar tritich fan sokke pleatsen de ferantwurdling hat, nimt de kontrôle waar. Alle jierren geane fan alle pleatsen tweintich minsken werom nei de stêd, om't hja de twa jier fan tsjinst der op sitten hawwe, en dêr komme tweintich oaren foar yn it plak. De nije pleatsbewenners wurde dan op de hichte brocht fan alle wurk op 'e pleats troch de lju, dy't der al in jier west hawwe, en dy't witte, wat der allegearre dien wurde moat. En tolve moanne letter wurde dy nijen wer ynstrukteurs, en sa giet dat troch. Dêrom is der ek minder kâns, dat it speak rint mei de oanfier fan iten en drinken, wat wol barre soe as de minsken yn de lânbou hielendal net witte soene hoe't it dêr om en ta giet. Twa jier is de gewoane tiid foar it wurk op it lân, en nimmen wurdt twongen om dêr langer te bliuwen, mar dejingen, dy't fan dat wurk hâlde, en sokken binne der genôch, kinne ferlof krije en bliuw dêr wat langer.

De minsken, dy't op it lân arbeidzje, binne ferantwurdlik foar it bewurkjen fan de grûn, soargje foar de bisten, kappe hout, en bringe alles nei de stêd, oer lân of oer see, wat fakentiids makliker is. Hja litte aaien net troch de hinnen útbriede, mar hja dogge de aaien mei grutte tallen tagelyk yn grutte stoven, en as de aaien dan útkomme rinne de piken efter de hinnefersoarger oan, dy't hja as de briedhin sjogge.

Hynders binne der hast net, en dy't der binne, binne o sa willich om jonge manlju it riden te learen. Ploegje en lûke wurdt dien

troch oksen. Dy kinne wol net sa hurd as hynders, mar hja binne sterker, kinne mear hawwe, frette minder en hawwe ek minder soarch nedich, sa tinke se dêr, en as de oksen net mear arbeidzje kinne, kinne se noch opiten wurde ek.

Nôt wurdt inkeld brûkt foar brea en bôle, want hja drinke gjin bier, allinne wyn fan druven, apels of parren, of wetter, bytiden mei wat hunich of wat swiethout deryn, dat hja dêr by de rûs hawwe. De bestjoerders fan de stêden sykje krekt út hoefolle as eltse stêd mei de omkriten alle jierren oan iten nedich hat, mar hja ferbouwe wol wat mear, en litte dan ek oare stêden fan de oerskotten meidiele. Wat de minsken op it lân nedich hawwe oan helpmiddels krije hja út de stêd dêr't hja byhearre, want alle moannen is der ien hjeldei, en dan geane de minsken nei de stêd. Jo sizze dan oan de bestjoerders wat jo nedich hawwe, en jo krije it sa mei. Krekt foar de tiid fan de rispinge jout de ôfdielings-tafersjochhâlder oan it bestjoer fan de stêd troch hoefolle ekstra wurkkrêften as er nedich hat. En krekt dat tal ûngetiders giet op de goede dei oan it wurk, en as it waar wat meiwurket is alles yn sawat fjouwer en tweintich oeren berêden.

*OER DE STÊDEN EN
BENAMMEN OER DE HAADSTÊD*

AS JO IEN STÊD SJOEN HAWWE HAWWE JO SE ALLEGEARRE sjoen. Hja binne allegearre krekt lyk, foarsafier as it terrein it talit fansels. Dêrom nim ik der mar ien as foarbyld, it docht der neat ta hokker. Mar wêrom soe ik dan net Amaurotus nimme, want dy stêd is dochs de haadstêd, en de wichtichste fan alle stêden dêre, om't dêr it parlemint byinoar komt, en ik wit dêr ek it measte fan, want ik ha dêr mear as fiif jier taholden.

Amaurotus dan leit op in súntsjes oprinnende skeante en is sawat in fjouwerkant. De stêd rint oer in breedte fan twa kilometer fan de top fan in hichte oant de stream, de Anydrus, en is dêr in bytsje langer. De boarne fan de Anydrus leit tachtich kilometer fierder it lân yn, en der komme ferskate rivieren yn út. Twa dêrfan binne aardich grut, en tsjin de tiid dat de Anydrus by Amaurotus komt is er sa'n fiifhûndert meter breed. Letter wurdt er noch breder, oant er, sa'n sechstich kilometer fierder, yn de oseaan útkomt. Oant yn de stêd, en noch ferskate kilometers fierder, kinne jo de ynfloed fan it tij merkbite, dat feroaret om de seis oeren. Mei floed komt it wetter wol tritich kilometer it lân yn, driuwt de rivier werom, en makket it wetter brak. It wetter bliuwt ek fierderop in bytsje brak, mar dat wurdt stadichoan minder, en by Amaurotus is it wetter farsk. By eb dringt de rivier de see werom, en makket it wetter wer farsk, sawat oant de kust ta.

Der leit in stiennen brêge nei de oare kant fan de rivier, net in houten ien. Oant dy brêge ta kinne skippen samar de stêd ynfarre. Der is noch in oare rivier, in lytsenien, mar o sa kalm en leaflik. Dy rint fan de top fan de heuvel, dêr't Amaurotus op

boud is, midden troch de stêd hinne en komt yn de Anydrus út. De boarne leit krekt bûten de stêd, mar hja hawwe de muorren der wol omhinne boud, sadat by in ynfaasje de fijân it wetter net ôfsnije, omliede of fergiftigje kin. Fan de boarne út rint it wetter nei de legere dielen fan de stêd troch stiennen pipen. En as dat systeem net wurket hawwe hja altyd noch grutte reinwettersbakken om it reinwetter op te heinen, en sa is der altyd wetter genôch.

Om de stêd hinne leit in tsjokke, hege muorre mei tuorren en blokhuzen om de safolle meter. Oan trije kanten is der ek in grêft, dêr't gjin wetter yn stiet, mar dy't knap breed en djip is, en hielendal fol stiet mei toarnstruken. Oan de fjirde kant tsjinnet de rivier as grêft. De huzen yn de strjitten binne oan inoar fêstboud, om it ferkear wat makliker troch te litten en om de wyn te kearen. De gebouwen meitsje wol yndruk, hja steane ek tsjin inoar oan, en foarmje in sletten rige, oan beide kanten fan de strjitte. De gevels fan de huzen steane sa'n santich meter fan inoar ôf, en der leit in brede strjitte tusken, dêr't weinen mar omraken yn ride kinne. Efter de huzen leit in grutte tún, like lang as de strjitte, en folslein ynsletten troch de huzen oan de oare kant fan de tunen. En de huzen oan de de grutte strjitten rjocht krusende strjitten meitsje it fjouwerkant om de tunen folslein.

Alle hûzen hawwe in foardoar, dy't op de strjitte útkomt, en in efterdoar nei de tún. Yn beide gefallen binne dat dûbelde, iepenslaande duorren, dy't iepenswaaije as jo der ek mar efkes oankomme, en dy't dan fansels wer efter jo slute. Eltsenien kin oeral frij yn en út rinne, want dêr is nearne sokssawat as partikulier eigendom. De huzen sels wurde tawiisd troch in lotterij, en alle tsien jier ek sa wiksele.

Hja binne allegearre o sa wiis mei har tún, dêr't hja griente en fruchten, ek druven, yn opkweke, en gêrs en blommen. Hja hâlde

har tún ek o sa goed by. Wiswier: ik ha nearne eat sjoen dat moaier ynrjochte wie en better fersoarge as dy tunen. De Amaurotanen binne fûle túnkens, net allinne om't hja der sa'n wille fan hawwe, mar ek om't der wedstriden binne tusken de strjitteblokken wa't de moaiste tún hat. It sil net tafalle en fyn ien maatregel fan it stêdsbestjoer, dy't der mear op út is om de minsken goed te dwaan, en de mienskip wille te besoargjen as dy, en dêrom tink ik dat de stifter fan Amaurotus sels ek in fûle túnker wie.

Mei dy stifter bedoel ik Utopus sels, dêr't fan sein wurdt dat er de plannen foar de stêd fan it begjin ôf oan sels tekene hat. Mar hy hat it oan it neiteam oerlitten om it ôf te meitsjen en fier hielendal folslein út, wat er betocht hie. Want hy wist wol, dat dêr mear as in hiel minskelibben foar stie. Neffens de eigen skiedskriuwing, dy't sânhûndertsechtich jier werom giet, ta de oermastering fan it eilân, en dy't altiten o sa krekt byhâlden is, wiene de oarspronklike huzen lytse hutten, fluks yninoar setten mei it earste spul dat hja fine koene. De muorren wiene fan liem en moude, de dakken dutsen mei reid of strie. Mar no binne alle hûzen prachtich boud, mei trije ferdjippings. De muorren binne opboud mei hurde stien, kalkstien of bakstien, en fan binnen beplastere. De dakken binne no oeral plat, mei ien as oar spul ôfwurke dat net baarne wol, en better as lead it hâlde kin tsjin waar en wyn. Yn de finsters sitte glêsruten, glêse ha se dêr genôch, en inkeld ek noch wol ris doek, dat mei oalje of hars bestrike is. Dan lit it mear ljocht troch en minder loft.

OER DE BESTJOERDERS

TRITICH HÚSHÂLDINGEN KIEZE MEIINOAR ALLE JIERREN in bestjoerder, dy't hja eartiids in syfrogant neamden, mar dy't no fylarch neamd wurdt. Oer tsien bestjoerders en de húshâldingen, dy't by har hearre, stiet in haadling, eartiids traniboor en no profylarch neamd. Alle twahûndert bestjoerders yn in stêd kieze meiinoar de boargemaster, nei't hja earst in ied ôflein hawwe, dat hja de man kieze sille, dy't hja it bekwaamst achtsje út de fjouwer, dy't it hiele folk foardroegen hat. Want de stêd is yn fearnen opparte, en alle fearnen bringe in man nei foaren by de senaat: twahûndert bestjoerders byinoar. De boargemaster bliuwt syn hiele libben oan, as er der net fan fertocht wurdt in soarte fan twingboal wurde te wollen, mei stipe fan inkelde bestjoerders. Haadlingen wurde alle jierren wer op 'e nij keazen, mar hja nimme net gau oaren. De oare bestjoerders meie mar foar ien jier keazen wurde.

Om de trije dagen, of faker as soks nedich is, komme de haadlingen mei de boargemaster gear om rie te hâlden. Hja redendiele dan oer de saken, dy't de minsken allegearre oangeane, en kedize oer de skelen tusken harren, foarsafier't dy har foarlein wurde, mar soks bart komselden. Twa bestjoerders moatte oanwêzich wêze by de sittingsen fan de rie, mar alle kearen twa oaren. It stiet derta, dat gjin beslút oer algemiene saken krêft hat, as it net trije dagen tefoaren yn de senaat besprutsen is. It is op straffe fan de dea ferbean en praat bûten de senaat of de grutte, algemiene folksgearkomste om oer steatssaken en meitsje plannen. Sa wolle hja tefoaren komme dat boargemaster en haadlingen despoaten

wurde, en de konstitúsje fergrieme. Om deselde reden wurde alle wichtige saken oan de gearkomste fan bestoerders foarlein, dy't der dan wer mei de eigen húshâldings oer prate, en dy't oan de senaat foarlizze, hoe't der by har oer tocht wurdt. By no en dan wurdt in kwestje nei de parlemintsgearkomste fan it hiele eilân yn Amaurotus trochferwiisd.

Boppedat is noch fêstlein dat de senaat net prate mei oer in útstel, dat deselde deis yntsjinne is. Alle petearen oer sa'n útstel wurde opskood nei de earstfolgjende gearkomste. Want oars sizze de minsken samar wat, dat har foar de mûle komt, en letter fine hja dan wol wat arguminten om te ferdigenjen wat hja yn 'e hjitte hei sein hawwe, en hja tinke net oan it belang fan de stêd. Sok soarte fan minsken is der op út en set it belang fan de stêd leger as it eigen prestige, krekt om't hja, hoe nuver at soks ek liket, beskamme binne om ta te jaan, dat har earste idee faaks net goed wie, wylst har earste idee wêze moatten hie: earst tinke en dan pas prate.

OER IT WURK

IEN SOARTE FAN WURK MOATTE SE ALLEGEARRE OAN dielnimme, sûnder ûnderskie, manlju en froulju, en dat is it boerebedriuw. Alle bern moatte dêryn grutbrocht wurde, op skoalle en troch útstapkes nei de pleatsen op it lân yn de omkriten fan de stêd. Dêr kinne se net allinne sjen, hoe't it dêr om en ta giet, mar se moatte ek sels meidwaan mei it wurk, om harsels dêrop klear te meitsjen, en om moai wat sûne beweging te hawwen.

Njonken it boerebedriuw, dêr't se, lyk as ik al sein haw, allegear in skoft wurkje, moat eltsenien in eigen fak leare, syn spesjaal fak. Meastentiids is dat weevjen, mei wolle of linnen, of eat yn it boubedriuw, lyk as metselder, timmerman, smid. Yn dy beroppen is der nammentlik altyd wol ferlet fan minsken. Der binne gjin skroaren of naaisters, om't eltsenien op it eilân deselde soarte fan klean hat, mei lytse oanpassings foar manlju en froulju, en foar it troudwêzen as it nettroudwezen. De moade feroaret net. De klean binne o sa aardich om nei te sjen, en hja soargje derfoar, dat de minsken har frij beweegje kinne. Hja binne berekkene op waarm en kâld waar, en wat it wichtichste is: se wurde allegearre thús makke. Dêrom leart eltsenien ien fan de beroppen, dy't ik niis neamd ha, manlju lyk as froulju, alhoewol't de swakkere sekse faak it wat lichtere wurk krijt, lyk as spinne en weve, en de manlju it wat swierdere.

De measte bern wurde opbrocht om itselde wurk te dwaan as har heit, want dêr wurde hja ek troch de natuer ta oanlutsen. Mar as in bern mear sjocht yn oar wurk, dan wurdt er al as bern opnommen yn in húshâlding, dy't op dat wurk rjochte is. Fansels wurdt der wol op tasjoen, net allinne troch syn eigen heit, mar ek

troch it stêdsbestjoer, dat er oan in weardige en kundige húsfader tabetroud wurdt. As jo in berop al folslein yn 'e macht hawwe, dan kinne jo, as jo wolle, noch foar in oar berop leare, en as jo yn allebeide trochleard binne, dan kinne jo sels útmeitsje hokker fan de twa as jo nimme, as de stêd ien fan beiden net mear nedich is as de oare.

De wichtichste taak fan de bestjoerders, winliken it iennige dat hja te dwaan hawwe, is der op ta te sjen dat nimmen syn tiid fergriemt, en dat eltsenien mei syn eigen wurk teset is. Mar hja sitte net de hiele dei efter har oan, om har moarns ier oant jûns let oan it wurk te hâlden, as wiene it lêstdieren. Want dat is in slavelibben. En dochs is dat slavelibben it libben fan de measte arbeiders op de wrâld, útsein dan yn Utopia. Yn Utopia hawwe hja in wurkdei fan seis oeren: trije moarns, dan ite, twa oeren rêst, dan wer trije oeren arbeidzje middeis, en dan jûnsiten. Om acht oere jûns geane hja op bêd en hja sliepe acht oeren. En alle oeren dy't oerbliuwe kinne hja dwaan wat hja wolle, net om de tiid te fergriemen yn loaiens of mei idele dingen, mar om earne mei dwaande te wêzen. Eat, dat se sels wolle, en dêr't se wier wat oan hawwe. De measte minsken brûke dy tiid foar har fierdere foarming. Der binne bygelyks foar eltsenien tagonklike lêzingen op de iere moarn. Dy lêzingen binne ferplichte foar dyjingen, dy't útkard binne foar akademyske foarming, mar manlju en froulju dy't soks wolle geane dêr ek hinne, mei grutte groepen tagelyk. Elts siket út, wêr't er nocht oan hat, en giet dêr hinne. Mar as jo yn dizze tiid jo leaver mei jo eigen wurk dwaande hâlde: nimmen hâldt jo tsjin. Ferskate minsken dogge soks ek, want hja binne net sasear op de stúdzje ynsteld, en hja wurde priizge, om't hja mear foar de mienskip dogge.

Nei it jûnsiten hawwe hja ien oere de tiid om wille te meitsjen. Dat dogge se yn de tunen of yn de ythallen, al nei de tiid fan

it jier. Somliken dogge oan muzyk, oaren hawwe in goed petear. Hja hawwe nea heard fan sokke ûnsinnige en sleauwe dingen as dobbelstiennen. Hja hawwe twa spullen, dy't wol wat op skaken like. It iene is in soarte fan getallekamp, dêr't somlike sifers oare sifers yn 'weibringe'. It oare is in soarte fan strategysk spul tusken deugden en ûndeugden. It lit sjen, hoe yngewikkeld as de deugden meiinoar stride, en tagelyk ien side lûke tsjin de ûndeugden. It lit ek sjen, hokker deugden foar hokker ûndeugden oer steane, hoefolle krêft as de ûndeugden opbringe kinne foar in direkte oanfal, wat hja sydlings dwaan kinne, hoe't de ûndeugden de deugden oerwinne kinne, wat de bêste wize is en slaan de oanfallen fan ûndeugden ôf, en wat oan de ein de oerwinning fan de ien oer de oar bringt.

Mar der is ien ding, dat wy noch wat better besjen moatte, oars krije Jo dêr in ferkeard idee oer. Om't hja mar seis oeren op in dei arbeidzje koene Jo tinke kinne, dat hja dêre fan alles tefolle hawwe. Mar dat is perfoarst net sa. Rjocht oarsom: seis oeren is genôch, is mear as genôch om alles te meitsjen dat foar in goed en maklik libben nedich is. En as Jo begripe wolle, hoe't soks kin, tink der dan ris oan, dat in grut part fan de minsken yn oare lannen winliken neat docht. Earst hawwe je dan alle froulju, de helte fan alle minsken dus. En as earne de froulju hurd oanpakke, dan dogge de manlju meastentiids neat. Dan binne der al dy prysters en kleasterlingen, wat dogge dy winliken? Set dêr noch ris alle rike lju by, benammen de lânhearen, dy't as adel of eallju te boek steane. En by har heart in grutte stêf fan tsjinners, in hiele kliber fan bewapene opskeppers. En nim dan noch al dy bidders derby, dy't hielendal geef en sûn binne, mar krekt dogge oft se wat ûnder de lea hawwe, om lekker loai libje te kinnen. As jo dy allegearre byinoar setten hawwe, dan sille jo jo der oer fernuverje dat sa'n bytsje minsken opbringt wat it minsklik geslacht allegearre brûkt.

En tink der dan ek ris oan, hoe'n bytsje fan dy minsken docht wat perfoarst nedich is, want as jild it iennige is, dêr't foar arbeide wurdt, dan wurde der ferskate ambachten yn stân hâlden, dy't folslein oerstallich binne, en dy't allinne mar tsjinje om in lúkse yn stân te hâlden, dy't net nedich is, en dy't allinne mar tsjinnet om de wieldsucht en de nju fan in pear minsken har gerak te jaan. Ja, as de no besteande wurkkrêft ferparte waard oer de pear ambachten, dy't perfoarst nedich binne om it libben ridlik goed te libjen, dan soe der no al safolle oerproduksje wêze, dat de prizen tefolle sakje soene om de arbeiders noch in bytsje goed libben te jaan. Mar as alle lju dy't no teset binne mei dingen, dy't winliken net nedich binne, en alle lju, dy't te loai binne om te wurkjen, en eltsenien fan har makket twa kear safolle op fan wat oaren makke hawwe as de wurkers sels, as jo dy hiele kliber oan nuttige arbeid setten, dan soene jo sels sjen, hoe'n bytsje oeren wurk deis mear as foldwaande wêze soe om yn alle noeden en alle gemakken fan it libben te foarsjen.

Mar de feiten yn Utopia sizze genôch. Want dêr wurde út de hiele befolking fan in stêd mei omkriten amperoan fiifhûndert minsken frijsteld fan it gewoane wurk. Dêr binne dan ek de bestjoerders al by rekkene, dy't neffens de wetten frijsteld binne fan wurk, mar dy't frijwillich oan it wurk geane om it goeie foarbyld te jaan. Dêr binne ek alle minsken byrekkene, dy't frijsteld binne fan oare plichten om studeare te kinnen. Dat foarrjocht krije jo allinne op oanbefelling fan de prysters, befêstige troch de bestjoerders yn in geheime stemming. En as jo stúdzjeresultaten net foldwaande binne, wurde jo werom stjoerd nei de wurkpleatsen. Fan de oare kant bart it ek wol, dat de ien as oare wurker, dy't hurd studearret yn syn frije tiid, en goeie resultaten hat, frijsteld wurdt fan syn wurk, en befoardere wurdt ta de klasse fan de studearre lju.

It is út dy klasse, dat de diplomaten, de prysters, de bestjoerders en fansels ek de boargemasters keazen wurde. It âlde wurd, dit der efkes tuskentroch, foar in boargemaster is: Barzanes, it no brûkte: Ademus. Om't der hast gjin oare minsken binne, dy't neat dogge, of eat dogge, dat gjin sin hat, kinne jo wol neigean, hoefolle goed wurk as hja dwaan kinne yn in pear oeren. Boppedat wurdt it arbeidsprobleem noch lytser makke, om't hja it wurk dat dien wurde moat handiger oanpakke as wy. De reden bygelyks dat te uzes de boufak safolle arbeidskrêften opnimt is dat de minsken huzen bouwe en ferbetterje, en dat de neiteam se fersleaukje lit. De folgjende generaasje moat dan alles op nij opbouwe. En dat kostet folle mear as it kostje soe om alles yn oarder te hâlden fan it begjin ôf. Wat ek faak bart is ditte: de ien bout in djoer hûs, dat is net nei it sin fan in oar, dy't it oernimt. It hûs wurdt fertutearzge litten, en dan wurdt der wer in nij hûs boud, dat wer in slompe jild kostet. Sa giet it net yn Utopia. Dêr is alles goed regele. Nije huzen wurde komselden boud, en ripperaasjes wurde útfierd sa gau at se nedich binne. Sa bliuwt alles sa goed as it kin yn 'e es, mei sa min mooglik wurk. En dat betsjut, dat de boufakkers bytiden neat te dwaan hawwe. Hja wurde dan nei hûs ta stjoerd, om dêr planken klear te meitsjen, en stiennen te bikjen, dan binne hja dêr alfêst mei klear as der wer wat boud wurde moat.

Betink ek ris hoefolle wurk as hja útsparje op har klean. Om te begjinnen: by it wurk drage hja romme learen wurkklean, dy't op syn minst sân jier meigeane. Foar op strjitte lûke hja dêr in soarte fan mantel oerhinne, dy't altyd en oeral fan deselde kleur is: de natuerlike kleur fan de wolle. Sa hâlde hja it wolferbrûk leech, mar ek de kostpriis fan de wollen klean. Linnen is lykwols noch makliker te meitsjen as wolle, en wurdt dêrom noch mear brûkt. By linnen slane hja der inkeld acht op oft it goed wyt is, by wol oft it goed skjin is. Nei de finens fan it weefsel wurdt net sjoen.

En wylst yn oare lannen jo gjin man fine kinne dy't minder as fjouwer, fiif stellen wollen klean ta syn foldwaan hat, en dêrby siden ûnderklean, wylst kwasten en kwimpels wol tsien stel klean hawwe, binne de minsken yn Utopia mei ien stel wer foar twa jier klear. Want wêrom soenen se mear nedich hawwe? Se soenen der net waarmer fan wurde, of der better útsjen.

Om't se allegear nuttich work dogge, en dat wurk op himsels sa koart duorret as it mar kin, leit it foar de hân, dat se fan alles dochs rom genôch hawwe. En dêrom kin der bytiden in grutte kliber arbeiders op út stjoerd wurde om oan de diken te arbeidzjen, as dy stikken riden binne. En fakentiids, as soksoarte fan wurk ek net nedich is, wurdt der in noch koartere wurkdei ôfkûndige. Want de bestjoerders litte nimmen omdoch wurk dwaan. Alles yn de mienskip is der op rjochte om de boargers safolle as it mar kin frij te hâlden fan arbeidzjen, om har allegear de tiid te jaan har geast te foarmjen. Want dêryn leit neffens har it wiere lok yn it libben.

*OER DE FERHÂLDINGEN
TUSKEN DE MINSKEN*

NO WOE IK JIMME WAT ÚTLIZZE OER DE FERHÂLDINGEN tusken de minsken, hoe't de mienskip yninoar sit, hoe't hja meinoar omgeane, en hoe't de minsken it guod ferdielje. De alderlytste mienskip is de húshâlding, dy't meastentiids út ien famylje bestiet. As in famke grut wurden is en trout, trout hja yn de famylje fan har man. De jonges bliuwe yn 'e hûs, ûnder it gesach fan de âldste manlike sibbe, en as dy it geastlik net mear oan kin nimt de dan âldste it oer.

Alle stêden besteane út seistûzen húshâldingen, de minsken út it bûtengebiet fan de stêd der net byreckene, en om it tal lyk te hâlden is der fêststeld, dat der net minder as tsien en net mear as sechstsjin folwoeksenen yn ien húshâlding wêze meie, ôfsjoen fan de bern, dêr't hja it tal fansels net fan fêststelle kinne. Neffens dy wet moatte folwoeksenen, dy't yn de iene húshâlding oerstallich wurde, opnommen wurde yn in lytsere. As in hiele stêd tefolle minsken krijt, wurdt in part fan de befolking oerbrocht nei in stêd, dy't noch net sa fol is. As it hiele eilân tefolle minsken hat, wurdt yn alle stêden in tal minsken oanwiisd om in koloanje te foarmjen oan de oare side fan de see, sa tichtby as it mar kin, dêr't noch grûn te finen is om yn kultuer te bringen. De minsken út it lân sels kinne opnommen wurde yn de koloanje, dy't troch de Utopianen bestjoerd wurdt. As hja soks wolle, arbeidzje de Utopianen en de oarspronklike ynwenners goed meïnoar op, en beide folken wurde der better fan. Want ûnder lieding fan de Utopianen kin in lân, dat earst net genôch opbrocht om de eigen befolking derfan libje te litten genôch opbringe foar twa folken.

As de ynweners fan it lân net meiwurkje wolle wurde hja it lân, dat in koloanje wurde moat, útdreaun. As hja har dêr tsjin fersette fiere de Utopianen oarloch tsjin harren. Want hja achtsje in oarloch folslein rjochtfeardich, as de iene naasje it natuerlike rjocht fan in oare naasje ûntstriidt om in bestean te beskreppe op grûn, dy't troch de eigen ynweners net brûkt wurdt, mar inkeld fêsthâlden as in stik eigendom sûnder wearde.

Soe de ien as oare stêd sa ûntfolke wurde, dat er net wer op sterkte brocht wurde kin troch de oare stêden fan it eilân, der wurdt sein, dat soks twa kears yn har skiednis bard is troch in swier besmetlike sykte, dan wurde de kolonisten werom roppen om de gatten wer op te foljen, mei as eftergrûn dat it better is in koloanje op te jaan as in part fan Utopia ferswakje te litten.

Mar no wer werom ta har sosjale organisaasje. De húshâldingen, lyk as ik al sein ha, steane allegearre ûnder it gesach fan de âldste man. De froulju steane ûnder it gesach fan har man, de bern ûnder de âlden, de jongere minsken ûnder de âldere. Alle stêden binne yn fjouwer gelikense parten opparte, alle fjouwer mei in eigen sintrale hal yn 'e midden. Dêr wurdt wat yn de húshâldingen makke is yn magasinens opslein, en letter ûnder de winkels opparte. En it haad fan in húshâlding kin wer út de winkels weihelje wat er nedich hat foar himsels en syn húshâlding. Hy kin meinimme wat er hawwe wol, sûnder der wat foar te beteljen of der wat foar werom te jaan. Want wêrom soe men him wat wegerje? Der is mear as genôch foar eltsenien, en der bliuwt genôch yn foarrie, dat der is gjin kâns, dat immen mear freget as er brûke moat. Want wêrom soe immen wat opgarje wolle, as er dochs wol wit dat fan alles oeral altyd genôch is? Gjinninkeld skepsel is út syn aard wei ynklauwerich, útsein as it bang is foar in tekoart, of, as it minsken binne, út idelens. Want minsken tinke dat hja better binne as oaren as hja oer mear dingen beskikke kinne. Mar foar sokke tinzen is yn Utopia gjin plak.

By de magazines binne ek ferdielingsplakken foar iten en drinken, dêr't alleman brea, bôle, fleis, fisk, griente en fruchten wei helje kin. Mar der binne aparte plakken, bûten de stêd, dêr't alle bloed en alle smoargens der earst ôf wosken wurdt, yn streamend wetter. It slachtsjen en it klearmeitsjen fan it fleis wurdt dien troch slaven. Hja wolle net dat gewoane boargers der oan wenne en fykje bisten iepen, want hja tinke dat soks de minsklike gefoelens oantaast. It is ek ferbean en bring smoarge of rottige dingen yn de stêd, want hja binne bang dat de loft dan bedoarn wurdt of dat der sykten ferspraat wurde.

Midden yn alle strjitten stiet in grut gebou mei in eigen namme. Dêr wennet de bestjoerder, en dêr ite de tritich húshâldingen, fyftjin oan de iene en fyftjin oan de oare kant fan de strjitte, dy't by him hearre. De boadskiprinders foar al dy ytsealen geane alle dagen op de fêststelde tiid nei de ferdielingsplakken, en hja hawwe dan in list by har fan de minsken, dy't by har ite, en dêrneffens wurdt dan alles taparte. Mar de pasjinten yn it sikehûs geane altyd foar. Ja, der binne by alle stêden fjouwer sikehuzen, krekt bûten de muorren. It sikehûs sjocht der út as in lytse stêd. Dat ha se dien om der foar te soargjen, dat der net tefolle siken byinoar lizze, en dat de lju mei in besmetlike sykte apart hâlden wurde kinne. De sikehuzen wurde goed bestjoerd troch in goede medyske stêf, de ferpleechsters binne o sa meilibjend en soarchsum, dat, alhoewol't nimmer dêrta ferplichte is, hast alleman leaver nei it sikehûs giet as thús siik leit.

As no de boadskiprinders fan it sikehûs, neffens de oanwizings fan de dokters, it nedige meikrigen hawwe, wurdt al it goeie iten dat der is oer de ytsealen opparte, neffens it tal ynskreamde iters. Der wurdt wol rekken hâlden mei de boargemaster, de oerpryster, de haadlingen en de diplomaten. En ek mei bûtenlanners, as dy der binne. Net dat dy der safolle binne,

mar as hja der binne krije hja aparte wenten, dêr't alles yn stiet dat hja nedich hawwe.

Middeis en jûns om itenstiid klinkt de bazune, en dan komme de tritich húshâldingen, dy't byinoar hearre, nei de ytseal ta, mei útsûndering fan de siken, yn it sikehûs en thús. Mar as de ytsealen har part hân hawwe kinne jo, as jo dat wolle, ek sels jo iten mei nei hûs ta nimme. Want eltsenien wit dan wol, dat jo dat net samar dogge. Ik bedoel: nimmien wol graach thús ite, alhoewol't der gjin wet is dy't soks ferbiedt. Mar fan de iene kant fine se it net hielendal yn 'e es, en fan de oare kant: wêrom soene jo al dat wurk fan iten klear meitsje, mei de wissichheid dat it nea hielendal goed slagget, op jo nimme as jo alle dagen in goed miel krije kinne yn de seal midden yn de strjitte?

Yn dy ytsealen wurdt al it rûge en smoarge wurk dien troch slaven. Mar iten siede en klearmeitsje, en fêststelle wat der krekt iten wurdt, wurdt hielendal oerlitten oan de froulju, dy't oan bar binne. Want alle dagen is in oare húshâlding dêr foar oanwiisd. De oare folwoeksenen sitte oan trije tafels, of mear, as der mear binne, de manlju mei de rêch nei de muorre, de froulju oan de binnenkant. Dan kinne hja as hja ynienen net goed wurde, want dat komt mei swiere froulju noch wol ris foar, fan tafel rinne sûnder immen ta lêst te wêzen, nei de romte ta foar de memmen, dy't noch tatebern hawwe. Dy sitte nammentlik mei de lytse poppen yn in eigen romte, dêr't altyd fjoer en skjin wetter is. Dêr binne ek altiten widzen genôch, dat de memmen de lytse bern te sliepen lizze kinne, of, as hja soks wolle, se by it fjoer wat tripkje litte kinne. Alle bern wurde troch de eigen mem oan it boarst nommen, en as dat troch sykte of dea net kin, dan soargje de froulju fan de bestjoerders der foar, dat der in minne-mem fûn wurdt. Dat jout gjin swierrichheden, want de froulju, dy't soks dwaan kinne, wolle graach frijwillich soks dwaan, om't eltsenien

sokke stipe heech bewûnderet, en de bern sels har as de eigen mem sjogge. Yn dy romte krije ek de bern ûnder de fiif iten.

De oare bern, dat binne dus alle jonges en famkes, dy't noch net âld genôch binne om te trouwen, betsjinje oan tafel yn de ytseal, of, as hja dêr noch net âld genôch foar binne, steane hja dêr, en binne o sa rêstich. Yn beide gefallen krije hja har eigen iten oanjûn troch de âlderen, hja hawwe gjin aparte tiden om te iten. It eareplak yn de ytseal is foaroan, op in lytse ferheging, dêr't men de hiele seal oersjen kin. Dêr sit dan de bestjoerder mei syn frou, mei twa fan de âldsten. Alle tafels sitte dan wer fjouwer âldsten oan. Mar as der in timpel oan de ytseal ferbûn is, dan sit de pryster mei syn frou by de bestjoerder, om tafersjoch te hâlden op it folk. Oan beide kanten sitte ek wat jongere minsken, dan wer wat âldere. Sa giet it oer de hiele ytseal. Yn oare wurden: jo sitte by de lju fan jo eigen jierren, mar der sitte altyd ek in pear âldere en in pear jongere by. Dat is sa regele, waard my sein, om't it respekt foar de lju op jierren de jonge lju der fan ôfhâldt har bluisterich te benimmen, om't alles wat hja sizze of dogge heard en sjoen wurdt troch de minsken dy't fuortby sitte.

As hja it iten optsjinje geane hja net by de tafels lâns, fan de iene ein nei de oare. Earst krije de âldere minsken, dy't eigen plakken hawwe, it bêste iten. Dan krije de oaren gelikense parten fan wat der oer is. Mar as der wat bysûnder lekkers is, en dêr is net genôch fan, dan diele de âlderen soks lyk as hja it hawwe wolle mei de jonge minsken, dy't by har oan tafel sitte. Sa wurdt de âlderein yn har eare net tekoart dien en krijt eltsenien dochs fan alles wat.

It middeisiten en it jûnsiten begjint mei it foarlêzen fan in stik dat foarmjende wearde hat, mar net te lang, dat nimmen it ferfeelsum fynt. Dan begjint de âlderein in earnstich petear, mar wol mei in grapke derby, en nea brimstich of grimmitich. En hja

prate ek net allinne mar, de hiele itenstiid troch. Rjocht oarsom: hja hawwe der wille fan, as de jongelju ek ris wat sizze, en hja lokje dat út, want sa kinne hja har karakters hifkje, as hja har allegearre by ûntspanning en fervedaasje besjen en beharkje kinne.

It middeisiten duorret net sa lang, om't hja dêrnei noch arbeidzje moatte. It jûnsiten kin langer duorje, om't dêr in hiele nacht fan sliiep op folget, dy't hja o sa goed achtsje foar de spiisfertarring. By it jûnsiten is der altyd muzyk, en by einsluten is der altyd in neigesetsje mei fruchten en oare lekkere dingen. Hja baarne dan ek wat hars en besprinkelje de lju mei rûkwetter, ja, hja dogge alles om it de minsken mar nei it sin te meitsjen, want hja binne der fan oertsjûge dat alles wat wille jout oeral en altyd tastien is.

Dat is alles oer it libben yn de stêd. Bûtenút, dêr't de ôfstannen safolle grutter binne, ite de minsken thús. Hja hawwe fansels itselde iten as de stêdslju, want hja moatte alles leverje wat de minsken yn de stêd ite.

OER IT REIZIGJEN

AS IMMEN IN FREON OPSYKJE WOL YN IN OARE STÊD, OF dy stêd allinne mar ris besjen wol, dan kin er maklik permisje krije om dêrhinne, as er teminsten thús mist wurde kin. Hy moat it dan by syn eigen bestjoerder en haadling oanfreegje, en hy wurdt der op útstjoerd mei in keppel oaren. Mei in brief, tekene troch de boargemaster, dêr't de tastimming yn stiet, en de dei, dat hja wer werom wêze moatte. Hja krije ek in wein, mei in slaaf derby om de oksen oan te trunen. Mar as der gjin froulju yn it reisselskip binne, fine de measten dat earder hinderlik as maklik, dat hja stjoere wein en slaaf werom. Jo hoege ek neat mei te nimmen foar ûnderweis, want it is oeral lyk as thús, en jo wurde oeral let en set. As jo op in plak mear as ien dei bliuwe, wurdt der fan jo ferwachte, dat jo de gewoane poarsje wurk dogge, en jo fakbruorren nimme jo graach yn har fermidden op. Mar as jo sûnder permisjebrief bûten jo eigen stêdsgebiet omswalkje wurde jo mei skande nei jo eigen stêd werom brocht en ôfstraft. Bart it foar de twadde kears dan wurde jo straft mei slavernij. Mar as immen wat omswalkje wol yn de omkriten fan de eigen stêd, dan is der nimmen, dy't jo tsjinhâldt, as jo eigen Heit it goedfûn hat, en de frou. Mar wêr't jo ek komme jo krije gjin waarm miel as jo net moarns of middeis meidien hawwe mei it wurk. Mar fierders kinne jo yn it gebiet fan jo eigen stêd gean en stean dêr't jo mar wolle en binne jo foar de stêd krekt like nuttich as wannear't jo thús bliuwe.

Jo sjogge hoe't it is: wêr't jo ek binne, jo sille altyd arbeidzje moatte. Der is nea in ferlechje te finen foar tiidfergriemen. Der binne dêr ek gjin wynpriuwllokalen, gjin bierhuzen, gjin kitten,

gjin húskes fan plezier, gjin ûnderdúkplakken. Eltsenien hâldt jo yn 'e kuer, en dêrom moatte jo wol trochgean mei jo wurk, en jo frije tiid ek goed brûke.

It is wol dúdlik, dat as in folk sa libbet, dat der dan in oerfloed is oan alles, en om't alles lykom ferparte wurdt, binne der ek gjin earmen of bidlers. Alle stêden, lyk as jo noch wol witte, stjoere alle jierren trije fertsjintwurdigers nei it parlemint yn Amaurotus. Dêr nimme hja de bysûnderheden op fan de jierproduksje, en sa gau as dúdlik is hokker produkten tefolle binne yn de iene krite en hokker as der tekoart binne yn in oare wurdt der in rige ôfspraken makke om alles safier as it kin lyk te krijen. En soks bart sûnder jild of sûnder rjocht op kompensaasjes. Mar as de iene stêd wat jout oan in oarenien wurdt dat bytiden goed makke troch in tredenien, dy't foar de earste de tekoarten oanfollet, en sa is it hiele eilân ien grutte húshâlding.

Mar as hja allegearre foldwaande hawwe, dat wol sizze, dat hja foar twa jier foarrie hawwe, oars fertrouwe se it net, de rispinge foar it nije jier kin altyd ôffalle, dan wurdt it oerskot útfierd. En der geane út de oerskotten alle jierren wer grutte partijen nei oare lannen: nôt, hunich, wolle, flaaks, waaks, reade en pearse ferfstof, lear en ek fee. Ien sânde fan wat hja útfiere nei in lân wurdt as in frije gift weijûn oan de earmen dêre, it oare wurdt ferkoft foar in skaplike priis. Troch dy bûtenlânske hannel krije hja werom wat hja sels net hawwe, en dat is hast allinne izer, en boppedat in protte sulver en goud. Om't hja it al salang dien hawwe is der by har safolle goud en sulver, dat hja no meast op kredyt ferkeapje. Mar hja jouwe allinne kredyt oan partikulieren yn in oar lân as der in offisjeel kontrakt is, segele troch it bestjoer fan de krite, dy't ymportearret. As der betelle wurde moat, nimt it bestjoer it jild yn fan de minsken dy't betelje moatte, stopt it yn de gemeentekasse, en brûkt it oant de Utopianen it ynfoarderje. Dat dogge se meas-

tentiids net, want hja fine it net ynoarder en nim in oar folk wat ôf dat se dêr goed brûke kinne, wylst hja it sels net nedich hawwe.

Mar as hja it nedich fine om wat hja liend hawwe oan in oar lân werom te freegjen dan dogge hja dat. En hja dogge it benammen yn tiden fan oarloch. Want oarloch is it iennige, dêr't hja oan tinke, as hja al dat jild útstean en oangroeie litte. Dan hawwe hja wat efter de hân yn tiden fan heechste need, en it wichtichste dat hja der dan mei dwaan kinne is útlânske soldaten foar in hege soldij ynhiere, om't hja leaver it libben fan hiersoldaten riskearje as dat fan har eigen boargers. En hja witte ek, dat fijannen omkocht wurde kinne, en dat dy, as har mar genôch bean wurdt, ek wol meiinoar fjochtsje. Dat is de iennige reden, dat hja sa'n grutte foarrie fan djoere metalen oanhâlde. Net dat se sels dy metalen as djoer en eal sjogge. Nee, ik doar it jimme hast net te fertellen hoe't hja der in hast ûnmjittlike steatsskat op nei hâlde, want ik bin bang dat jim it net leauwe sille. Ik wit noch mar al te goed, hoe swier as it my foel om it te leauwen. En ik soe it noch net leauwe kinne, as ik it net mei myn eigen eagen sjoen hie. Want saken, dy't safier fan ús eigen tinzen en gewoantes ôfstean binne hast net te leauwen.

En dochs tink ik, dat it ûnlogysk is en fernuverje jin oer hoe't se omgeane mei sulver en goud, as jo ienkear witte, hoe't al har gewoantes oars binne as uzes. Ik tink dêrby benammen oan it feit, dat hja gjin jild brûke foar harsels, mar inkeld om efter de hân te hawwen foar needgefaltsjes, dy't komme kinne, mar dy't ek net komme kinne. En tagelyk hawwe hja foar sulver of goud, it rouwe metaal dêr't jild fan makke wurdt, net mear oer as wat it winliken foar wearde hat, en lyk as eltsenien sjen kin hat it minder wearde as izer. Sûnder izer is it minsklik libben net mooglik, likemin as sûnder wetter of fjoer. Mar wy soene it maklik stelle kinne sûnder sulver of goud, as wy de wearde dêrfan net opjage hiene om't it sa seldsum is. En dochs hat mem natuer ús mei de noas op har wurklik

grutte rykdommen treaun, lyk as grûn, loft en wetter, en se hat alle dingen, dêr't wy dochs neat oan hawwe, wat út it sicht setten.

As hja no dy seldsume metalen as goud en sulver opburgen yn goed ôfsletten romten, dan soe de man yn 'e strijtte op it sleauwe idee komme kinne, jo witte, wat in talint as er hat foar soksoarte fan dingen, dat de boargemaster en de rie him foar it lapke hâlde en sels besykje better te wurden fan al dat spul. It goud en it sulver soe fansels ek omsmeid wurde kinne ta prachtige fazen of oare keunstfoarwerpen, mar dan soe it folk der sa slei nei wurde, dat hja it altyd wer mei pine ôfstean soene as it omsmolten wurde moatte soe om dêr de soldaten fan te beteljen. Dat soe dan in grutte ôfdijer wurde foar de minsken, dy't it hiene, en om dy swierrichheden foar te kommen hawwe hja in systeem ûntwurpen, dat, krekt om't it hielendal oerienkomt mei har gewoantes, folslein it tsjinoerstelde is fan wat wy dogge, benammen yn de wize fan goud oppotsjen. Jo soene it net leauwe as jo it sels net sjoen hiene. En ik ha it sjoen.

Neffens har systeem wurde skûtels en drinkbekers, alhoewol't dy prachtich fersierd binne, makke út goedkeape grûnstof lyk as glês of stienguod. Mar sulver en goud binne de normale materialen, by de minsken thús en yn de mienskiplike ytsealen, foar de leechste funksjes yn de húshâlding, lyk as keamerpotten en nachtromers. Hja brûke ek keatlingen en bannen fan goud om de slaven oan fêst te lizzen, en dy't in skandalige misdien begien hat wurdt twongen om gouden ringen te dragen oan syn earen en syn fingers, in gouden bân om syn nek, en in gouden kroan op syn holle. Ja, hja dogge alles wat se kinne om goud en sulver leech te lizzen, en sa kin it ek dat, as it perfoarst nedich wêze soe, dat al dy metalen ynlevere waarden, wat by oare folken foar de besitters dêrfan wêze soe as waarden har de terms har út it liif lutsen, wylst it de measten yn Utopia gjin sint skele kinne soe.

Mei juwielen is it alhiel itselde. Pearels wurde dêr fûn op it strân, diamanten en edelstiennen by beskate rotsen, mar hja sykje se net. As hja se by tafal fine, slypje hja se wat by, en jouwe se oan de lytse bern. Dy binne earst o sa wiis mei dy juwielen, mar as hja wat âlder wurde, en sjogge, dat dy dingen allinne troch de lytskes droegen wurde, dan, sûnder dat de âlden der wat fan sizze, mar allinne om't hja har der oer skamje, lizze de wat gruttere bern se wer ôf. Krekt lyk as by ús de bern, as hja wat grutter wurde, poppen en oar boartersspul weismite. Hoe't dy nuvere gewoanten, dy't sa ôfwike fan wat by oare folken wenst is, ek in oare wize fan tinken meibringe, is my goed dúdlik wurden by in besite fan de Anemoliërs.

Har diplomaten besochten Amaurotus doe't ik dêr wie, en om't hja prate woene oer eat dat neffens har tige wichtich wie hiene alle stêden trije riedsleden stjoerd as delegaasje foar it petear. No wisten alle útlânske delegaasjes, dy't der earder west hiene út plakken krekt oarekant de seeingte, dat de gewoanten yn Utopia wat oars wiene. Hja wisten, dat it in lân wie, dêr't djoere klean net op priis steld waarden, dêr't side ferspijd, en goud in ûnhuer wurd wie, en dêrom wiene hja sa ienfâldich klaaid as mar koe foar dat soarte fan gelegenheden. Mar de Anemoliërs wennen te fier fan Utopia ôf om fan dat soarte fan dingen wat te witten. It iennige wat hja wisten wie dat de Utopianen allegearre deselde soarten fan klean oan hiene, nochal rou spul, faaks om't hja neat betters hiene om oan te lûken. Dêrom wiene hja, earder arrogant as diplomatyk, fan doel en ferbjusterje har mei in hast godlike pracht, en fier dy ferrekte Utopianen yn 'e mist mei al har pracht.

Doe't it gesantskip oankaam wie it mar trije man sterk, mar dy trije waarden beselskippe troch sa'n hûndert man personiel, dy't allegearre bylkerige klean oan hiene, foar it grutste part fan side. De grutte lju sels, want it wiene grutte lju yn har eigen lân, hiene

klean oan fan goudtrie, en hja rûnen mei grutte gouden keatlingen om 'e nek, gouden ringen oan de earen, en gouden ringen oan de fingers. Har huodden wiene opsnolke mei glinsterjende stringen pearls en oare juwielen. Hja wiene winliken opsnolke mei alle dingen, dy't yn Utopia brûkt wurde om slaven fêst te hâlden, misdiedigers foar skut te setten en lytse bern te fermeitsjen.

No, ik woe net graach mist hawwe wat der doe barde. Dêr rûnen dy trije hearen, o sa mei harsels ynnommen, as hja harsels ferlieken mei de minsken, dy't bylâns de dyk stiene, want fansels wiene de strjitten grôtfol minsken. Mar sjoch ris ta wat der barde mei harren, sa folslein oars as wat hja tocht hiene. Want sjoch, foar de gewoane minsken fan Utopia, net foar de pear dy't de kâns hân hiene en sjoch ris yn it bûtenlân, wie al dy pracht en praal allinne mar leechlizzend foar de lju, dy't der mei om rûnen. Dêrom seagen hja allinne mar mei earbied nei de leechste tsjinnars yn it grutte selskip, dy't de meast gewoane klean oan hiene, en hja hiene hielendal gjin each foar de diplomaten sels, om't hja tochten dat dat slaven wiene, fanwege har gouden keatlingen.

O, jo moasten de gesichten fan de lytse bern sjoen hawwe, dy't krekt út de pearls en de juwielen groeid wiene, doe't hja de huodden fan de gesanten seagen. Hja staten de memmen oan, en lústeren: 'Mem, sjoch dy grutte beukers no ris. Dy dêr draacht noch juwielen, en dat op syn jierren.' En de mem, tige ernstich: 'Ja, leave, ik tink dat dat in klown is, dy't oan de ambassade ferbûn is.' De grutte keatlingen krigen ek in bulte krityk: 'Dy keatlingen jouwe ek net in soad', sei ien, 'it is sa'n tinnen ien, dy slaaf kin sa útnaaie.'

Mar doe't hja der in pear dagen wiene krigen de Anemoliërs foar it ferstân hoe't it ien en oar yninoar siet. Hja seagen dat der yn Amaurotus o sa folle goud wie, en dat it dêr krekt sa fersmiten waard as by har bewûndere. Hja krigen ek yn 'e rekken dat in

útnaaide slaaf mear sulver en goud oan it liif hie as hja mei har trijen byinoar. Dêrom hâlden hja op mei te besykjen en stek oaren de eagen út, en om't hja har skammen oer harsels diene hja alle pronk ôf, dêr't hja sa grutsk op west hiene. En dat nei in o sa freonlik petear mei har gasthearen, dy't har wat ynsjoch joegen yn wat wenst wie en hoe't de minsken yn Amaurotus foar al dy dingen oer stiene. De Utopianen kinne bygelyks net ynsjen, wêrom't immen sa oanlutsen wurdt troch de sleauwe glâns fan in lyts stientsje wylst er alle glâns fan de stjerren hat om nei te sjen. Hja kinne ek net begripe hoe't immen mear is as in oar om't syn klean út wat finer wol makke binne as in oar sines. As it der op oan komt binne al dy klean earder droegen troch skiep, en se binne nea better te plak west as op skiep.

Hja kinne ek net begripe, wêrom't in folslein ûnnutte stoffe as goud no oer hiel de wrâld sjoen wurdt as eat fan mear wearde as minsken, dy't it dochs de wearde jûn hawwe dy't it hat, as in handige mjitstêf. En dat hat wer fan dy gefolgen, dat in man mei likefolle geastlike linigens as in klompe lead of in brok hout, in man, waans stommens lyk op rint mei syn lekken en brekken, hopen goeie minsken yn tsjinst nimme kin, inkeld om't er tafallich in grutte pûde mei gouden munten hat. En as by it kearen fan it lot of it feroarjen fan de wet, twa gelikense wizen om de dingen om te draaien, deselde munten yn ien kear oerdroegen wurde moasten oan it ûnnutste lid fan syn persoaniel dan soene jo daliks sjen, hoe't de tsjintwurdige eigener as in ekstra stik jild syn munten efternei gean soe, en de feint fan syn eardere feint wurde soe. Mar in domheid dêr't de Utopianen noch minder fan begripe, en dêr't hja noch mear it mier oan hawwe, dat is hoe't guon lju de hiele dei in ryk man plomstrykje of oankrûpe wolle, net om't hja jild fan him liend hawwe of hy har op in oare wize yn syn macht hat, mar inkeld om't er sa ryk is, al witte hja al te goed,

dat er fiersten te deun is en lit har ea ek mar in stuver takomme, salang as er dat opkeare kin.

Hja krije yn Utopia dy ideeën foar in part troch hikke en tein te wêzen ûnder in sosjaal systeem dat rjochte is tsjin al dy soarten fan ûnsin. En foar in oar part troch lêzen en oplieding. Tajûn: nimmen kin samar syn hiele libben studearje, útsein in pear bern yn eltse stêd, dy't as bern al sjen litten hawwe dat hja bûtenwenstige talinten hawwe, en de wiere hâlding foar de dingen oer, om alles wittenskiplik út te sykjen. Mar alle bern krije in basisfoarming, en de measte manlju en froulju geane altyd troch mei learen yn har frije tiid, dêr't wy it al oer hân hawwe. Eltsenien wurdt ûnderwiisd yn syn eigen taal, want dy taal is dêr ryk genôch foar. It jout wille en beharkje dy taal, en jo kinne der wiswier alles goed yn útdrukke. Alle minsken yn dat diel fan de wrâld begjinne no dy taal te brûken, mar bytiden binne der lytse ferskillen te merkbiten.

Doe't wy dêr oankamen wisten hja de nammen fan de ferneamdste Europeeske tinkers net iens. En dochs hawwe hja sawat deselde prinsipes ûntdutsen as wy wat muzyk, logika, wiskunde en ierdrykskunde oanbelanget. Mar, alhoewol't hja de kearn fan it tinken oer de âldheid goed neikomme kinne, binne hja gjin partuer foar de modernnen op it stik fan logica. Hja hawwe bygelyks noch hielendal neat útfûn dat ek mar liket op de beheiningen, útwurkingen, ûnderstellingen en ûnderskiedingen, dy't sa knap útwurke binne yn de 'Koarte ynliding yn de logika', dy't al ús skoaljonges út de holle leare moatte. En fierder binne hja net by steat de 'Ferborgen Talis' út te sykjen, en hja kinne sels net op it spoar komme fan dy alles oerhearskjende universele reus, dy't de minske is, en dy't, lyk as jim witte, in ûnbiedich grut wêzen is, grutter as hokker reus ek, dêr't jo ea fan heard hawwe. En boppedat hawwe wy dy universele minske noch mei de finger oanwiisd, mar fan har hat nimmen hin ea sjoen.

Mar fan de oare kant binne hja grutte spitsen yn de stjerrekunde en hja hawwe ferskate ynstruminten útfûn om de krekke posysjes fan de sinne en de moanne út te sykjen, al har bewegingen en dy fan de oare himelbollen yn dat part fan de himel, dat hja sjen kinne. Mar fan astrology, freonskip en fijânskip tusken de stjerren en de planeten, en fan takomstfoarsizzing út de stjerren en al dat soarte fan humbug hawwe hja nea ek mar dreamd.

Troch lange ûnderfining hawwe hja ynsjoch yn wat it waar dwaan sil: hja witte fan wyn en rein, en de oare feroaringen yn it waar. Mar as jo har freegje om dat allegearre út te lizzen, of om te sizzen, wêrom't de see sâlt is, of wêrom't der tij is, of om no ris út te lizzen wêr't de natuer wei komt, of hoe't it hielal yninoar sit, dan krije jo fan eltsenien in oar andert. In inkeld andert rint gelyk op mei dat fan ús wiisgearen, mar, alhoewol't hja it net allegearre meiinoar iens binne, sil it jo gjin nij dwaan en hear, dat de Utopianen in hiel eigen systeem fan theorieën opboud hawwe, dy't net allegearre lyk meiinoar oprinne.

Yn de sedelear prate se oer deselde fraachstikken as wy. Hja prate oer trije soarten 'goed': foar de siel, foar de lea, en foar de dingen. Dan prate se dêroer, oft jo yn dy trije gefallen wol fan goed prate kinne, of allinne yn it earste gefal: wat is goed foar de siel. Hja redeneare ek in soad oer sokke dingen as deugd en geniet. Mar hja prate yn haadsaak oer de aard fan it lok foar de minske: wêr hinget dat fan ôf? Op dat punt hingje hja oer nei in hedonistyske fisy: alles giet om it lok, en neffens har bestiet it lok fan de minske foar it grutste part of hielendal yn wille. En nuver genôch ferdigenje hja dy op it eigen lok rjochte lear mei in ferwizing nei de godstsjinst, in saak dy't normaal dochs yn ferbân brocht wurdt mei in strangere libbenswize, as it al net is mei ôfstjerren en boete dwaan. Mar hja helje yn alle petearen oer lok har godstsjinstige prinsipes derby, om de arguminten fan de

rede, dy't neffens har net sa sear op it wiere lok rjochte binne, fuort te sterkjen.

Harren earste grûnstelling is dat de siele ûnstjerlik is en skepen troch in godheid, dy't woe dat de minske lokkich wurde soe. De twadde grûnstelling is dat wy yn de kommende wrâld beleanne of straft wurde foar wat wy yn dizze foar goeds of kwea dien hawwe. Dat binne godstsjinstige prinsipes, mar de Utopiaanen hawwe dêr ek rasjonele argumenten foar. Want tink ris ta wat der bart as jo se net oannimme. Yn dat gefal, sizze hja, kin sels in gek jo fertelle wat der barre soe. Jo soene allinne foar jo eigen plesier libje, en jo hielendal neat oanlûke fan goed of kwea. Jo soene der allinne mar rekken mei hâlde, dat jo lytse fersetsjes jo grutte plesiermakkerij yn it libben net yn 'e wei sitte soene, en jo soene allinne dy fersetsjes út de wei gean, dêr't jo letter allinne mar lêst fan hawwe soene. Want wat hat it foar sin en wês deugdsom, en ûntsis josels de aardige dingen fan it libben, en meitsje it jo sa no en dan net al te maklik as jo net de hope hiene dêr wat mei te winnen, letter? En wat koene jo ek mar hope, as jo nei de dea neat werom krigen foar in folslein ûnplezierich, dat is in folslein ellindich libben?

It is net sa, dat hja lok lykstelle mei alle soarten fan wille en geniet, allinne mei de hegere foarmen. Hja stelle it lok ek net lyk mei de deugd, dat dogge mar inkelen fan harren. Neffens de measte tinkers by har is it lok it heechste goed, dêr't wy út ús aard wei nei sribje troch de deugd, en deugd is neffens har dwaan wat de natuer ús ynjout te dwaan, want God wol dat wy dat dogge. En wat jout de natuer ús yn? Om ús ferstân te brûken by wat wy dogge en net dogge, by wat wy dwaan wolle en net dwaan wolle. En ús ferstân seit ús op it foarste plak, jou de Almachtige God alle eare, en haw Him leaf, oan Wa't wy it bestean tankje en de mooglikheid om lokkich te wêzen; en op it twadde plak, kom sa

maklik en sa noflik mooglik troch it libben en help oaren en trún oaren oan om soks ek te dwaan.

Want immen kin noch sa strang wêze foar himsels en foar oaren, sa poer der op tsjin dat de minsken, dêr't hy wat oer te sizzen hat wille hawwe en bliid binne om har lok, hy sil altyd net hielendal konsekwint wêze yn syn oanwizings en syn tinken. Hy kin jo in libben fan hurd bodzjen oplizze mei mar in bytsje sliep, en net folle wille, mar hy sil ek tsjin jo sizze dat jo je bêst dwaan moatte en meitsje it libben foar oaren in bytsje nofliker. Hy sil alles wat jo dogge om de situaasje foar oaren better te meitsjen sjen as eat dat yn jo te priizgjen is, want neat is foar de minsken ealer en nommeler, en earder echt minsklik, as it lijen fan oaren weinimme of wat minder meitsje, en der foar soargje dat oaren wer sin krije yn it libben. Mar wêrom soe it dan net goed wêze en doch krekt itselde foar josels? Want ofwol it is net goed om fan it libben te genietsjen, mei oare wurden om wille te hawwen, en yn dat gefal soene jo nimmen dêryn stypje moatte, en jo soene sels besykje moatte en bewarje it hiele minskdom foar eat dat sa min is; ofwol, as it genietsjen fan it libben goed is foar de minsken, en it wurdt jo net allinne tastien mar sels oplein om der foar te soargjen dat de minsken wat oan it libben hawwe, wêrom soe de leafde dan net mei josels, yn jo eigen hûs begjinne? Jo hawwe by einsluten ek in plicht foar josels oer, lyk as in plicht foar oaren oer, en as de natuer seit dat jo goed wêze moatte foar oaren, dan kin hja it it folgjende momint net hielendal omdraaie en sizze dat jo wreed wêze moatte foar josels.

De Utopianen sizze dêrom dat it genietsjen fan it libben, dat is wille hawwe dêr't it mar kin, it natuerlike doel is fan alles wat de minske ûndernimt, en alles wat neffens de natuer is, is neffens har deugd. Mar de natuer wol ek dat wy oaren helpe om fan it libben te genietsjen, om de tige goed nei foaren brochte reden dat gjin inkeld minsklik wêzen it allinnerjocht hat op lok en wille.

Want de natuer wol it wolwêzen fan alle lidden fan de soarte. En dêrom seit se ús as fansels der altyd foar te soargjen dat wy nea ús eigenbelang tsjinje mei skea foar in oar. Fan dy grûnstelling út tinke hjá dat it goed is en hâld jins beloften yn de kontakten tusken de minsken, en dêrom hâlde hjá har ek oan de wetten oer de ferdieling fan it guod. Dêr bedoel ik it materiaal mei, dêr't de minsken har mei fermeitsje kinne. Oannommen fansels, dat sokke wetten makke binne troch in wiis bestjoerder, en goedkard troch it hiele folk, dat net te fiter hâlden is of bedrige. Binnen dy grinzen fine hjá it altyd wiis en kom foar jins eigen belang op, en dêrby bliuwt it jo plicht en tink ek om it belang fan de mienskip. It is ferkeard en nim in oar in fersetsje ôf om sels te genietsjen, mar josels eat ûntsizze om dêrmei de wille fan in oar te fergrutsjen, dat is in die fan minsklikens, dêr't jo altyd mear by winne as ferlieze. Want fan de iene kant: dy woldieden wurde altyd werom betelle yn freonlikens. En twad: it gefoel, dat jo foar in oar wat freonliks dien hawwe, en dêrom syn sympaty en dank wûn hawwe, jout in geastlike foldwaning, dy't maklik opweaget tsjin in stoflik ferlies. En as lêste in leauwe, dat as fansels komt yn in godstsjinstich moed, God sil ús leane foar it ôfstean fan wat wille no troch it jaan fan in ivichheid fan folsleine wille. Sa beredeneare se dat jo, as jo der goed oer neitinke, de wille as it echte lok sjen kinne, dat alle minsken ferwachtsje, sels as hjá sa deugdsom libje as it mar kin.

Wille omskriuwe hjá as alle foarmen fan aktiviteit, stoflik of geastlik, dêr't immen neffens de natuer fan genietet. It wurd, dêr't it om draait, is: fan de natuer út. Neffens har set ús ferstân ús derta en fermeitsje ússels neffens ús oanlis as minske op in natuerlike wize, dy't oaren net op it sear komt, en dy't net yn striid is mei in gruttere en djippere wille, of ferfeelsome gefolgen hat. Mar de minsken ha ôfpraten en neam, nochal idioat, somlike dingen ple-

zierich dy't dat neffens de natuer alhielendal net binne, as koene de feiten like maklik feroare wurde as de defynysjes. De Utopianen leauwe dat soksoartige dingen de minsken net lokkiger meitsje, mar krekt oarsom it lok ûnmooglik meitsje. Want as jo dêr ienkear oan wend binne, hawwe jo al gau jo sin foar wiere wille ferlern, en binne jo inkeld noch út op fâlske bylden fan lok, dat gjin lok mear is, ja, eat, dêr't hielendal gjin wille of noflikens mear oan ferbûn is. Mar dy falske fersetsjes dogge sa'n berop op de al ferdoarne smaak, dat it net allinne ien fan de leafste fersetsjes wurdt, mar sels ien fan de wichtichste dingen om foar te libjen; sa bygelyks by de minsken, dêr't ik it al oer hân ha, dy't harsels better achtsje as in oar, om't hja better klaaid binne. Yn feite is sa'n persoan mis wat syn klean oanbelanget, mar ek wat himsels oanbelanget. As it om de klean giet: wêrom is in fine trie better as in wat tsjokkere? En as it om de minske giet: dy hat him yn 'e holle setten dat de fine trie fan natuere better is, en dat dy trie de man dy't him draacht mear wearde jout. En dêrom ferwachtsje hja foar finere klean in earbewiis, dat hja mei in wat sljochter klaad net ferwachtsje soene, en hja wurde liik as hja dat ferwachte earbewiis net krije.

No't wy oer earbewizen prate: is it net like idioat en hechtsje safolle wearde oan in rige lege gebearten dy't nimmen goed dogge? Want wat foar wille hawwe jo eins fan in bleate holle of in bûgde knibbel? Soe dy de rimmetyk yn jo eigen knibbel better meitsje, of jo ek mar in bytsje better goed-by-de-holle meitsje? Fansels: de grutste leafhawwers fan dy keunstmjittige wille, dy't der ek noch altyd it hurdst yn leauwe, binne de lju, dy't in heech krop opsette fanwege har 'ealens'. Hjoed de dei betsjut dat allinne, dat jo tafallich hearre by in famylje, dy't in pear generaasjes efterinoar ryk west hat, meastentiids oan lân. En hja fiele har noch altyd folslein 'eal', ek as hja gjin spat urven hawwe, of as hja al wat urven hawwe, en it der hielendal trochjeid hawwe.

Der binne noch oaren, dêr't ik it ek al oer hân ha, dy't hielendal ferslingere binne oan juwielen, en dy't har fier boppe oare minsken ferheven achtsje, as it har slagget en kom in seldsum juwel benei, benammen as dat fan in soarte is, dy't yn har tiid en har lân as bûtenwenstige kostber beskôge wurdt. Want de wearde fan dy dingen hinget ôf fan it lân, dêr't jo yn wenje, of de tiid, dêr't jo yn libje. En hja binne sa ferskriklike bang, dat hja foar it lapke hâlden wurde, dat hja perfoarst wegerje en keapje ek mar ien juwel, dêr't noch goud omhinne sit. Dat moat der earst ôfhelle wurde, en dan wolle hja noch in skreaun bewiis fan de ferkeaper, dat de stien perfoarst echt is. Mar myn leave santjin, wêrom soe in fâlske stien jo net likefolle wille jaan kinne as in echte, as jo mei jo eigen eagen it ferskil dochs net sjen kinne? It makket foar jo dochs neat út, oft er no echt is as net, likemin as dat it wat útmeitsje soe foar in blyn minske.

En wat moatte wy tinke fan de lju, dy't oerstallige rykdommen opgarje mei gjin oar doel as om der mei wille nei te sjen? Is dy wille echte wille, of allinne mar in yllúzje? It tsjinoerstelde type fan healwizelingen bedobbet syn goud, sa, dat er it nea brûke kin, en it faaks hielendal nea mear werom sjocht. Hy hat it winliken al ferlern, yn syn eangstmte it net te kwyt te reitsjen. Want hoe kinne jo it oars neame as ferlern, as it werom brocht is nei de ierde, dêr't it him gjin goed docht, en immen oars ek net? En dochs is er o sa lokkich om't him slagge is en bring it te plak. Mar no kin er dochs net ophâlde en sit der oer yn. Mar ferûnderstel no ris, dat syn goud stellen is, en dat er tsien jier letter dea giet sûnder te witten, dat it wei is, dan hat er tsien jier syn ferlies oerlibbe, en wat hat it him al dy tiid útmakke, oft it jild der wie as net? Hy hat der yn alle gefallen al dy jierren neat oan hân.

Under de stomme plezierkes rekkenje hja net allinne it dobbeljen, dêr't hja wolris wat fan heard hawwe as fan ien as oare

foarm fan útwrydskens dêr't hja har nea oan bekwedige hawwe, mar ek de jachterij en de falkejacht. Wat is der no oan, freegje hja, en smyt in dobbelstien oer in tafel? En boppedat: jo hawwe it no safolle kearen dien, dat, sels as it de earste kears wol aardich wie, jo no jo nocht der wol ôf hawwe. En hoe kinne jo no wille hawwe fan eat, dat sa ferskriklik klinkt as it blaffen en jankjen fan hûnen? En wêrom is it safolle aardiger en sjoch nei in hûn, dy't in hazze efternei rint as nei in hûn, dy't in hûn hjitfolget? Yn alle gefallen is wat hy docht hurdrinne, as it it rinnen is wat jo wille jout. Mar as it it sjen is fan de dea, en it tasjen, hoe't in dier foar jo eagen oan stikken skuord wurdt, soe meilijen dan net mear foar de hân lizze, as jo sjogge, hoe't in swak, ûnskuldich, bang skepsel as in hazze útinoar skuord wurdt troch in bist, dat safolle sterker en proastiger is?

Dêrom achtsje de Utopianen it jeien ûnder de minsklike mjitte, en hja litte it hielendal oer oan de slachters, dy't lyk as ik jimme al sein ha, slaven binne. Neffens har is jeien it minste wurk foar de slachters, ferlike mei it oare wurk, dat noch nuttich en earfol wêze kin. In gewoane slachter makket de bisten dea, om't soks nedich is om se op te iten, en hy docht dat as it goed is sûnder dat se der in protte pine by hawwe. Mar in jager makket lytse bisten dea en mishannelet se inkeld en allinne foar syn eigen wille. Hja sizze yn Utopia dat jo dat soarte fan bloedtoarstigens ûnder de dieren net fine, at se fan harsels teminsten net bysûnder wreed binne, of sa makke binne, om't hja lange tiid ôfrjochte binne foar dat soarte fan sporten.

Sa binne der hûnderten fan soksoartige dingen, dy't oer it algemien as fersetsjes sjoen wurde, mar hja binne der yn Utopia fan oertsjûge dat se neat mei echte wille te krijen hawwe, om't der neat by is, dêr't jo echt fan genietsje kinne. En dy oertsjûging wurdt hielendal net skokt troch it argumint, dat de measte lju

der wol wille fan hawwe, wat wize soe op in earlik fersetsje, dêr't immen dochs wol tefreden mei wêze kin. Hja sizze, dat sok fielen suver subjektyf is, in reaksje teweibrocht troch minne gewoantes, dy't der foar soargje dat de minske it bittere foar it swiete foar kar nimt, krekt lyk as swiere froulju bytiden kersesmoar of ongel lekkerder fine as hunich. Mar hoe't immen syn oardiel ek oantaast wêze kin troch syn gewoantes of syn syktes, de natuer fan de wiere wille bliuwt gelyk, lyk as de natuer fan alle oare dingen.

De wiere wille ûnderskiede hja yn twa soarten: wille fan de geast en wille fan it liif. Wille fan de geast hâldt neffens har de foldwaning yn dy't immen ûnderfynt as er eat hielendal begrypt, of as er de wierheid troch de holle te brûken op it spoar komt. Dêr heart ek it witten by, dat hja it libben op in goede wize trochbrocht hawwe, en dat hja fertroufol foarútsjen meie nei de goede dingen, dy't komme. De wille fan it liif is opdield yn twa soarten. Ten earsten dy, dy't it hiele liif in gefoel fan djippe, oanhâldende blidens jout. Dat kin it gefolch wêze fan de oanfier fan stoffen, dy't opbaarnd wurde sille by de natuerlike ferbaarning yn it liif, oanfier, dy't bart as wy ite en drinke. It kin ek komme troch it wer ôffieren fan stoffen, dy't opbaarnd binne, en yn ús liif tefolle binne, stoffen, dy't ôffierd wurde by de trochgong, by it oansetten fan bern, of as jokte troch skeuken of wriuwen weinommen wurdt. Mar der is ek wille, dêr't gjin organyske oarsaak foar nedich is, en dy't gjin gefoel fan oerlêst weinimt. It pakt op in heimsinnige wize direkt al ús sinnen oan, en makket se allegearre lokkich. Bygelyks de wille troch de muzyk.

De twadde soarte fan wille troch it liif is de wille, dy't komt troch it kalme en regelmjittige wurken fan it hiele liif, as jo dus hielendal sûn binne. Alles is yn oarder, jo hawwe neat ûnder de lea. As jo sa binne, en jo hawwe hielendal neat, dan hawwe jo fansels alle wille, ek al binne der gjin fersetsjes. Fansels: it sprekt

minder oan, en it kriget minder omtinken as de wat grouwere fernoegens fan iten en drinken. Mar it wurdt sjoen as de grutste nju yn it libben. Hast eltsenien yn Utopia sil tajaan, dat dat in grut fernoegen is, en dat alle wille dêrop linet. It is genôch op himsels om derfoar te soargjen, dat jo fan it libben genietsje kinne, en as jo dy wille net hawwe is der gjin oar fernoegen mooglik. Mar as jo allinne mar gjin pine hawwe, en net in algemien gefoel fan wolwêzen, dan sille hja dat gjin wille neame mar dôvens.

Der hawwe ek tinkers west, dy't fan miening wiene, dat in duorjende, rêstige sûnens net as in fernoegen omskreaun wurde kin, om't jo dy inkeld oanwize kinne troch it tsjinoerstelde. O ja, hja hawwe o sa djip oer dy hiele kwestje neitocht. Mar dy miening is allang ferlyn op side skood, en no binne se der hast allegearre fan oertsjûge, dat sûnens it wichtichste fernoegen is. De argumintaasje rint likernôch sa: sykte bringt pine mei, en dat stiet rjocht tsjinoer wille, en sykte stiet rjocht tsjin oer sûnens, en dêrom slút sûnens alle wille yn.

Hja tinke net, dat it der net op oankomt oft jo sizze dat sykte pine is of inkeld pine meibringt. It komt yn alle gefallen op itselde del. En krekt allyk is it mei de fraach, oft sûnens wille is of inkeld wille meibringt. En dat is krekt sa dúdlik as dat fjoer hjitte meibringt. Dan is it ek logysk en jou ta, dat in duorjend wolwêzen jo sûnder mis wille jaan sil.

Boppedat, sizze hja, as wy ite, wat der dan feitlik bart is ditte: ús weromrinnende sûnens begjint de oanfal fan de honger ôf te slaan, mei it iten as bûnsmaat. Stadichoan wurdt de sûnens wer op peil brocht, en dat bringt ús no krekt de wille, dêr't wy sa'n nocht oan hawwe. As no de sûnens bliid is mei dy lytse oerwinning, wêrom soe er dan net bliid wêze mei in oanhâldende steat fan segepraal? Of moatte wy oannimme dat de sûnens as er syn oarspronklike sterkte, it iennige, dêr't er al dy tiid foar fochten

hat, werom hat, dat er dan daliks bûten westen is, en syn sukses hielendal net opmerkt, en fan syn slagjen gjin aan mear hat? Sels de meast dôfhûdige en apatyske persoan sil tajaan, dat it noflik is en wês sûn, en wat is noflikens oars as in oar wurd foar wille?

Hja binne yn Utopia benammen rjochte op geastlike ferset-sjes, dy't hja fan it grutste belang achtsje, en meastentiids yn ferbân bringe mei in goed hâlden en dragen, en in suver gewisse. It liiflik geniet, dêr't hja it meast fan hâlde is sûnens. Fansels, hja leauwe yn it genietsjen fan iten, drinken en sa fuort hinne, mar inkeld yn it belang fan har sûnens. Want hja sjogge dat soarte fan dingen net as wille jaand op harsels, mar inkeld as in manier om de oanfallen fan net-wolwêzen te oerwinnen. In ferstannich man, sizze hja, hat der mear oan sûn te bliuwen as om medisinen yn te nimmen, en hy wol leaver gjin pine hawwe as yn syn pine treastige te wurden. Dêrom is it ek better dat soarte fan genietsjen net nedich te hawwen as dêr oan oerlevere te wêzen. Ommers, as jo tinke, dat soksoarte fan dingen jo lokkich meitsje, sille jo tajaan moatte dat jo idee fan folslein lok wêze soe in libben dat hielendal bestiet út hongere, toarst, jekte, iten, drinken, klauwen en wriuwen, en dat soe, lyk as dúdlik is, net allinne walchlik mar ek ellindich wêze. Fansels, dy fernoegens binne fan de leechste soarte, om't hja ûnsuver binne. De wille fan it iten bygelyks is ferbûn mei de pine fan de hongere, en net iens evenredich, want de pine is fûler en duorret langer. Dy begjint al foar de wille, en dy hâldt net op foar't de wille ek ophâlden is.

Dêrom hawwe hja ek gjin hege mûtse op fan sokke fersetsjes, útsein as dy perfoarst nedich binne. Mar hja hawwe der dan dochs wille fan, en hja fiele har tankber foar mem natuer oer, om't dy har bern oantrúnt om de dingen te dwaan, dy't sa faak dien wurde moatte, troch se sa oannimlik te meitsjen. Want tink ris ta hoe ôfgrysliek as it libben wêze soe, as dy gronyske kwalen as hongere

en toarst allinne genêzen wurde soene mei fize medisinen, lyk as oare, seldsumer foarmen fan net goed by de tiid wêzen.

Hja heftsje yn Utopia grutte wearde oan de bysûndere jeften fan de natuer, lyk as skientme, krêft en beweeglikens. Hja binne ek fûl rjochte op de wille, dy't jo belibje kinne mei sjen, hearre en rûke, wille, dy't allinne de minsken belibje kinne, want gjin oare soarte fan libbene wêzens bewûnderet de skientme fan de wrâld, genietet fan syn fermogen om te rûken, en brûkt dat fermogen net allinne foar it finen fan iten. Gjin oar wêzen kin ek it ûnderskie sizze tusken in akkoard en in dissonant. En krekt dy dingen krûdzje it libben, sizze hja.

Mar yn al dy dingen libje hja neffens de regel, dat de lytse fersetsjes net stridich wêze moatte mei de gruttere, en dat wille gjin pine meibringe mei. En dat nimt er mei, neffens harren, as de wille ymmoreel is. Mar hja hawwe der nea fan dreamd en ferspij har eigen skientme, belêstigje har krêft oer de mjitte, set har beweeglikens om yn in folslein net beweegjen, ferrinnewearje har sûnens troch de hiele dei sûnder iten om te rinnen, en smyt de oare jeften fan mem natuer fier wei om dêrmei wat foar God te dwaan. Soks kinne jo, neffens harren, allinne dwaan foar it wolwêzen fan oare minsken, of fan de hiele mienskip, of om der mear wille út Gods hân foar werom te krijen. Want hja binne fan betinken, dat it nearne nei roait en pinigje jinsels yn de namme fan in ûnwêzentlike deugd, dy't nimmen ek mar wat goeds docht, en meitsje jinsels sterker foar rampen, dy't nea komme. Hja sizze, dat sa'n benimmen jin allinne yn 'e bedelte bringt, en tsjûget fan in ûntankbere hâlding foar de natuer oer, as soene je al har geunsten wegerje, om't je it net ferdrage kinne en stean by har yn 'e skuld foar it ien as oar.

No, dat is har teory oer goed en kwea, en om't hja gjin godlike iepenbiering hawwe, twifelje hja der oan, oft de minske út himsels

in bettere fine kin. Wy hiene it net oan tiid en set in petear op oer de fraach oft hja gelyk hiene as net, en dat wie ek net nedich, want alles wat ik dien ha, is te beskriuwen hoe't hja libje, en net it ferdigenjen dêrfan.

Mar ien ding bin ik o sa wis fan. Wat jo ek tinke meie oer har lear, jo sille nearne in woltieriger lân of in prachtiger slach folk fine, wêr ek op ierde. Liiflik binne hja tige warber, fol enerzjy, en sterker as jo tinke neffens har hichte, alhoewol: echt lyts kinne jo se ek net neame. It lân en de grûn binne net oeral like goed, en it klimaat is net al te bêst, mar troch in goed opboude ytgewoante hawwe hja wjerstân opboud foar min waar, en troch soarchsume bou ferbetterje hja de grûn. En sa hawwe hja de heechste produksje fan nôt en fee, de heechste libbensferwachting fan de hiele wrâld, en har syktefersom is it leechste. Sa, mei goede wittenskiplike metodes, hawwe hja wûnders dien mei it lân dat út himsels hielendal net sa bêst is. Net dat hja allinne goed binne yn de gewoane lânbou, hja hawwe ek hiele bosken oproaid en earne oars wer oanplante, net om de houtopbringst grutter te meitsjen, mar inkeld om it ferfier te skewielen, troch it hout tichter by in stêd, by de see of in rivier te bringen. Want it is net sa maklik en sleep hout hiele einen oer in dyk, lykas nôt. De minsken sels binne freonlik en goed by de tiid, en hja hawwe gefoel foar humor. Hja binne gêk op koartswyl, mar hja kinne ek fûl trocharbeidzje as soks nedich is. Mar hja binne net sljocht op al dat wurk, allinne op it neitinken en it brûken fan it ferstân: dêr bliuwe hja altyd mei dwaande, sûnder ea wurch te wurden.

Doe't ik har wat fertelde oer de Grykske filosofy en de literatuer, want neffens my wie yn it Latyn neat te finen, dêr't hja niget oan hawwe soene, woene hja mei alle geweld de orizjinele teksten bestudearje, ûnder myn lieding. Dêrom begûn ik mei har les te jaan, earst inkeld om't ik it net aardich fûn om te wegerjen, mear

as dat ik hope hie op resultaat. Mar al gau krige ik foar it ferstân, dat mei sokke hurd studearjende learlingen myn besykjen net om 'e nocht wie. Se hiene sa'n bytsje wurk mei de letters en mei de útspraak, learden alles daliks út de holle, en repetearden alles sa krekt, dat ik it foar in wûnder oanseach, hie ik net witten dat de lju, dy't fan de Rie tastimming krigen hiene om de kursus by te wenjen echt goede studinten wiene. Yn minder as trije jier hiene se de taal yn 'e macht, en koene hja sûnder swierrichheden Grykske skriuwers lêze, as de tekst net bedoarn wie. Ik tink, dat it Gryksk op de ien as oare wize mei har taal gearhinget, en dat se it dêrom sa maklik fûnen it te learen. Ik ha sa'n gefoel, dat se fan de Griken ôfstamme, om't har taal, alhoewol't dy bytiden ek op Perzysk liket, spoaren fan Gryksk befettet yn plaknammen en offisjele titels. Ik hie ferskate Grykske teksten meinommen, want doe't ik oan myn fjirde reis begûn, wie ik net fan doel en kom gau werom. Ik wie earder fan doel om dêr lang te bliuwen, en ik wist net as ik sels noch ea werom komme woe. En dêrom hie ik gjin spul meinommen om te ferkeapjen, mar dêrfoar yn it plak in grutte kist mei boeken. Ik joech har de measte wurken fan Plato, en it wurk fan Theophrastus oer de planten. Mar dat, it muoit my al om it te sizzen, seach der net al te bêst út, want ik hie it op de boat samar earne dellein, en in aap hie it meinommen, en nochal tramtearre. Hy hie der hjir en dêr wat siden útskuord, en dy stikken biten. De iennige grammatika, dy't ik meinommen hie, wie dy fan Lascaris, want ik hie myn Theodorus thús litten, en de wurdboeken ek, útsein dy fan Hesychius en Dioscorides. Plutarchus lêze hja ek o sa graach, en Lucianus, dy't hja in smoute skriuwer fine. De dichters wiene fertsjintwurdige troch Aristophanes, Homerus en Euripides, ek Sophocles, printe mei de lytse letter fan Aldus, en de skiedskriuwers Thucydides en Herodotus, en net te ferjitten Herodianus.

Myn freon Tricinus Apinatus hie ek nochal wat medyske boekjes meinommen, wat lytse útjeften fan Hippocrates en de Microtechne fan Galenus, boeken, dy't hja heech op priis stelden. Want al hat gjin oar folk op 'e wrâld dy boeken minder nedich, gjin oar folk hat der mear earbied foar. Hja achtsje it ien fan de nijsgjirrichste en wichtichste wittenskippen, en it wittenskiplik ûndersyk fan de natuer is, lyk as hja it sjogge, net allinne in hearlik geniet, mar ek de bêste wize om de Skepper hulde te bringen. Want hja geane derfan út, dat Hy krekt sa hannellet as in keunstner: No't Er ienris dit wûnderlik keunstwurk dat it hielal is yn inoar set hat, en allinne de minske safier brocht hat, dat hy mei wille der nei sjen kin, want gjin oar skepsel kin soks, no moat Er wol dat type persoan foar kar nimme, dat Syn wurk mei soarch ûndersiket en Syn wurk tige bewûnderet, boppe it type dat der net nei omsjocht, en lyk as de legere dieren ûnferskillich bliuwt ûnder dit hiele hearlike skouspul.

Troch it brûken fan har ferstân en har hege ûntwikkeling hawwe de Utopianen in hiele bulte praktyske dingen útfûn, dêr't hja ek drok gebrûk fan meitsje, yn it gewoane libben fan al den dei. Twa dingen hawwe hja lykwols fan ús oernommen, al hiene hja net in protte oantrún nedich om se goed oer te nimmen en daliks brûke te kinnen. Doe't wy nammentlik har sjen lieten hoe't inkelde boeken fan Aldus printe wiene, en har wat fertelden oer printerijen en papierfabrikaasje, en dan koene wy har net ienris krekt fertelle hoe't soks om en ta gyng want dat wisten wy net, wiene hja út harsels skerp en tûk genôch om te witten, hoe't beide dingen dien wurde moasten. Oant dy tiid hiene hja inkeld hûden, skors en bast as skriuwmetaal brûkt, mar no besochten hja daliks papier te meitsjen en te printsjen. Earst slagge it har net al te bêst, mar doe't hja it in pear kear goed besocht hiene, krigen hja beide techniken sa goed yn 'e macht, dat se, at se mar genôch

teksten hân hiene, alle Grykske boeken útjaan koene, dy't der mar binne. Mar lyk as it no is hawwe hjā inkeld de boeken, dy't ik al neamd ha, mar dêr hawwe hjā no al ferskate tûzenen fan printe en útjûn.

Frjemden, dy't dêr op besite komme, binne o sa wolkom, as hjā troch stúdzje of fiere reizen wat fan bysûndere dingen of fiere lannen witte. Dêrom wiene hjā ek sa bliid dat wy der wiene, want hjā hâlde derfan en hear hoe't it om en ta giet yn oare parten fan de wrâld. Mar keaplju út oare lannen komme der net in soad. Want bûten goud en sulver, dat de measte keaplju útsoarte leaver mei nei hûs ta bringe as earne oars hinne, fiere de Utopianen oars neat yn as izer. En har eigen útfier dogge hjā leafst sels: hjā bringe de dingen leaver sels te plak, as dat oaren komme moatte om se op te heljen, want sa krije hjā mear te sjen fan de wrâld, en mear ûnderfining yn de navigaasje.

OER DE SLAVEN.

DE SLAVEN, DÊR'T WY IT AL IN PEAR KEAR OER HÂN HAWWE, binne net, lyk as jo faaks tinke, kriichsfinzenen. Alinne as hja mei de oarloch begûn binne, en dan finzen nommen, wurde hja slaaf. Der binne ek gjin slaven, dy't as slaaf berne binne, of slaven, kocht op in slavemerk yn it bûtenlân. Nee, slaven binne Utopianen, dy't ta de slavernij feroardiele binne, of, en dat bart faker, misdiedigers út oare lannen, dy't dêr straft wurde moasten, mar dy't no, mei hiele kloften tagelyk, oanfierd wurde, bytiden tsjin in lytse fergoeding, mar meastentiids fergees. Beide soarten slaven moatte hurd bealge yn keatlingen, mar de Utopianen wurde minder behannele as de útlanners. Dêr sit efter, dat it slimmer is as in minske, dy't it foardiel hân hat fan in earste klas opfieding en in goed trochtochte moraal dochs noch in misdiediger wurdt, en dat dêrom de bestrafing namste hurder wêze moat.

In oar type slaaf is in arbeider út it bûtenlân, dy't leaver slaaf is yn Utopia as dat er thús yn ellindige earmoede libbet. Dêrom nimt er frijwillich de slavernij yn Utopia foar kar. Dy minsken wurde mei grutte earbied behannele, hast like freonlik as de boargers fan Utopia, allinne moatte hja wat hurder arbeidzje, want dêr binne hja no ienkear oan wend. As hja it lân wer útwolle, mar soks bart net faken, dan binne se folslein frij om soks te dwaan, en hja krije noch in lyts dofke jild mei as tank.

Lyk as ik jimme al sein ha, as minsken siik wurde, wurdt der mei soarch nei har omsjoen, en hja krije alle medisinen en alle soarten fan apart iten as dat ek mar in bytsje helpe kin om har wer better te meitsjen. Allyksa, as it om minsken giet dy't net mear

better wurde kinne, dochs wurdt alles besocht om te soargjen dat hja har sa goed fiele as it mar kin. Dat dogge se troch by har te sitten en mei har te praten, en se dogge wat se mar kinne om it foar har sa draachlik mooglik te meitsjen.

Mar as hja net allinne ûngenêslk siik binne, en as dêr boppe op de sykte har altyd mar troch ûndraachlike pine jout, dan komme der in pear prysters mei de fertsjintwurdigers fan it regear op besite by de persoan yn kwestje, en sizze wat lyk as dit: 'Lit ús de wierheid ûnder eagen sjen. Jo sille nea wer by steat wêze en doch normaal oan it libben mei. Jo binne in oerlêst foar de oare minsken en in swiere lêst foar josels. Wêrom skrilje jo derfoar tebek om te stjerren? Jo sitte opsletten yn in martelkeamer en in finzenis. Wêrom der dan net útbrekke, en ûntkomme nei in bettere wrâld? Oars, sis mar ien wurd, en wy sille der foar soargje. It is o sa ferstannich en meitsje sels jo eigen bannen los. It is ek in died fan frommens en folgje de goerie fan in pryster, want hy sprekt yn namme fan God.'

As in pasjint him troch dy argumintaasje oertsjûgje lit kin er himsels úthongerje, of hy krijt in sliepmiddel en stapt sûnder pine út syn lijen. Mar dat is allegearre hielendal frijwillich, en as er dochs beslút om yn libben te bliuwen dan sille se allegearre trochgean mei him of har goed te fersoargjen. Offisjeel sanksjoneare eutanasy wurdt sjoen as in earfolle dea, mar as jo selsmoard tapasse om motiven, dy't net troch de prysters en de oerheden goedkard binne, dan hawwe jo gjin inkeld rjocht mear op in earfolle begraffenis of in kremaasje, mar dan wurdt jo lyk sûnder omwegen yn it moeras smiten.

Famkes meie net trouwe foar't hja achtsjin binne, jonges moatte noch fjouwer jier langer wachtsje. Alle jonges en fankes, dêr't fan bewiisd wurdt dat hja foar it houlik omgong hân hawwe, krije fikse straffen en wurde foar altyd fan it houlik útsletten, behalve

as de boargemaster dat fonnis ynlûkt. De man of frou, dy't ferantwurdlik is foar de húshâlding, dêr't it bard is, wurdt ek publyk bestraft, om't dy syn wurk net goed dien hat.

De Utopianen binne o sa krekt yn dat soarte fan dingen, want hja tinke dat der oars mar in bytsje minsken boaskje soene, want dat betsjut ommers jo hiele libben trochbringe mei ien en deselde persoan en al it ûngemak dat soks meibringt op de keap ta nimme. Dêrom hâlde hja de jonge lju mei grutte klam ôf fan seksueel ferkear bûten it houlik.

As hja fan doel binne om te trouwen dogge hja eat dat ús nochal nuver taliket, mar hja nimme it tige ernstich. De takomstige breid, it docht der net ta oft hja noch faam is of widdo, wurdt neaken en bleat tentoansteld oan de takomstige brêgeman troch in achtenearre troude frou, en in dêrmei te ferlykjen manlike begelieder lit de brêgeman neaken sjen oan de breid. As wy dêrom laitsje, om sjen te litten hoe nuver as wy soks fine, begjinne hja hiel hurd om ús gewoantes te laitsjen. "Wat wy sa dwaas fine," seine hja ús, "is hoe nuver as dy dingen barre yn oare parten fan de wrâld. As jo in hynder keapje en der oars neat yn 'e kiif stiet as in lyts dofke jild, dan nimme jim alle foarsoargen, dy't der mar binne. It bist is hast al neaken, mar jo wegerje perfoarst it te keapjen ear't it seal der ôfhelle is en alle oare beklaiing, sadat jo der wis fan binne, dat der gjin swolmen of sokssawat ûnder sitte. Mar as jo in wiif útsykje, in artikel dat yn goedens of yn kweadens in hiel libben mei moat, dan binne jim, it is hast net te leuwen, sa soargeleas. Jimme tinke der sels net oer om de ferpakking der ôf te heljen. Jim beslute de hiele frou te nimmen op de pear fjouwerkante sintimeter fan har gesicht. Dat is alles wat jo fan har sjen kinne, en dan sette jim prikken yn it wurk en boaskje har, mei it risiko dat se jo oangriist as jo sjogge, hoe't se winliken is. Jo hoege der net oer yn te sitten, as karakter en moraal it iennige is, dêr't jo niget oan hawwe, mar sa wiis binne

wy net allegearre, en sels de lju, dy't wol sa wiis binne, fine almeast as hja troude binne dat in moai liif goed fan pas komt by in moai karakter en in goede ynboarst. Fansels, as hja ûnsjoch wurdt nei de brulloft, dan moat de man it oerjaan, mar men hat neffens ús de beskerming fan de wet nedich tsjin in houlik dêr't man of frou elkoar yn te fiter hawwe."

En yn har gefal binne dat soarte fan foarsoargen hielendal nedich, om't hja, yn tsjinstelling ta har buorfolken, folslein monogaam binne. De measte pearen wurde inkeld fan inoar skaad troch de dea, útsein dan by troubrek of in ûnferdraachlik min hâlden en dragen. Dan kin de ûnskuldige partij tastimming krije fan de rie om immen oars te boaskjen, de skuldige partij wurdt uteraard en foar syn hiele libben ta selibaat feroardield. Mar op gjin inkelde wize kin in man samar skiede fan syn wiif, inkeld om't se, net troch eigen skuld, yn gevens efterút giet. Noch hielendal ôfsjoen fan de wredens en lit immen yn 'e steek krekt at er ús meilibjen it meast nedich hat, tinke sy, dat as dat soarte fan dingen tastien wurdt der gjin inkelde wissichheid mear is foar de âlderdom, dy't safolle ûngemakken meibringt, ja, dy't op himsels al sa'n ûngemak is. Wol bart it sa no en dan dochs dat in skieding mei goedfinen oer en wer tastien wurdt, as de trouden inoar perfoarst net ferdrage kinne en man en frou allebeide in oar fûn hawwe, dêr't hja nei beider oertsjûging lokkich mei wurde kinne. Mar dêr is wol in hiel spesjale tastimming foar nedich, dy't inkeld jûn wurdt nei in djipgeand ûndersyk troch de lidden fan de rie en har froulju. En dy jouwe har tastimming net samar, want hja witte mar al te goed, dat der neat de houlikstrou mear ôfbrek docht as de wissichheid dat jo der maklik fan ôf komme kinne.

Troubrekkers wurde feroardield ta de hurdste tsjinst as slaaf. As beide troubrekkers boaske binne, kinne de ûnskuldige partners, as hja dat wolle, de troubrekkers ferstjitte en meiinoar of

mei wa't hja wolle boaskje. Mar as hja de partner, dy't soks net fertsjinnnet, noch leaf hawwe, meie hja by him of har bliuwe, as hja ree binne om de hurde tsjinst mei te belibjen. Yn sokke gefallen komt it foar, dat de boargemaster, oangrypt troch it berou fan de skuldige partner, en de leafde fan de ûnskuldige, har beide wer frij gean lit. Mar as it in twadde kear bart betsjut dat de deastraf.

Fierders binne der gjin straffen fêststeld by de wet. De rie beslist yn alle gefallen apart wat in rjochtfeardich fonnis is. De manlju binne der ferantwurdlik foar dat har frou bestraft wurdt, de âlden tuchtigje de eigen bern, útsein as har misdie sa grut is dat er yn it algemien belang yn it iepenbier bestraft wurde moat. De normale straf foar in grutte misdie is slavernij. Hja binne nammentlik fan betinken dat soks foar de misdiediger like ûnplezierich is as de deastraf, mar better foar de steat om't libbene wurkers fan mear wearde binne as deade en in langer kjelmeitsjend effekt hawwe. As hja it lykwols allegeduerigen yn 'e kant sette en perfoarst net om lyk wolle, wurde hja oanpakt as wylde bisten. Mar it foarútsjoch fan dyjingen, dy't de situaasje akseptearre is net hielendal hopeleas. As hja nei jierren fan hurde straf nuet wurden binne en sjen litte dat wat bard is har muoit, net inkeld foar harsels mar ek om wat hja dien hawwe, dan kin de straf fermindere of hielendal kwytskolden wurde troch in beslissing fan de boargemaster of bytiden troch in beslút by folksstimming. It besykjen en ferlied immen wurdt like swier bestraffe as it ferlieden sels. Itselde bart by alle soarten fan misdie: dy't fan doel wie en bedriuw in misdie, wurdt neffens de wet achte, dy ek bedreaun te hawwen. It is syn skuld net, sizze hja, dat er it net klear krigen hat, dat wêrom soene wy him leanje foar syn falen?

Hja binne hielendal sljocht op nuvere minsken, en, al achtsje hja it net goed en misledigje soksoarte lju, hja fine it hielendal yn oarder as jo om har laitsje. En it is ek better foar har as jo soks dogge, want as jo net genôch gefoel foar humor hawwe binne jo

perfoarst net de goeie persoan om nei har om te sjen. Ik bedoel, as jo har net heechachtsje as in boarne fan fermeits, it iennige, dêr't hja op rjochte binne, dan soene jo foar har net rjocht freonlik wêze.

Mar as jo laitsje om immen, dy't misfoarme is, of ûnsjoch, dan sille hja allegearre om jo laitsje. Want jo hawwe fan josels in ôfgryslke dwaas makke troch der fan út te gean dat minsken útlake wurde kinne om eat, dêr't hja neat oan dwaan kinne. En, alhoewol't hja immen dy't neat oan syn uterlik docht as slap en loai beskôgje, fine hja it ek neat as froulju har opmeitsje. Hja hawwe nammentlik út eigen ûnderfining ûntdutsen, dat wat de man yn syn oarehelte oanlûkt net sasear liiflike skientme is, mar mear dimmenens en in earbiedige hâlding foar himsels oer. Want der binne wol manlju, dy't har fange litte troch in moai gesicht, mar nimmen lit him dêrtroch fêsthâlde, dat bart allinne troch in goed karakter en folchsumens.

Hja besykje net allinne troch straf de minsken fan de misdie ôf te hâlden, mar hja wolle ek oanfiterje ta goede dieden troch earbewizen. Hja stelle bygelyks bylden op fan minsken, dy't har ôfbealge hawwe foar de mienskip, op plakken, dêr't in soad minsken komme. Hja wolle dêrmei foarinoar krije, dat de minsken tinke oan de romrofte dieden fan de ôfbylde persoanen, en ek dat de nije generaasje oantrúnd wurdt ta grutte dieden troch har de gloarje fan har foarâlden foar te hâlden. Mar wa't besiket himsels yn in iepenbier amt op te kringen wurdt foargoed fan alle amten útsletten.

De ferhâldingen tusken de minsken binne o sa freonlik, ek foar de bestjoerders oer, want dy binne nea grutsk en meitsje nea oaren bang mei har hâlden en dragen. Hja wurde gewoanwei as 'Heit' oansprutsen, en sa hâlde hja har ek. Eltsenien behannelet har mei earbied, mar nimmen wurdt dêrta twongen. Sels de boargemaster hat hiel gewoane klean oan, sûnder ûnderskiedin-

gen. Allinne wurdt der in stêf foar him útdroegen, lyk as foar de hegepryster in kears.

Hja hawwe mar in pear wetten, want mei har sosjaal systeem hawwe se mar in pear wetten nedich. Hja kinne mar net begripe, dat oare lannen, al hawwe hja noch safolle wetboeken en boeken mei útlis fan de wet, der nea genôch fan hawwe, sa liket it wol. Sels achtsje hja it folslein ûnbillik immen, wa't it ek wêze mei, te binen mei in rige wetten, dy't ien persoan net ienris trochlêze kin, en dy't fiersten te swier binne om te begripen, foar in gewoan minske alteast. Hja hawwe, wat mear seit, ek gjin advokaten, dy't mei slimmichheidsjes pleitsje te'n geunste fan de wetlike belangen fan alderhanne lju. Hja achtsje it better, dat in man syn eigen saken bepleitet, en de rjochter de dingen seit, dy't er oars tsjin syn advokaat sizze soe. As dat bart, wurde de minsken yn in rjochtseal net sa gau ûnder in floed fan wurden bedobbe, en is it folle makliker en kom by de wierheid út; as mar nimmen al de leagenpraatsjes ferkeapet, dy't de advokaten de minsken oanleare. Dan kin de rjochter al syn krêften jaan om it foar en tsjin ôf te weagjen, en hy kin de sljochtweihinne minsken beskermje tsjin de tûke en slûchslimme praters, dy't sûnder beswier de wierheid en it belang fan de meiminske oantaaste.

Sok hâlden en dragen soe yn oare lannen net kinne, om't dêr sa'n grutte heap wetten klear lizze, dêr't rekken mei hâlden wurde moat. Mar yn Utopia binne de minsken allegearre rjochtkenner en wetkenner om de simpele reden dat dêr, lyk as ik al sein ha, mar in pear wetten binne, en de meast rjocht-en-sljochte útlis fan de wet altyd as de bêste sjoen wurdt. Hja sizze, dat it iennige doel fan de wet is, de minsken dúdlik te meitsjen wat hja dwaan moatte, en hoe yngewikkelder as de útlis is hoe minder de wet, om't yn ferhâlding dan namste minder minsken witte wat der barre moat as wannear't de bedoeling de minsken rjocht yn it gesicht skynt. Benammen foar it gewoane folk, altyd noch it grutste part

fan de mienskip en de lju dy't der it meast ferlet fan hawwe dat beskate regels har yn it omtinken brocht wurde, kinne jo better gjin wetten meitsje as wetten, dy't útlein wurde moatte op in wize, dy't inkeld fûn wurde kin nei in bulte oeral omhinne heljende redeneeringen. Want de gewoane man, dy't de hiele dei drok dwaande is syn brea te fertsjinjen hat gjin tiid foar en gjin ferstân fan dat soarte fan lakredens.

Om't hja sa goed binne krekt yn dy dingen, wurde de Utopianen troch de folken yn de omkriten frege (as dy frij binne en kediis oer it eigen lot, lokkigernôch hawwe de Utopianen de measte fan dy folken al jierren lyn fan de twingboalen dy't dêr foar master opsloegen befrijd) om by har bestjoerder te wurden, foar ien jier, foar fiif jier bytiden. As har tiid om is wurde dy bestjoeders mei alle achtinge, ear en gloarje wer nei har heitelân werom brocht, en troch oare Utopianen ferfongen. Dat is o sa ferstannich en wiis fan dy buorfolken, want it wolwêzen fan in steat hinget ôf fan de kwaliteit fan de bestjoeders, en de Utopianen binne blykber o sa geskikt foar dat baantsje. Want hja kinne net omkocht wurde om wat te dwaan, dat der net op troch kin, hja geane ommers gau wer nei hûs ta, dêr't it jild gjin wearde hat. En om't hja neat witte fan de minsken, dy't dêr wenje is der ek gjin kâns, dat hja de ien boppe de oar foarlûke en sa in ferkearde beslissing nimme. Dy twa eigenskippen binne bysûnder weardefol foar in bestjoerder en in rjochter. Want foaroardiel en habsucht, begearte nei jild of sympaty, binne twa grutte ûndeugden, dy't de rjochtbanken en de bestjoeders bedrige, en as hja algemien wurde meitsje se de mienskip hielendal stikken, om't hja de gerjochtichheid telider slaan. Dy folken, dy't bestjoeders út Utopia komme litte wurde troch de Utopianen bûnsmaten neamd, de oaren, dêr't se allinne mar hannel mei driuwe, freonen.

In fêst bûn, lyk as de oare folken dy fakernôch mei oare folken slute, ferbrekke en opnij wer slute, sille sy nea en te ninter oan-

gean. Want wêrom sille jo in bûn slute, sizze hja, is de natuer dan net foldwaande oantrún om de minsken byinoar te bringen? En kinne jo betinke, dat immen, dy't him oan de natuer net steurt him wol wat oanlûkt fan de wurden fan in plechtich bûn? Hja komme ta dy opfettings benammen om't de steaten yn dit diel fan de wrâld har meastentiids net hâlde oan plechtige ferdraggen sletten troch de foarsten en har fertsjintwurdigers, mar dy faak wer brekke. Mar yn Europa en benammen yn dy lannen dêr't it Kristendom hearsket, dêr jildt in bûn as hillich en ûnskeinber, foar in part om't de foarsten dêr altyd har wurd hâlde en folslein rjochtfearnich binne, en foar in part út earbied en ûntsach foar it Haad fan de Kristenheid. Dy Europeeske bestjoerders nimme gjin ferplichtingen op harren, dy't se net nei komme kinne, en hja hâlde de oare foarsten ek altyd folslein oan har wurd. En as hja besykje der ûnder út te kommen, dan wurde hja troch it harderlik gesach fan de Paus der wol ta twongen en kom it ienris jûne wurd nei. En men kin jin bêst begripe, dat de Pausen soks dogge, want it soe dochs in skandaal wêze as men it wurd fan harren, dy't harsels 'leauwigen' neame, net mear leauwe koe.

Mar yn de nije wrâld, dy't net allinne troch de grutte see, mar benammen troch folslein oare gewoantes sa fier fan ús ôf leit, hat men gjin inkeld fertrouwen yn in bûn. Wat mear wurden as der brûkt wurde, hoe plechtiger as it ien en oar fêstlein is, wat minder as hja it fertrouwe. Want namste earder wurdt it wer brutsen, en de wurden wurde wol sa keazen, dat men der altyd wer maklik ûnderút komme kin. As hja dat soarte fan slimmichheidsjes, better sein bedragerij en mûklist yn in ôfspraak tusken gewoane minsken fûnen, soene hja in grut trelit meitsje, en eltsenien witte litte dat sa'n bedragerij mei de galge bestraft wurde moast. En dat binne dan deselde hearen, dy't har kening de rie joegen soks de oare foarsten oan te dwaan. Jo kinne no jo eigen konklúzjes wol lûke!

De rjochtfeardichheid is allinne mar in deugd foar de mindere man, dy't fier ûnder de weardichheid fan in kening stiet, of: Der besteane twa soarten gerjochtichheid, ien, dy't by it gewoane folk heart, leech oer de grûn krûpt, en oan alle kanten fêstbûn is, sa dat se nearne oer in fêststelde omheining komme kin, en ien dy't allinne in deugd foar de foarsten is, de lju fier ferheven boppe it gewoane folk, mar tagelyk mei in ûneindich grutter frijheid, om't hja dwaan en litte kin wat hja wolle, en allinne net dwaan kinne en meie wat hja net wolle.

Dy wize fan dwaan fan de foarsten dêre, dy't har sa'n bytsje oan de plechtich ôfsletten ferdraggen hâlde, is, lyk as ik al sein ha, de wichtichste reden dat de Utopianen hielendal gjin ferdraggen ôfslute. Faaks soene hja der wol oars oer tinke at se hjir wennen. Mar dochs, al waarden dy ferdraggen noch sa goed neikommen, dan wie it neffens har dochs noch ferkeard as de gewoante en slút in bûn mei oaren ôf, húsriem waard. Dêr is it oan te tankjen, dat in folk, in minskemienskip, dy't oan twa ferskillende kanten fan in lytse heuvel of in rivierke libbet alle bannen fan sibskip trochsnije moat, en dat de grinsrivier of de lytse heuvel dy't de skieding teweibringt, oan twa naasjes it rjocht jout elkoar út te moardzjen, as der gjin spesjaal ferdrach is om soks te behinderjen. En sels as der sa'n ferdrach is wol dat noch net sizze, dat hja freonen binne, want hja hawwe altyd wer it rjocht en sit elkoar op 'e hûd, foarsafier as de bepalingen fan it ferdrach net foarsjoen hawwe yn de saken, dêr't hja no oer hottefylje wolle. De Utopianen geane no krekt fan de rjocht dêr tsjinoer steande grûnstellingen út. Hja tinke, dat nimmen as fijân sjoen wurde moat, dy't ús noch gjin skea dien hat. De minsklike natuer makket in bûn mei oare minsken fanselsprekkend, en wierlik minsklike wêzens binne mear ferbûn troch freonlikens as troch in ferdrach, mear troch it gefoel as troch wurden.

OER MILITÊRE SAKEN.

OARLOCH HAWWE HJA IN GROUWELIGEN ÔFGRIIS FAN. Hja fine it in bistich bedriuw, al hingje de minsken folle mear ta dat bedriuw oer as de legere dieren. En nettsjinsteande de gefoelens fan alle oare minsken kinne de Utopianen yn de oarloch nea en te ninter ek mar in bewyske fan hearlikheid sjen. Fansels, manlju en froulju wurde sa no en dan ôfrjochte foar de oarloch, dat se net samar delsein wurde en werom fjochtsje kinne, mocht dat nedich wêze. Mar hja sille sels nea mei in oarloch begjinne, útsein dan as selsferdigening of om in leger, dat yn befreone lannen ynfallen is, werom te slaan, of om de slachtoffers fan twangboalen te befrijen, wat hja allinne mar dwaan sille út minsklik meilijen, om't hja mei de slachtoffers meilibje. Mar hja jouwe wol militêre stipe oan befreone naasjes, net allinne yn defensiva oarloggen, mar ek as dy oaren writen dogge en straf daden fan agressy troch in oanfal ôf. Dat dogge hja allinne op betingst, dat hja fan te foaren rieplachte wurde, dat hja der sels ek wis fan binne, dat de oanlieding ta de oarloch dy oarloch rjochtfeardiget, dat tefoaren om foldwaning frege is, en dat dy wegere is, en dat hja ek de folsleine kontrôle hawwe oer alles wat der yn de oarloch bart. En wat hja in rjochtfeardige oanlieding fine hâldt mear yn as in berôving mei de help fan wapens. Hja wolle sels hurder regaad meitsje om hannelers frij te krijen, dy't it slachtoffer wurden binne fan de ien as oare ûnrjochtfeardige wet yn in frjemd lân as dat hja keaplju helpe, dy't de ien as oare rôversbinde op 'e hûd hân hawwe. Mar hja wurde poerrazend as der slachtoffers makke wurde troch minne wetten, of troch in minne útlis fan goede wetten.

Sa wie it ek mei de oarloch dy't krekt foar't wy dêr wiene troch de Nefelogeten tsjin de Alapoliten fierd wie. De Utopianen joegen militêre stipe oan de Nefelogeten, om't har keaplju by de Alapoliten it slachtoffer wurden wiene fan in bedragerij, dy't neffens de wetten fan dat lân yn oarder wie, mar dy't neffens de Utopianen nearne nei roaide. Oft hja dêr no gelyk oan hiene as net, der kaam yn alle gefallen in fûle oarloch fan, dêr't alle naasjes dêromhinne oan meidiene. Yn de tyd dat wy der wiene, wie alles krekt foarby, mar de krêft fan somlike grutte naasjes wie brutsen, en oaren hiene grutte ferliezen. Earst de folsleine oerjefte fan de Alapoliten, nei in hiele rige nederlagen, hie oan de oarloch in ein makke. De Utopianen waarden der hielendal net better fan. It wie har der ek net om begûn, en wurd der better fan. Mar de Alapoliten waarden de slaaf fan de Nefelogeten, in folk, dêr't hja yn eardere tiden fier boppe stiene.

Sa fûl wrekje de Utopianen it ûnrjocht oan har freonen oandien. En hja dogge dat ek as it om jild giet, alhoewol't hja sels net om jild jouwe, en der neat op werom dogge as ien fan har keaplju syn jild kwytrekke. As der in keapman bestellen wurdt, mar net skeind of deamakke is, dan is it fûlste wat hja dogge: de bannen mei it lân, dêr't it bard is, trochsnije, en gjin hannel mear mei har driuwe, oant hja foldwaning krigen hawwe. Net dat hja minder omsjogge nei eigen as nei frjemd, mar hja witte o sa goed dat keaplju út oare folken minder hawwe kinne, want dy ferlieze by in oanfal har eigen besit, wylst de Utopianen allinne it jild kwyt reitsje dat fan de mienskip is, en dêr't hja allinne op passe moasten. En it guod, dat hja kwytreitsje soene, kaam dochs út de oerskotten, dy't Utopia sels net mear nedich hie, want oars wie it net útfierd. Dêrom fynt nimmen it echt slim, en hja fine it wreed en meitsje in hiele bulte minsken dea om eat, dat foar de Utopianen dochs hielendal neat mear útmakket, net foar har

libben en net foar har wolwêzen. Mar hja benimme harsels hiel oars as ien fan de boargers fan Utopia ferwûne of deade wurdt, oft soks no bart troch in frjemde steat of troch in boarger fan dy steat. Sa gau as hja soks fernimme troch de diplomatike kanalen ferklearje hja op slach de oarloch. En gjin besykjen om wer frede te krijen kin slagje as net earst de skuldigen útlevere wurde, en dy wurde dan feroardield ta de dea of ta slavernij.

Hja hâlde net fan bloedige oerwinningen, ja, hja binne dêr beskamme oer, want hja fine it in te hege priis foar wat stofliks, hoe kostber ek. Wêr't hja wierliken grutsk op binne is: de fijân troch de holle te brûken de baas te wêzen. Hja fiere alle suksessen yn dy rjochting troch in grutte prosessy, de oprjochting fan in earebôge, lyk as wy soks dogge nei in grutte oerwinning. Wiere grutheid belibje se at se de oerwinning behelje troch eat, dêr't allinne in minske grutsk op wêze kin: de krêft fan syn yntellekt. Hja sizze, dat alle dieren fjochtsje kinne mei de lea; de liuwen, de bearen, de everswinen, de wolven en de hûnen kinne soks, mar wat ús boppe har úttilt is ús ferstân en ús yntellekt.

Harren iennige doel mei in oarloch is dat te berikken wat hja mei freedsume middels tefoaren net berikke koene, of, as dat net meispilet, om de lju, dy't har tenei kommen binne, sa ôf te straffen, dat nimmen it mear weagje sil ea noch soks te dwaan. Hja geane rjocht op dat doel ôf, mar altyd fan it begjinsel út: feilichheid foar alles, ek foar ús nasjonaal prestiizje.

Sa gau as de oarloch ferklearre is litte hja troch geheime aginten in rige plakaten oanplakke yn alle kontreien fan it lân fan de fijân. En allegearre op plakken, dêr't eltsenien se wol sjen moat. Dy plakaten drage it segel fan it Utopiaansk regear, en hja biede in hege beleaning foar it deadzjen fan de fijanlike kening. Hja biede ek lytsere, mar altyd noch aardich grutte, beleaningen foar it deadzjen fan somlike individuën, dy't mei namme en tanamme

neamd wurde, en dêr't hja fan tinke dat se, mei en om de kening, de wichtichste stipers binne fan de anty-Utopiaanske polityk. De beleaning foar it libben oanbringen fan dy persoanen is twa kear sa heech as foar it deadzjen, en dy persoanen sels krije itselde bedrach oanbean, mei dêrby noch de wissichheid fan strafleazens, as hja har tsjin de eigen maten keare.

It direkte gefolch dêrfan is, dat de minsken, neamd op de list, fertocht wurde by de oaren, dat se elkoar net mear fertrouwe, en ek net mear fertroud wurde. Hja libje fierder yn grutte freze, en se steane ek wier faai. Want it is fakernôch bard dat hja allegearre, ien foar ien, de kening net útsletten, ferret binne troch immen deun by harren, dy't hja folslein fertrouden. Want it is in feit dat de minsken foar jild alles dwaan wolle, en der is gjin grins oan it bedrach, dat de Utopianen jaan wolle. En om't hja wol witte hokker risiko's as de ferrieders rinne, jouwe hja har net allinne skatten oan goud, mar hja sizze har ek in grut stik lân ta, as fêst besit yn in foar har freonlik lân. En wat hja tasein hawwe dogge hja ek.

Dy wize, en freegje de fijân de eigen minsken te ferrieden en betelje safolle foar dat ferrie, wurdt troch oare folken as wreed en skandalich beskôge, mar de Utopianen binne der grutsk op. Hja sizze dat it tige ferstannich is en bring de swierste oarloegen ta in goed ein sûnder ek mar ien fjildslach, en dat it better is en sparje tûzenen ûnskuldige libbens troch in pear skuldige dêrfoar yn it plak te nimmen. Hja tinke earst oan al dy soldaten, dy't yn de striid falle soene, oan beide kanten, want hja fiele likefolle mei mei de soldaten fan de fijân as mei de eigen minsken. Hja binne der fan oertsjûge dat de minsken nea mei in oarloch begjinne soene as hja der net ta twongen wiene troch de healwizens fan har bestjoerders.

As dy metoade net slagget plantsje en wouterje hja skelen tusken de fijannen op. Hja trune bygelyks de broer fan de kening

oan, of oars immen fan de eallju, om de keninklike troan oer te nimmen. En as it net slagget en meitsje yn it lân sels de skelen fûler, dan fiterje hja de buorlannen oan de âlde oanspraken, dêr't keningen altyd wol in pear fan lizzen hawwe, wier te meitsjen, en hja biede alle stipe dêrby oan, grutte slompen jild mar gjin eigen soldaten, want hja fine harsels fiersten te goed en jou ek mar ien fan har op, al wie it om him yn te roaljen foar de fijanlike kening. Mar hja binne folslein lokkich as hja it mei goud en sulver rêde kinne, want dêr garje en bewarje se dat foar. En hja witte, dat der yn har libben en wolwêzen neat feroaret as hja al it goud en it sulver, dat hja hawwe, kwyt reitsje soene. Boppedat: njonken it kaptaal dat hja yn 'e hûs hawwe, hawwe hja noch, lyk as ik al útlein ha, in bulte jild útstean, want in grut tal lannen stiet by har yn 'e skuld.

En as der al fochten wurde moat bart dat meastentiids troch hiersoldaten. Hja helje dy út de hiele wrâld, mar benammen dochs út it folk fan de Zapoleten. Dat folk wennet sa'n fiifhûndert kilometer fan de Utopianen ôf, yn in lân dat bûtenwenstich fjochterich is. It is in rou slach folk, dat it leafst yn de bergen en de bosken wennet, dêr't it ek yn opgroeid is. Hja binne yn alles behurde, kinne waarmte en kjeld, gebrek en need ferdrage. Hja witte net hoe't hja harsels fermeitsje moatte, dogge neat oan buorkjen, en ûnderhâlde har huzen en klean ek net. Hja hawwe wol wat skiep, mar libje fierders fan rôvjnen en jeien. Wierliken, hja binne út har aard wei allinne mar geskikt foar de oarloch. Hja sjogge altyd mar út nei in oarloch, om dêr yn te fjochtsjen, en as hja der ien fûn hawwe komme hja mei har tûzenen opsetten om har tsjinsten oan te bieden oan wa't soldaten nedich hat. Want it nimmen fan libbens is de iennige wize foar har om yn libben te bliuwen.

Hja fjochtsje foar har opdrachtjouwers mei grutte warberens en trou, mar wolle net garandearje hoe lang oft hja dat folhâlde. Hja litte jo wol witte, dat hja moarn jo fijân tsjinje sille, as dy mear

betellet, en de oare dei wer by jo werom komme, as jo tasizze, dat jo noch in bytsje mear betelje sille. Der binne net folle oarloggen, dêr't jo net oan beide kanten foar it grutste part Zapoleten fine. Jo kinne jo dus wol foarstelle, wat der hast altiten bart. Twa besibbe soldaten tsjinje yn itselde leger. Hja binne dêr in skoft elkoars sibste maten, mar efkes letter fjochtsje hja oan ferskillende siden, en geane hja as fûle fijannen mei elkoar om. Alle bannen fan sibskip of freonskip binne fergetten, en hja binne der drok mei en flean elkoar nei de strôte. En de iennige reden, dy't hja dan hawwe en roegje elkoar út is it feit, dat twa ferskillende keningen har in lyts slompke jild betelje, en jild betsjut foar har safolle, dat in heale stuver deis mear as genôch is en gean nei de oare kant oer. Mar alhoewol't hja o sa gau yngeane op de bekoaring fan de habsucht komme hja dochs nea ta rykdom, want alles wat hja fertsjinje troch har bloedferjitten smite hja daliks wer wei troch ferdivedaasje fan it minste soarte, dat der mar bestiet.

Dat folk wol fjochtsje foar de Utopianen tsjin alle foltsen, dy't der mar besteane, want nimmen wol har safolle betelje as it regear yn Amaurotus. En lyk as de Utopianen goede minsken sykje om har yn te setten foar it eigen en it Utopiaansk wolwêzen, sa wolle hja ek dy smjunten en skobbers brûke foar it mislike wurk fan de oarloch. As it nedich is litte hja de Zapoleten komme, en ûnthjitte har fan alles, en benammen grutte slompen jild. Dan stelle se har op de faaiste plakken op, dêr't de measten net fan werom komme om it ûnthjitten jild op te easkjen. mar dy't werom komme krije alles folslein útbetelle, sa dat se tinke dat it de muoite wurdich is om har ek yn de takomst hielendal yn te setten. En it lit de Utopianen kâld hoefolle Zapoleten as hja de dea ynstjoere, want hja binne derfan oertsjûge, dat hja it minskdom in grutte tsjinst bewize as it har slagje soe en suverje de ierde fan dat skom, fan dat naasje fan skabanten en dogeaten.

De twadde boarne fan mankrêft foar de oarloch binne de steaten foar wa hja de oarloch yngeane. Dan brûke hja earst noch de troepen fan de steaten, dêr't hja in bûn mei sletten hawwe, foar't hja, as allerlêsten, har eigen boargers oan bar komme litte. As it dúdlik is, dat hja sels de oarloch yngean moatte beneame hja út de eigen minsken in man, dy't bewiisd hat dat er dapper is, en dy jouwe se dan it befel oer de mienskiplike legers. Hja sette der twa mannen nêst, dy't neat te kedizen hawwe salang as de generaal noch hielendal yn oarder is. Mar as dy falt, of finzen nommen is, dan nimt ien fan har it befel oer, en as dy ek útfalt de twadde. Dat is om't yn in oarloch no ienkear fan alles barre kin, en it leger net yn betizing brocht wurde mei as de befehlhawwer ynienen útskeakele is. It Utopiaanske part fan it mienskiplik leger bestiet út frijwilligers, út alle stêden in keppel. Want nimmen wurdt ferplichte en wurd soldaat. Hja fiele o sa goed oan, dat skrutele minsken nea goeie soldaten wurde, en boppedat ek de moraal fan de oaren omleech helje. Sokke benaude minsken wurde wol, as de fijân yn it lân stiet, oproppen om tsjinst te dwaan tusken de bettere soldaten yn, op de skippen of op de muorren fan de stêden, mar wol sa dat hja net weirinne kinne. En as hja dan rjocht foar de fijân oer komme te stean, dan soarget de earbied foar de mienskip, dêr't hja yn opgroeid binne, en de skamte foar de eigen maten oer, der wol foar dat hja net bang mear binne, en dan fjochtsje hja fakentiids as grutte helden, ek om't hja dochs net flechtsje kinne.

Mar nimmen wurdt derta twongen en fjochtsje bûten it eilân. Wol kin de frou, dy't perfoarst mei har man nei it front wol, altyd mei him mei. Hja wurde dêr sels ta oantrúnd en der tige om bewûndere. Sa'n frou krijt in plak direkt njonken har man op it slachfjild, de bern en de oare famylje der om hinne. Sa kinne de minsken, dy't troch de natuer sa sterk mei inoar ferbûn binne

elkoar ek helpe yn need, troch sa ticht as mooglik is byinoar te bliuwen. It jildt as in grutte skande foar in man en kom werom sûnder de frou, of foar in frou sûnder de man, of foar bern sûnder de âlden. Dat betsjut dat as de slach útrint op in fjochtsjen fan man tsjin man hja trochfjochtsje ta de ein, oant de fijân belies jout, of de eigen groep folslein ferneatige is. Salang at se mar kinne besykje de Utopianen sels út de striid te bliuwen, mar as hja einliks en te lêsten twongen wurde en doch der sels oan mei, dan fjochtsje se mei likefolle krêft as hja earst besocht hawwe bûten it gefecht te bliuwen. Hja begjinne ek net fûl, mei alle krêft, dy't hja hawwe te fjochtsjen, mar stadichoan wurde hja wat langer wat fûlder, sa dat hja op it lêst leaver stjerre as ek mar ien tomme grûn ôf te stean. Want de wissichheid, dat hja net hoege yn te sitten oer de takomst fan de bern en it wolwêzen fan de eigen húshâlding (twa saken dêr't soldaten har earne oars altyd wol soargen oer meitsje) jout har moed, en makket it foar har in grutte skande belies te jaan. En har selsbetrouwen wurdt noch besterke troch in goeie militêre oplieding. En telêsten wurde hja noch oanfitere troch de goede ideeën, dy't har yn de jonge jierren oanleard binne, doe't se grut brocht waarden neffens it foarbyld fan de minsken om har hinne. Dat soarget der allegear foar, dat hja it libben te goed achtsje om it samar wei te smiten, mar net te kostber om it troch leech en lêf hâlden en dragen fêst te hâlden as de plicht ropt.

As de striid op syn heechst is besiket in keppel jonge lju, dy't in hillige ied ôflein hawwe byinoar te bliuwen, de fijanlike generaal út te skeakeljen. Hja rjochtsje de oanfal op him, iepentlik, mei alle middels, mei fier sjittende bôgen, mei in fjochtsjen fan man tsjin man. Hja geane op him ôf mei tûke stjitkrêft, en soargje foar hieltyd wer nije, farske kloften striders. Dat is fan dy gefolgen, dat de generaal hast altyd falt, of finzen nommen wurdt, as er himsels

net rêdt troch fluch de wyk te spyljen. En as de Utopianen dan de slach wûn hawwe geane hja net oer ta in moardpartij. As de fijân belies jout nimme hja oerjefte foar kar boppe har dea. Hja soargje der ek altiten foar dat hja de flechtsjende fijân net neirinne, sûnder dat hja alteast ien legerôfdieling efterlitte, hielendal klear foar de striid. Dat giet safier, dat as hja de slach net winne kinne sûnder dat har lêste krêften ynskeakele wurde dan litte hja de fijân leaver flechtsje en ûntkomme, as dat hja de oarder fan it eigen leger by it neirinnen fan de fijân opjouwe. Want hja ferjitte nea wat hja sels ferskate kearen dien hawwe om de fijân te ferrifeljen. Doe wie alle kearen de kern fan it Utopiaanske leger winliken al ferslein en de fijân wie yn triomf dwaande mei it neisitten fan de soldaten alle kanten út. En doe waard de útkomst fan de slach ynienen hielendal omdraaid troch in lyts keppeltsje Utopianen, dy't yn reserve hâlden wiene. Doe't hja de baan rom hiene foelen hja ynienen de fersprate fijanlike troepen oan, dy't nearne op fertocht wiene, want hja tochten dat hja al wûn hiene. Sa waard de fijân in oerwinning, dêr't er al hielendal wis fan wie, ôfnommen, en de ferliezers waarden oerwinners.

It is net maklik en sis wêr't se better yn binne, yn de oanfal of yn de ferdigening. Jo soene tinke dat se weromlûke, as hja der net oer tinke om soks te dwaan. En at se tinke dat se it net rêde, om't se swiere ferliezen lit hawwe, of at se it terrein net gaadlik fine om te fjochtsjen, dan sille se de hiele nacht troch in soad drokte meitsje en op oare manerean besykje en ryd de fijân foar de kroade. Of at se net midden yn 'e nacht sa stil at se koene weromlutsen binne, dan dogge se soks o sa hoeden midden op de dei. Hja hâlde dan de oarder der goed yn, dat hja binne like gefaarlik as hja oanfalle as wannear't hja har werom lûke.

It legerkamp fersterkje hja mei in djippe en brede grêft, en hja smite de ierde oan de side fan it kamp op as in soarte fan

bolwurk. Foar dat wurk nimme hja gjin slaven, mar de soldaten dogge it sels, en alle soldaten moatte meidwaan, mei útsûndering fan de pear, dy't wacht hâlde moatte boppe op it bolwurk, om út te sjen oft der ek fijannen oansetten komme. Mei safolle goede wurkkrêften hawwe hja dat swiere wurk samar dien, en hja meitsje in net te nimmen fort yn in bare koarte tiid.

Harren wapenrissing is goedernôch om in goede beskerming te jaan, mar licht genôch om alle bewegingen fan de lea mooglik te meitsjen. De soldaten hawwe sels gjin lêst fan har wapenrissing by it swimmen, en swimme mei de wapenrissing oan dogge hja al fanôf it earste begjin fan de militêre oplieding. Har wapens foar de lange ôfstân binne bôgen, dêr't de ruterij en de lânsoldaten mei grutte krektens en in protte krêft mei omgean leare. Foar it man tsjin man fjochtsjen brûke hja net in swurd, mar in soarte fan fjochtbile, dy't troch syn gewicht en syn skerpte like deugdlik is by slaan en stekken. Hja hawwe ek de moaiste masines útfûn en yn gebrûk nommen, dy't mei grutte soarch ferburgen hâlden wurde oant it tiid is om se yn te skeakeljen, want oars wurde se ek troch de eigen soldaten as in soarte fan boartersguod sjoen, en dan binne se net se effektyf. By it ûntwerpen fan dy apparaten soargje se der benammen foar dat se net te swier binne, en maklik bewege kinne.

As hja in wapenstilstân tekene hawwe soargje hja der foar, dat dy net mear brutsen wurde kin, al wurde hja der noch sa op ferge om dat wol te dwaan. Hja sille ek nea it lân fan de fijân ferwoastigje of de rispinge yn 'e brân stekke, ja, hja soargje derfoar dat it nôt op it fjild net rampoai slein wurdt troch de soldaten of fertrape wurdt troch de hynders, want hja binne fan miening, dat it ek altyd yn har eigen foardiel is dat it nôt útgroeie kin. Hja sille ek nea in man dy't gjin wapens draacht oanfalle, útsein dan as it in spion is. Alle stêden, dy't har oerjûn hawwe sille

hja yn beskerming nimme, mar ek dyen, dy't hja ferovere hawwe, plonderje hja net. Hja deadzje inkeld de bestjoerders, dy't har tsjin de oerjefte ferset hawwe, en hja meitsje fan de soldaten slaven. De boargers litte se gewurde. Eltsenien, dêr't se fan witte, dat er foar oerjefte stimd of sprutsen hat jouwe se in part fan it guod fan de feroardielden. Al it oare guod nimme hja yn beslach, en jouwe dat oan de bûnsmaten. En nimmen út Utopia sels krijt ek mar in lyts part fan de bú.

As de oarloch foarby is, dan litte hja de kosten net betelje troch de freonen, dêr't hja foar fjochten hawwe, mar troch de fersleine fijân. Hja wolle betelle wurde foar in part yn jild, dat hja fansiden lizze foar in takomstige oarloch, en foar in part yn hûzen en grûn by de fijân yn dy syn lân. Sa krije hja pleatsen yn oare lannen, en út ferskate boarnen krije hja sa in opbringst fan sânhûnderttûzen dukaten yn it jier út bûtenlânsk grûnbesit. Nei alle lannen, dêr't hja grûn hawwe, hawwe de Utopianen har eigen boargers stjoerd, sabeare as rintmasters, mar winliken om dêr as grutte hearen libje te kinnen, as wiene se de bestjoerders fan dat plak. En dochs bliuwt ek dêr noch jild genôch oer foar de skatkist fan Utopia, alhoewol't der ek wol jild útliend wurdt oan it lân, dêr't se ferbliuwe. Dat wurdt meastentiids wol dien, oant hja it sels nedich hawwe, mar dat bart net sa faak, en dan easkje se meastentiids noch net it hiele bedrach op. Inkelde fan dy pleatsen jouwe se oan de minsken, dy't om har te skewielen de risiko's nommen hawwe, dêr't wy it al oer hân hawwe.

As de ien as oare kening mei har in oarloch begjinne wol, en in ynfal op tou set, dan stjoere se in grut leger op him ôf foar't er oan de grins is, want hja wolle net op har eigen grûn fjochtsje at se soks tefoaren komme kinne, en yn gjin gefal wolle hja, dat de legers fan de bûnsmaten by har op it eilân komme.

*OER DE GODSTSJINSTIGENS
FAN DE UTOPIANEN*

DER BINNE FERSKATE GODSTSJINSTIGE GROEPEN OP IT eilân, en sels yn de stêden. Der binne sinne-oanbidders, of oanbidders fan de moanne of fan planeten. Der binne ek guon, dy't de ien as oare goeie of grutte man út it ferline fereare, net allinne as ien fan de goaden, mar as de heechste god. Mar de measten hâlde har oan de ferstannichste opfetting, dy't der bestiet: dat der mar ien god is, ien macht, net te begripen, sûnder begjin en sûnder ein, net út te lizzen en fier ferheven boppe de grinzen fan de minsklike geast, dy't it hielal hielendal follet, net as in stoffe, dy't te sjen of te mjitten is, mar as in altyd oanwêzige en in altyd wurksume krêft. Dy macht neame hja: Alfader, en hja tankje him foar alles, wat der mei har bart, foar alle begjin en alle ein, foar alles wat waakst, him ûntwikkelet en feroaret. En hja erkenne gjin oare foarm fan god-wêzen.

Op dit punt binne alle sekten it iens: dat der in heechste wêzen is, dat ferantwurdlik is foar de skepping en it yn stân hâlden fan de wrâld, en hja brûke allegearre itselde Utopiaanske wurd om him oan te tsjuten: Mytras. Mar hja geane útinoar, as hja him beskriuwe wolle. De ien seit dan dit, de oare dat, mar hja hâlde allegearre út, syn heechste wêzen is gelyk oan de natuer, dy grutte en ferskriklike macht, dy't rûnom sjoen wurdt as de iennige oarsaak fan alles. Stadichoan binne hja loskommen fan in primityf byleauwe, en hja hawwe elkoar fûn yn in goed trochtochte godstsjinst. En de oare godstsjinsten wiene fansels allang útstoarn, as der net in ûngelokkich byleauwe bestie, dat ûngelokken útleit as in straffe fan de himel foar immen, dy't fan godstsjinst feroare is,

net as in tafallichheid, mar as in straf fan in ferlitten god, dy't de minsken straft foar har ûntrou.

Mar it wie maklik en bekear har ta it kristendom doe't hja fan ús heard hiene oer Kristus, Syn namme, Syn hâlden en dragen, Syn lear, Syn wûnders, en de al like grutte tawijing fan de martlers, dy't, trochdat hja frijwillich har bloed fergeaten, safolle minsken ta it kristlik leauwe brochten. Faaks wiene hja sûnder der sels aan fan te hawwen troch de godlike ynspiraasje rekke, faaks ek kaam it trochdat har godstsjinst al safolle fan it kristendom wei hie, mar ik kin my ek yntinke, dat it kaam om't hja djip troffen wiene doe't hja fan ús hearden dat Kristus oan Syn learlingen in libben mei mienskiplike besit foarskreaun hie, lyk as it hjoed de dei noch belibbe wurdt yn de kristlikste mienskippen. Hoe dan ek, wat de ferklearring ek wêze mei, in hiele grutte kloft Utopianen hat ús leauwe oannommen en is doopt.

Ungelokkigernôch wie nimmen fan ús pryster. Wy wiene noch mar mei ús fjouweren, twa wiene dea. En dus, al wiene hja fol begearte nei de oare sakraminten, ús bekearlingen hawwe dy sakraminten, dy't de prysters allinne betsjenje kinne noch net ûntfongen. Mar hja witte alles dêromhinne al, en sjogge der mear nei út as nei wat ek op ierde. Ja, doe't wy der noch wiene hiene hja al in grut petear oer de fraach, oft it mooglik wêze soe dat ien fan har ta pryster wijd waard sûnder dat der in kristlike biskop oerkaam om de wijing te dwaan. En it like der op, dat hja al in kandidaat hiene foar it prysterskip, mar hja wiene der noch oer dwaande doe't ik ôfreizige.

Fansels, ferskate Utopianen tinke der net oer en wurd kristen, mar hja sette ek gjin prikken yn it wurk en hâld oaren der fan ôf, of fal dyjingen dy't it al wurden binne oan. Hoewol: der wie wol immen fan ús selskip yn it laberet rekke doe't wy der wiene. Al daliks nei't er dope wie hold dy man, al hiene wy it him noch sa

ôfret, publike lêzingen oer it kristlik leauwe, en liet dêrby mear warberens as diskreesje sjen. Bytiden gyng er dêrby safier dat er, net tefreden mei it oanpriizgjen fan ús leauwe, alle oare godstsjinsten feroardielde. Hy skreaude sa hurd as er mar koe, dat it allegearre byleauwe wie, en dat dyjingen, dy't wat oars leauden as hy meunsters fan ûnleauwe wiene, dy't foar ivich yn 'e hel pinige wurde soene. Doe't er in skoft trochgjen wie mei dy falske iver waard er arrestarre en yn steat fan beskuldiging steld, net fanwege godslêstering, mar fanwege steuring fan de iepenbiere oarder. Hy waard feroardiele ta ferbanning, want ien fan de âldste en ferneamdeste ynstellings dêre is godstsjinstige tolerânsje. Dat komt noch út de tiid fan de ferovering fan it eilân. Oant dy tiid ta wiene der grutte skelen oer de godstsjinst, en dat rûn safier, dat de ferskate sekten net meiinoar oparbeidzje woene by de ferdigening fan it eilân. Doe't Utopos hearde, hoe't se foarinoar oer stiene, doe wist er hoe't it kaam dat er it hiele eilân sa maklik feroverje koe. Dêrom makke er fuort nei de ferovering fan it eilân, dat doe noch in skiereilân wie, in wet, dy't de minsken tastie om de godstsjinst te belibjen, dy't se mar woene. En hja mochten ek oaren oantrune om dy godstsjinst oer te nimmen, at se it mar rêstich en hoflik diene, mei arguminten. Mar as immen der net yn slagge oaren te bekearen, dan mocht er gjin oanfallen op oare godstsjinsten ûndernimme, en ek gjin geweld brûke of begjinne te rabjen. En de gewoane straffe, dy't steld waard op in al te fûl hâlden en dragen yn de godstsjinstige tsjinstellings wie ferbanning of slavernij.

Utopos hie syn wet makke, net allinne om de frede te bewarjen, dy't folslein te lider gean soe troch petearen sûnder ein en net op te lossen skelen, mar ek om't er tocht, dat it de godstsjinsten sels goed dwaan soe. Hy woe net útmeitsje, hokker godstsjinst de bêste wie. Blykber achtte er it mooglik, dat God ferskillende minsken ferskillende dingen leauwe liet, om't Er op op ferskil-

lende wize eard wurde woe. Mar hy wie der ek fan oertsjûge, dat it wanwittich en ûnsinnich wie in minske mei geweld en twang safier te krijen dat er oars immen syn partikulier leauwe oernaam. Dêr komt noch by, dat sels as der mar ien wiere godstsjinst wie, en alle oare godstsjinsten ûnsin, dan soe de wierheid op eigen manneboet der wol komme, salang as de minsken yn alle rêst en reedlikens der oer praten. Mar as alles allinne mei de wapens beslist waard, dan koe de bêste en de ferhevenste godstsjinst it net rêde tsjin de hurdste foarmen fan byleauwe, krekt lyk as it bêste nôd it earst smoard wurdt troch toarnen en stikels, want de stomste minsken binne altiten it hurdst en it wreedst yn wat hja as in hillige oertsjûging sjen wolle.

Dêrom liet Utopos de kar fan de godstsjinst iepen, en koene de minsken der neffens har eigen ideeën oer kedize, mar mei útsûndering fan in pear dingen. Sa hie er syn folk plechtich en útdruklik ferbean te leauwen yn eat dat sa dúdlik net strykt mei de wearde fan de minske as de lear dat de siel stjert mei de lea, dat it hielal út himsels ûntstien is en út himsels trochgiet, sûnder dat der Immen nei omsjocht. En dêrom binne hja der ek sa wis fan dat der beleaning en straffe wêze moat nei de dea. Wa't dêr oars oer tinkt, hat neffens har syn rjocht ferspille om as in minsklik wêzen sjoen te wurden, want hy hat syn ûnstjerlike siel ta dy fan in bist werom brocht. En noch minder wolle hja him oannimme as in boarger fan Utopia. Hja sizze, dat sa'n persoan gjin sprút jout om it libben, lyk as dat yn Utopia ferwachte wurdt, mar dat er te bang is om soks te sizzen. Want it is wol dúdlik, dat as jo nearne oars bang foar binne as foar straf, en gjin hope hawwe op eat, dat der is nei de dea, dat jo dan altyd besykje sille en gean tsjin de wetten fan jo lân yn, as jo dêrmei wat foar josels berikke kinne. Dêrom kin nimmen, dy't dy lear hâldt, in baantsje krije yn de stêd of de steat, of in earbewiis,

of wurk, troch de mienskip regele. Yn feite wurde dy minsken as ferachtlik sjoen. Mar hja wurde net bestraffe, op gjin inkelde wize, want nimmen wurdt ferantwurdlik hâlden foar syn leauwen of net-leauwen. Hja wurde ek net twongen en pas har ynsjoch oan, want de Utopianen meie hielendal net oer skynhilligens, dat hja lykslane mei bedroch. It wurdt lykwols net tastien dat sa'n persoan tsjûget fan syn ynsjoch, mar dat jildt inkeld foar in tsjûgenis yn it iepenbier. Yn privee-petearen mei prysters of mei oare knappe koppen wurdt syn tsjûgjen net allinne tastien, mar sels oantrúnd, want hja binne der fan oertsjûge, dat sok soarte fan petearen faaks ta ynsjoch bringt.

In oar part fan de Utopianen, en hjoed de dei in aardich grut keppeltsje, wiist net allinne alle materialisme ôf, mar slacht fol-slein nei de oare kant troch. Der is fansels gjin wet tsjin har rjochte, want faaks hawwe hja foar in grut part gelyk, en hja binne as minske o sa aardich. Dy minsken leauwe, dat ek de bisten in ûnstjerlike siel hawwe, net sa't de minske dy hat, mar wol ornearre foar it lok op in oare hichte.

Elsenien is der wol fan oertsjûge, dat der ivich lok foar de minske weilein is, en dêrom binne hja wol begien mei in sike, mar net mei in deade. Utsein dan as dy persoan him tsjin de dea fûl ferset hat, en hielendal net fan doel wie en lit it libben los. Dat sjogge hja as in min teken. It liket oan te jaan, dat de siel fan syn skuld djip oertsjûge is, en in tsjuster foarfielen hat fan in bestraffing, dy't komt, en dêrfandinne dan dat bang wêzen foar de dea. En dêrby twifelje hja deroan, dat God wol sa bliid wêze sil en sjoch immen, dy't yn it plak fan bliid andert te jaan op Syn útnoeging as mei geweld ta Him droegen wurde moat. Dêrom beevje hja as hja immen sjogge, dy't sa stjert, en hja belibje syn útfeart yn in soarchsume stiltme. Hja sizze inkeld: God, ha mei-lijen mei syn siel en ferjou syn swakkens. En dan begrave se him.

Mar as immen stjert yn alle frede, rêstich en optimistysk, dan rout der nimmen oer him. Hja sjonge fan blidens by syn útfeart, en fol leafde befelje hja syn siel oan by God. En dan, fol earbied en net belêstige, kremearje hja syn liif en rjochtsje in tinkstien foar him op mei in koarte libbensbeskriuwing. Dan geane hja nei hûs ta, en prate oer it karakter en it libbenswurk fan de ferstoarne. En der is neat yn syn libben, dêr't hja sa wiidweidich en mei in sa grut fernoenen oer prate as oer de lokkige steat fan syn geast, doe't er syn libben ôflei. Dy metoade om de goede eigenskippen fan de ferstoarne yn it omtinken te bringen is de bêste wize om soartgelikense deugden te fersterkjen by de libbenen, en it docht de deaden goed, want hja tinke, dat dejinge, dêr't se oer prate, by har is, mar net sichtber foar it minsklik each. Want by einsluten: folslein lok hâldt folsleine frijheid fan bewegen yn, en nimmen mei wat gefoel foar in oar soe ophâlde wolle syn freonen te sjen as er dea is, as hy der wurklik sljocht nei wie by syn libben. Rjocht oarsom: de Utopianan nimme oan dat de mooglikheden om de freonskip te belibjen, lyk as alle goede dingen, nei de dea by goede minsken earder better as minder wurde. Dêrom leauwe hja ek, dat de deaden har frij bewege kinne ûnder de libbenen, en alles wat hja dogge of sizze achtslaan. Hja sjogge de deaden as in soarte fan beskermingels, en dat jout har in grutter fertrouwen as hja dwaande binne en pak har eigen problemen oan. En sa hâldt it gefoel dat har foarfaars der by binne har ek werom fan in min hâlden en dragen yn de priveesfear.

Hja jouwe gjin oandacht oan foartekens, wiersizzerijen of ien fan de oare byleauwige fersinsels, dy't yn oare lannen sa ernstich nommen wurde. Hja kinne der oars neat as grapkes yn sjen. Mar hja hawwe in grutte earbied foar wûnders, dy't net natuerlik te ferklearjen binne, want hja sjogge dy as in bewiis fan Gods oanwêzigens en macht. Hja sizze, dat sokke wûnders dêr faak barre.

En wierliken: yn tiden fan need bidt it hiele lân, en har leauwe is sa grut, dat it bidden bytiden ferheard wurdt ek.

De measte Utopianen fiele wol oan, dat hja God tsjinje kinne troch goed gebrûk te meitsjen fan de natuer en de wrâld, en Him dêrfoar te priizgjen. Mar der is ek in grutte keppel, dy't om har godstsjinstopfetting alles wat der yn 'e wrâld bart ôfwiist. Hja binne net ynteressearre yn wittenskip, hja hawwe gjin tiid foar dat soarte fan dingen, om't hja leauwe dat de iennige wei en fertsjinje it lok nei de dea is: it libben besteegje oan it dwaan fan goede wurken. Inkelden fan har soargje de hiele dei foar ynvaliden, oaren wurkje oan de diken, meitsje de brêgen wer ynoarder, slatte sleaten en fivers, baggelje turf, slepe sân en stiennen oan, hakke beammen om, en seagje dy yn stikken, slepe hout en nôt nei de stêden. Koartsein: hja binne allemans tsjinner, en arbeidzje hurder as de slaven, net allinne foar de mienskip, mar ek foar partikulieren. Hja dogge mei in goed sin al it hurde, smoarge en swiere wurk, dêr't de mear ûntwikkele minsken har leafst foar wei wine, of om't hja dêr te hurd foar bealgje moatte, of om't hja dêr perfoarst net fan hâlde, of om't hja tinke, dat hja it dochs net klear krije kinne. Hja soargje troch sels altyd mar te bodzjen derfoar dat oare minsken frije tiid krije, en hja freegje der neat foar werom. Hja jouwe net ôf op minsken, dy't oars libje, en sprekke net op oer har eigen wurk, mar hoe mear as hja harsels ta slaaf meitsje, wat mear as de oare minsken har heech achtsje. Hja binne yn twa sekten ferdield: ien dêrfan leaut yn it selibaat, en de lidden fan dy sekte ûnthâlde har net allinne fan ferkear mei froulju, mar ek fan fleis, en guon sels fan alle iten, dat fan bisten komt. Hja fersaakje oan alle genietsjen yn dit libben, dat hja as sûnde sjogge, en arbeidzje allinne foar it libben dat komt. Dat is wat hja besykje te fertsjinjen yn it swit fan har antlit, en altyd mar troch te gean, hast sûnder sliep, jout har no bliidskip en wille.

De oare sekte, ek rjochte op dreech bodzjen, hâldt fêst oan it houlik, want hja binne fan miening dat de woldieden dêrfan net samar ferwurpen wurde meie, en dat it oansetten fan bern in plicht is, sawol foar de natuer as foar it heitelân oer. Hja hawwe neat op wille tsjin, salang it wurk der mar net ûnder te lijen hat. Dêrom ite hja ek in bulte fleis, want hja tinke, dat hja dan hurder arbeidzje kinne. Hja wurde yn it algemien as wizer sjoen as de oaren, mar de oaren fine hja yn Utopia frommer. Ja, fansels, as dy oaren har dwaan en litten mei logyske arguminten besykje te ferdigenjen wurde se útlake, mar as hja tajouwe dat har motiven mear religieus as logysk binne dan wurde se mei grutte earbied besjoen, want de Utopianen binne sa gefoelich en gean hurde oardielen oer immens godstsjinstigens út de wei. De minsken, dy't by dy sekte hearre, wurde yn har eigen taal Buthresken neamd, in wurd, dat men mei likebruorren oersetse kin.

Al har prysters binne tige from. Der binne dan ek mar in pear, trettjin mar yn eltse stêd, foar eltse stêdtsjerke ien. Mar yn oarlochstiid geane der sân fan de trettjin mei de troepen mei, en wurde der sân tydlike ferfangers wijd. As de legerpysters werom komme krije hja har eardere betsjinning werom, en de as ferfangers wijdde prysters komme yn de stêf fan de biskop, want ien fan de trettjin yn eltse stêd is hegepryster of in soarte fan biskop, oant hja ien fan de lege plakken opfolje kinne, dy't ûnstiene troch de dea fan ien fan de prysters mei in eigen tsjerke yn de stêd.

De prysters wurde keazen troch de hiele mienskip. De ferkiezing is geheim, lyk as by alle iepenbiere ferkiezings, om it foarmjen fan partijgroepen te foaren te kommen. De keazenen wurde wijd troch har amtgenoaten. De prysters binne ferantwurdlik foar de lieding fan de tsjinsten, foar de godstsjinstige ferienigingen en it tafersjoch op it hâlden en dragen fan de minsken. It wurdt as tige beskamsum field as jo je ferantwurdzje moatte foar in prys-

terlik gerjocht, of sels as jo allinne mar in skrobbearring krije fan in pryster, om't jo je min gedroegen hawwe. Fansels: it ferfolgjen en bestraffen fan in misdie is de taak fan de boargemaster of de oare bestjoerders. De prysters jouwe goerie en warskôgje, mar hja kinne de dôfhûdigen ek bûten de mienskip sette, en der is neat, dêr't de minsken sa bang foar binne as foar dy straffe. Want immen, dy't bûten de mienskip sletten is, is net allinne bang, dat God him straffe sil, mar hy is ek net feilich mear: hy wurdt fêstsetten en bestraffe foar ûngodstsjinstigens as er de pryster net gau der fan oertsjûgje kin dat er syn libben wiswier ferbettere hat.

Prysters binne ek ferantwurdlik foar de opfieding fan bern en jongelju, en dêrby wurdt mear oandacht jûn oan de foarming fan in goed gewisse as oan learfakken. Hja dogge wat hja kinne om der foar te soargjen dat bern, wylst se noch yn de gefoelige jierren binne, de goede tinkbylden krije oer alle dingen, de goede tinkbylden ek om de bêste ferhâldingen yn de mienskip yn stân te hâlden. As dy tinkbylden yn de jonge jierren der goed ynslipe binne, dan sille hja hoekhâlde as hja folwoeksen binne, en sa ek bydrage ta it wolwêzen fan de steat, in wolwêzen, dat benammen oantaast wurdt troch in ferkeard hâlden en dragen, dat komt troch ferkearde tinkbylden.

De prysters binne troud. Der is ek neat op tsjin, dat in frou pryster wurdt, al wurde der net in soad froulju as pryster keazen, en dan meastentiids noch âldere widdo's. De froulju fan prysters hawwe it measte oansjen yn de hiele mienskip, want der is nimmen, dêr't de minsken mear earbied foar hawwe as foar prysters. Sels safolle, dat as in pryster in misdie bedriuwt hy net ferfolge wurde kin. Hja litte him oer oan God en oan syn eigen gewisse, want, likefolle wat er ek dien hat, hja kinne it net goedkrije dat in minske immen op it harspit nimt dy't him spesjaal tawijd hat oan God. Hja fine it sels maklik en hâld har oan dy regel, want der binne

mar in pear prysters, en hja binne mei de grutste soarch keazen. It is dúdlik, dat it net faak bart, dat in man, dy't keazen is út in list fan de bêsten dy't der te finen wiene fanwege syn goede eigenskippen, en dy't syn beneaming te tankjen hat oan syn treflikens, no ynienen misdiedich en bedoarn is. En sels as wy oannimme moatte dat soks mooglik is, want mei in minske witte jo it nea, dan kin sa'n lyts keppeltsje minsken sûnder wurklike macht amperoan in gefaar wêze foar de mienskip. Hja hâlde it tal prysters leech, mei de bedoeling en hâld it hege oansjen dat de prysters no hawwe fêst, en meitsje de ear fan it prysterskip seldsum, benammen ek om't, lyk as hja sizze, it o sa swier is en fyn minsken foar in berop dat lyk as men sjen kin mear as gewoane deugden freget fan de minsken dy't dat berop op har nimme.

De prysters yn Utopia hawwe in goede namme, dêre en ek yn it bûtenlân. Dat komt benammen troch wat der bart op de slachfjilden. As it fjochtsjen begjint knibbelje de prysters wat fansiden del, klaaid yn har hillige klean, en heffe har hannen op nei de de himel. Hja bidde earst om frede, en dan om in oerwinning sûnder dat der bloed fergetten wurdt, oan beide kanten net. As it mei de eigen troepen goed giet rinne de prysters it slachfjild op, en besykje al it ûnnedige geweld op te kearen. As hja dêr ienkear omrinne, kinne soldaten fan de fijân it libben behâlde troch har te roppen, en at se dan ek har klean oanreitsje is ek wat se by har hawwe fan oarlochsbut útsletten. Dat bringt yn alle lannen safolle earbied mei, en dat jout har safolle natuerlike achtinge, dat it har fakernôch slagge is en jou de eigen soldaten likegoed beskerming as dyen dy't de slach ferlieze, likegoed as hja de soldaten fan de fijân beskermd hawwe soene. Bytiden, as it folslein ferkeard giet, en de Utopiaanske troepen har weromlûke, en de fijân mei alle krêften efter har oan jaget, allinne rjochte op deadzjen en plonderjen, kin it tuskenbeide kommen fan de

prysters in moardpartij tefoaren komme, de fjochters wer skiede, en har ta in frede op gelikense betingsten bringe. Want de persoan fan in Utopiaanske pryster wurdt rûnom sjoen as hillich en ûnoantaastber, sels troch de meast wylde en barbaarske folken.

Hja hawwe alle jierren godstsjinstige fieringen op de earste en de lêste dei fan alle moannen. Har kalinder is boud op it sinnejier, en opdield yn moannen, dy't fan nije moanne oant nije moanne rinne. De dei fan de nije moanne wurdt Cynemerne neamd yn har eigen taal, de dei dêrfoar Trapemerne, wurden, dy't men it bêste mei begjinfeest en einfeest oersetse kin.

De tsjerken sjogge der treflik út, net allinne om't hja sa keunstich boud binne, mar ek fanwege har ôfmjittings. Want der binne der mar in pear, en dêr moatte sa no en dan in soad minsken yn. Hja binne binnenyn aardich tsjuster, en dat is net in flater fan de boumasters, mar in kwestje fan polityk. De prysters binne fan miening dat tefolle ljocht de minsken ôfliedt, wylst in soarte fan twiljocht immen helpt syn tinzen byinoar te hâlden, en syn godstsjinstige gefoelens fuort te sterkjen. No bart dat net by alleman op deselde wize, mar alle fariaasjes liede as oer ferskate wegen nei ien doel: de oanbidding fan it godlik wêzen. Dêrom kinne jo yn har tsjerken neat sjen of hearre, dat ek net tapast wurde kin yn oare godstsjinsten. Alle seremoanjes, dy't eigen binne oan in bepaalde sekte, wurde allinne mar brûkt yn de hûsgodstsjinsten, en yn de tsjerken wurde de tsjinsten organisearre, dy't op gjin inkelde wize dy hûsgodstsjinsten yn 'e wei sitte kinne.

Fanwege itselde begjinsel binne der yn de tsjerken ek gjin ôfbyldingen fan God. Sa kin men Him foarstelle op de wize, dy't men wol, neffens de godstsjinst, dy't neffens jin it bêste is. God wurdt yn de tsjerken ek net mei in spesjale namme neamd. Hy wurdt inkeld Mytras neamd, in wurd dat se allegearre brûke om it opperwêzen oan te tsjuten, wa't er ek wêze mei. Dêrom wurdt

der ek gjin gebed sein, dêr't in lid fan de gearkomste him net yn fine kinne soe fanwege syn eigen leauwe.

Op Trapemerne, by it einfêst, fêstje hja de hiele dei, en geane dan jûns nei de tsjerke ta en tankje God, dat hja geef en sûn de ein fan it jier of fan de moanne helle hawwe, mei Syn help. De oare deis, de dei fan it begjinfêst, komme hja de moarns nei tsjerke om te bidden foar lok en wolwêzen yn it jier of de moanne, dy't komt. Foar't hja nei tsjerke geane op it einfêst fan de moanne knibbelje de bern foar de eigen âlden del, fertelle wat hja ferkeard dien hawwe, en freegje om ferjouwing. Sa driuwe de lytse wolken wei, dy't de himel yn 'e hûs wat fertsjustere hiene, en sa kinne se allegearre nei de tsjinst gean mei in folslein suver herte. Want om mei in ferkeard sin nei tsjerke te gean, soks fine hja godslêsterlik, en dêrom bliuwt eltsenien, dy't wit dat er lilc is op in oar, of wit, dat er mei in oar spul hat, út de tsjerke wei oant it wer goed kommen is, en hy besiket earst dy fertrietlike stimmingen út de wrâld te helpen, bang dat er der op de ien as oare wize foar straft wurdt as er dat net docht.

As hja de tsjerke ynkomme geane de manlju rjochts en de froulju lofts, en hja sykje in plak, sa dat de manlju út de húshâlding foar de heit sitte, en de mem it each hat op de froulju. Dat is gaadlik want dan wurdt hâlden en dragen fan de oaren yn 'e kikert holden troch dyjinge, dy't ek thús ferantwurdlik is foar oarder en fatsoen. Hja soargje der ek foar dat in jongere altyd njonken in âldere sit, want as bern oan harsels oerlitten wurde dan bringe hja de tiid troch mei bernespultsjes. Hja moatte ûnder goede lieding earst wiere godstsjinstigens leare, de sterkste, ja faaks de iennige oantrún ta in goed hâlden en dragen.

Hja sille nea bisten offerje, want hja kinne har net yntinke dat in barmhertige God wille hat fan slachtsjen en bloedferjitten. Hja sizze dat God Syn skepsels it libben jûn hat om't Er wol, dat hja

libje, mar hja stekke wol brânoffers oan: wijreek, oare harsen en krûden, en kearsen, in soad kearsen. Hja witte fansels wol, dat it godlik wêzen dêr neat oan hat, mar hja sjogge der gjin kwea yn en bied it Him dochs oan as in hulde, en hja fiele dat reekwurk en ljochten en oare ûnderdielen fan de liturgy de tinzen fan de minsken omheech lûke, en har helpe har ynmoediger op God te rjochtsjen.

De minsken yn 'e tsjerke ha wite klean oan, de prysters klean mei in soad kleur, prachtich makke, moai fan ûntwerp en útfiering, mar net djoer fan stoffe. Hja binne bygelyks net weefd mei goudtrie of opgnist mei juwielen, mar trochstrings fersierd mei fearren fan ferskillende soarten fûgels. Fan 'e oare kant: de wearde fan dy prysterklean as keunstwurk is folle grutter as de wearde fan it rykste materiaal op 'e wrâld. De fearren binne skikt neffens spesjale patroanen, dêr't fan sein wurdt dat hja it symboal binne fan de godlike wierheden. De prysters lizze mei de grutste soarch de betsjutting fan al dy heimsinnige tekens út: dat se tsjinje om har de grutte woldieden yn it sin te bringen, dy't God har jûn hat, en har plichten foar God en de minsken oer.

As de pryster mei de hillige klean oan út it binnenste hillichdom komt bûge hja yn earbied nei de grûn en der is in djippe stiltme yn it hiele gebou. Dat bringt sa'n gefoel fan godsfreze mei, dat men hast de oanwêzigens fan God fielt. Nei in pear minuten jout de pryster in teken en alle minsken steane op.

Dan sjonge hja hymnen en gesangen om God te priizgjen, begelaat troch muzykynstruminten, dy't hiel oars binne as yn ús part fan de wrâld. De measten hawwe in folle swierdere toan as uzes, alhoewol it grutste part ienfâldichwei net ferlike wurde kin mei de Europeeske ynstruminten. Mar yn ien ding binne hja ús wiswier foar. Al har muzyk, mei sjongen of mei ynstruminten, is in prachtige útdrukking fan wat in minske fielt. It lûd is sa

moai oanpast oan wat der songen wurdt, dat of it no giet oer it smeejen of oer it priizgjen, of it mei triennen giet of mei blidens, mei faasje of rêstich, de melody ûnderstreket krekt de goeie fielings en stipet dy. It taast dêrom de minsken yn it moed, it rekket har djip.

De tsjinst einiget mei in fêstlein gebed, werhelle troch de pryster en it folk. It is sa ûnder wurden brocht, dat wylst hja allegearre itselde sizze hja der dochs har eigen betsjutting oan jaan kinne. Yn dy gebedens stimme hja allegearre yn mei de lof oan God, dy't de wrâld skepen hat, dy bestjoert, en Dy't sels de boarne is fan al it goede. Hja tankje Him foar al Syn woldieden, mar benammen om't Er har libje lit yn de mienskip, dy't op ierde foar mear lok soarget as alle oaren, en yn in godstsjinst, dy't de suverste is nei't hja tinke te witten. En as hja dêr mis mei wêze soene, en der in oare godstsjinst is, of in oare mienskipsfoarm, dy't God better oanstiet, dan bidde hja, dat Hy dy har iepenbieret, dat hja dan ree binne en nim dy oan, en folgje dy, wêr't it har ek bringt. Mar as har mienskipsfoarm wiswier de bêste is, en har godstsjinst de wierhaftichste, dat dan God har stânfêstens dêryn jouwe mei, en alle minsken dêrta bringe, dat hja deselde libbenswize oannimme en deselde godstsjinst. Of it moast wêze, dat der yn de grutte fariaasje fan godstsjinsten wat is, dat Him bysûnder haget. Dat dan alles barre mocht neffens Syn ûnbegryplik wolbehagen. Dan bidde hja om in sêfte dea, en dat God har nei dy dea yn Syn ryk opnimme mei. Oft dat gau of net sa gau wêze mei, dêr doare hja net om te freegjen, mar hja winskje leaver mei ynmoed ta Him te kommen, al wie it ek troch in pynlike dea, as lang fan Him skaat te wurden troch in noch sa noflik libben op dizze ierde. As hja sa bidden hawwe, bûgje hja har wer efkes nei de grûn, dan rjochtsje hja har op en geane nei hûs ta om te iten. En de middeis en de jûns ûntspanne hja harsels en dogge mei oan militêre oefeningen.'

IK HA JIMME NO SA GOED AS IK KOE DE UTOPIAANSKE republyk beskreaun. Foar myn gefoel is it net allinne it bêste lân fan de ierde, mar ek in iennige lân dat him nei wierheid echt in republyk neamme kin: in steat, dy't foar alle minsken soarget. Op alle oare plakken prate de minsken altyd oer it mienskiplik belang, mar it iennige, dêr't hja op rjochte binne is it eigen belang. Mar yn Utopia is gjin eigendom, en de minsken tinke dêr ernstich oan de mienskiplike belangen. En beide hâldingen binne folslein te begripen. Yn alle oare lannen witte de minsken praktysk alle-gearre dat se, at se net foar harsels soargje, mei de tiid fan honger omkomme, hoefolle wolfeart as der yn har lân ek wêze mei. De minsken wurdt dêrom wol twongen en tink earst oan har eigen belang en dan pas oan de belangen fan de mienskip, dat is it belang fan oaren. Mar yn Utopia, dêr't alles fan alleman is, hoecht nimmen bang te wêzen dat er wat tekoart komme sil, salang as de mienskiplike skuorren fol binne. Eltsenien krijt sines, en dêrom binne der nea earme lju of skoaiers. Nimmen hat wat foar himsels, dus alleman is ryk. En kinne jo grutter rykdom en wolwêzen hawwe as mei wille te libjen, mei frede yn it hert en frij fan alle eangstme? Hja hoege net bang te wêzen oft hja wol iten genôch hawwe sille, net bang foar it earmoedzjen fan de frou, dy't altyd mar mear jild hawwe wol, net bang, dat de soan gjin jild om hannen hawwe sil, of dat hja de dochter neat meijaan kinne. In Utopiaan kin der altyd wis fan wêze dat hy, syn frou, syn bern, syn pake-sizzers, syn oerpake-sizzers en dy har bern, salang as er syn sibbe mar foarútsjen kin, dat hja alle-gearre altyd genôch te

iten hawwe sille en genôch ek om lokkich te wêzen. En fierders wit er ek, dat hja, dy't te âld binne om te arbeidzjen, like goed fersoarge binne as de lju dy't noch wurkje.

Doart immen it no noch oan en fergelykje al dy foardielen yn Utopia mei de saneamde rjochtstelsels yn oare lannen? Ik kin dêr hielendal gjin rjochtfeardigens yn fine. Want hokker rjochtfeardigens neame jo ditte: minsken as eallju, goudhannelers, jildútlieners, dy't hielendal gjin wurk dogge, of wurk dat hielendal net nedich is, wurde leanne foar har loaiens of har ûnnedich wurk troch in prachtich lúks libbentsje. Mar arbeiders, fuorlju, timmerlju en boere-arbeiders, dy't de hiele dei bealgje as karhynders, mei in wurk dat sa wichtich is dat, as hja it delleine, alle lannen yn ien jier nei de barbysjes wêze soene, wat bart der mei harren? Hja krije sa'n bytsje te iten en hawwe it sa swier dat hja it better hawwe soene as hja wurklik karhynders wiene. Dan soene hja teminsten net sa lang bodzje moatte, hja soene net folle minder te iten hawwe, hja soene der mear wille fan hawwe, en hja soene net bang wêze foar de takomst. Mar no wurde hja twongen dreech te bodzjen, dat hja hawwe gjin rêst en gjin wille yn it hjoed en grutte soargen foar de takomst. Want wat hja fertsjinje is net genôch om de dei troch te kommen, lit stean om noch wat oer te hâlden foar de takomst, as hja âld binne.

Kinne jo ek mar in skym fan rjochtfeardigens sjen of fan tankberens yn in mienskip, dy't sokke grutte geschenken fergriemt oan sabeare eallju, oan goudsmidden en soksoarte minsken, dy't hielendal neat dogge, of dwaande binne mei it meitsjen fan lúkse sinleaze dingen, mar dy't neat dogge foar boere-arbeiders, koalbranners, hantlangers, fuorlju, timmerlju, allegearre minsken, dy't perfoarst nedich binne foar de mienskip? Mar it minste komt as hja âld binne, en siik, en hielendal net mear arbeidzje kinne. As hja har hiele libben by de mienskip opsetten hawwe, harsels

fersliten hawwe en âld wurden binne, dan ferjit de mienskip alle oeren sûnder sliep, dy't hja mei dreech bodzjen ferdien hawwe, en betellet har foar al har ûnmisbere wurk troch har yn ellinde omkomme te litten. En winliken is it noch slimmer: wat de earmen alle dagen fertsjinje mei dreech bodzjen yn grutte ellinde wurdt har alle dagen ôfstellen troch de rike minsken, net allinne om't dy sels ûnearlik binne, mar ek troch de saneamde rjochtfeardigens fan de mienskip. As wie it noch net genôch, dat de man, dy't it meast docht foar it wolwêzen fan de mienskip dêr it minste foar werom krijt, meitsje hja it noch slimmer troch dat systeem, dat de heechste ûnrjochtfeardigens ynhâldt, as rjochtfeardich te omskriuwen.

Wierliken, as ik alle rjochststelsels, dy't hjoed de dei yn de wrâld brûkt wurde, goed besjoch, dan kin ik, sa wierliken helpe my God, har oars net sjen as in gearspanning fan de riken, om altyd en oeral har eigen belangen te befoarderjen, ûnder de lakredens dat hja de mienskip goed ynrjochtsje wolle. Hja fine allerhande ferlechjes út, op it foarste plak om wat hja slûchslim byinoar garre hawwe feilich fêsthâlde te kinnen, en dan om de earmen útrûpelje te kinnen. En as de riken ien kear klear krigen hawwe dat al dy lakredens en ferlechjes troch de hiele mienskip meistimd wurde, dan wolle hja dy fêstlizze yn wetten, en mei de krêft fan de wet útfiere litte. Sa komt in minderheid sûnder gewisse derta om ta te jaan oan in jimmeroan roppige oandrang om alles yn besit te nimmen wat oars genôch wêze soe om de neden fan de hiele befolking te stiljen. Hoefolle lokkiger soene de minsken net wêze yn in lân as Utopia, de riken net útsûndere. Dêr, dêr't it fûle langstme nei jild tagelyk mei it jild ôfskaft is, binne alle maatskiplike problemen oplost en de misdieden seldsum wurden. Want it is dúdlik: de ein fan it jild is ek de ein fan al dy misdieden, dy't no alle dagen mar wer bestraft wurde moatte, en dy't net

útroege wurde kinne: ferrifelderij, stellerij, rôf, ferrie, fergiftiging, deilisskippen, reboelje, deaslach, moard en swarte keunst. En sa gau as it jild ta de doar út is kinne jo ek farwol sizze tsjin de bangens, de oerspanning, de eangst, it oerwurkjen en de sliepleaze nachten. Ja, de earmoede sels, it iennige fraachstik dat jild nedich hat om út de wrâld holpen te wurden, soe daliks ferdwine as der gjin jild mear wie.

Lit my besykje en meitsje dat noch wat dúdliker. Tink noch ris werom oan dy jierren doe't de rispinge min wie, en tûzenen minsken omkamen fan de hongere. Ik bin der wis fan dat as men doe de skuorren fan de rike minsken goed neigongen hie, dan hie men genôch nôt fûn en hâld alle minsken yn libben, dy't no stoarn binne om't hja net genôch iten mear hiene. Sa hie men der foar soargje kinnen dat hja gjin lêst hiene fan it wiete waar of de minne grûn, dy't dat jier in lytse rispinge joech. Eltsenien krige genôch te iten, as dat iene der net wie: it leave jild. Dêr hawwe jo no de prachtige útfining, dy't der op rjochte wie, dat iten altyd te krijen wêze soe. No is dat it iennige ding wurden, dat der foar soarget dat iten bytiden hielendal net te krijen is.

Ik bin der wis fan, dat sels de riken o sa goed witte of goed foar it ferstân krije kinne hoefolle lokkiger at hja wêze soene as alle minsken krigen wat se nedich binne, yn plak fan dat de riken alles krije kinne wat se net nedich binne. Dan soene se allegearre, alle minsken, sûnder soarch libje, ek de riken. Mar no libje de riken efter in muorre fan bûtenwenstich wolwêzen, en hja moatte dy muorre wol yn wêzen hâlde. En ik twifelje der net oan dat ofwol it eigenbelang ofwol it gesach fan ús Ferlosser Kristus, Dy't fiersten te wiis wie om net te witten wat it bêste foar ús is en fiersten te goed om ús wat oars foar te hâlden, de hiele wrâld al lang ferlyn ta it Utopiaanske systeem brocht hie, as dat iene der mar net wie: de bistige woartel fan alle kwea, de heechmoed.

Want de mjitstêf fan de heechmoed foar wolwêzen is net wat jo krigen hawwe mar wat oaren net krigen hawwe. De heechmoedigen soene wegerje en set ek mar ien foet yn it paradys as hja tochten dat dêr gjin minder bedielde klassen wiene om oer te hearskjen en om ûnder de tomme te hâlden. As der nimmen wie waans ellinde tsjinje koe as in opskerper fan it eigen lok, of nimmen, dy syn earmoede hja hurder te dragen meitsje koene troch him de eagen út te stekken mei de eigen rykdom. De heechmoed is as in helske slange, dy't wennet yn it hert fan de minske, in swiere lêst, dy't de minske opkeart as er it goede wol, en dy't ús altyd yn 'e wei sit as wy better libje wolle.

Mar as dy ûndeugd fiersten te djip woartele is yn it minskehert om der maklik útlutsen wurde te kinnen dan bin ik bliid dat der op syn minst ien lân is, dat in systeem oannommen hat, dat ik graach oeral oannommen seach. De Utopiaanske libbenswize hat net allinne de grûnslach lein foar in lokkige en beskaafde mienskip, mar ek foar in mienskip, dy't foarsafier as minsken soks witte kinne, it altyd úthâlde sil. Hja hawwe útroege de woartels fan it politike kwea, it stribjen nei mear, it politike konflikt en alles wat der op liket. Dêr is dus net it gefaar fan twariedigens yn de stêd, eat dat op oare plakken safolle ûnoantaastbere stêden ferrinnewearre hat. En salang as der yn it lân ienheid is en in goed bestjoer sille de keningen fan de buorlannen, hoe oergeunstich as dy ek binne, der nea yn slagje en bring de macht fan Utopia oan it wankeljen, lit stean dat dy brutsen waard. Hja hawwe fakernôch besocht dat te dwaan yn it ferline, mar hja binne altyd tebek slein.”

Doe't Rafaël oan it fertellen wie, moast ik der altyd mar oan tinke, dat der fan alles net goed wie yn de wetten en gewoanten fan dat lân. Ferskate dingen koe ik allinne mar om laitsje. Noch ôfsjoen fan sokke nuvere dingen as har militêre taktyk, har gods-tsjinst en de earbewizen, dy't dêr útdield waarden, wie der dy

grutte ûnsin, dêr't har hiele mienskip op boud wie: kommunisme sûnder jild. No soe dat op himsels al de ûndergong fan alle eallju, en dêrom fan alle weardichheid, pracht en majesteit betsjutte, en dy hearre dochs hielendal by de wiere gloarje fan alle naasjes.

Mar jo koene goed sjen, dat er skjin ynein wie nei't er safolle praat hie. Ik wie der net wis fan, oft er it noch wol hawwe koe, dat immen tsjin him yngie. En ik tocht benammen oan wat er sein hie oer de lju, dy't bang binne foar gek te stean as hja neat sizze kinne op in oar syn tinkbylden. Dêrom sei ik in pear freonlike wurden oer de goede kanten fan it Utopiaanske libben en betankje him foar syn nijsgjirrich ferhaal. Doe pakte ik him by de earm, frege him letter ris del te kommen te iten en sei: "Ik moat der noch ris goed oer neitinke. Faaks kinne wy as wy elkoar wer moetsje der wat langer oer trochprate."

Ik hoopje wiswier dat wy dat noch ris dwaan sille, letter, underwilens kin ik it perfoarst net lykfine mei wat er sein hat, al hat er alles sels meimakke en syn eagen goed de kost jûn. Mar ik moat wol tajaan, dat der ferskate dingen binne yn de Utopiaanske republyk dy't ik o sa graach, al ferwachtsje ik net dat soks kin, oernommen seach yn Europa.

Ein fan de op in eftermiddei útsprutsen taspraak fan Rafaël Hythlo-deus oer de wetten en ynstellingen fan it eilân Utopia, oant no ta mar oan in pear lju bekend makke.

Troch de rju eale en rju learde hear Thomas More, boarger en ûnderrjochter fan Londen.

NAMMELIST

Koarte nammelist fan de nammen, brûkt yn Utopia. Wa't mear witte wol kin dat fine yn Brouwer syn oersetting fan de Moriae Encomium, de Lof fan de Heakwizens, en yn de dêr oanjûne boeken.

- Abraxa: Erasmus neamt dat plak ek, dêr't 365 himels wêze soene.
Achoriërs: lju, dy't nearne wenje.
Ademus: 'sûnder folk', namme foar de kening yn Utopia.
Alapoliten: Gryksk foar 'bewenners fan de nea sjoene stêd'.
Aldus: utjouwer yn Fenetië, 1515, hat de measte Grykske skriuwers útjûn, en ek in pear boeken fan Erasmus.
Amaurotus: loftkastiël. Thomas hat dêr Londen op it each.
Amerigo Verspucci: untdekkingsreiziger om 1500 hinne. Hat syn namme jûn oan Amerika.
Anemoliërs: de opblaasden, de wynderigen.
Anydrus: wetterleaze rivier. Thomas hat dêr de Teems op it each.
Aristhophanes: Gryksk toanielskriuwer, 400 foar Kristus.
Barzanes: Perzyske namme foar de eardere kening yn Utopia.
Buthresken: Gryksk wurd, dat safolle betsjut as, de tige fromme lju.
Cicero: Romeinsk skriuwer en historicus.
Crassus: ryk man út Rome, 60 foar Kristus.
Cynemerne: troch T.M. betochte namme, mei in Gryksk oansjen, mar sûnder betsjutting.
Dionysius: fjirde ieu foar Kristus. Kening, yn de tiid fan Plato, en regearend neffens dy syn ideeën.
Dioscorides: Gryksk skriuwer, 80 nei Kristus, hat skreaun oer planten en sykten.

Euripides: Gryksk toanielskriuwer.
 Fylarch: stamlieder, yn it Gryksk.
 Galenus: twadde ieu nei Kristus. Dokter fan de keizers. Hat de Micro-
 techne skreaun.
 Herodianus: 200 nei Kristus. Hat de libbens fan inkelde Romeinske
 keizers beskreaun.
 Herodotus: 450 foar Kristus. Skiednisskriuwer.
 Hesychius: 500 nei Kristus. Hat in Gryksk wurdboek skreaun.
 Hippocrates: 400 foar Kristus. Dokter út de âldheid.
 Homerus: bekendste Grykske skriuwer.
 Hythlodeus: praatsjesmakker. 'Hylos' is 'grapke'.
 Lascaris: skriuwer fan in Grykske grammatika, útjûn yn Milaan, 1476.
 Lucianus: Gryksk skriuwer, twadde ieu nei Kristus. More hat mei Eras-
 mus in pear fan syn wurken yn it Latyn oersetten.
 Macaria: it lân fan de silligen.
 Mico: figuer út it toanielstik 'De Bruorren' fan Terentius.
 Microtechne: lytse syktelear fan Galenus.
 Mytras: Perzyske god, ek troch de Romeinen fereard. Midden yn Londen
 hat er in timpel hân, dy't earst troch de bommen yn de slach om
 Ingelân bleatlein is.
 Nefelogeten: Gryksk foar 'wolkebewenners'.
 Oktavia: toanielstik fan Seneca.
 Paliurnus: seeman út de Aneas fan Virgilius.
 Plato: Gryksk wiisgear, hat benammen ek skreaun oer de steat.
 Plautus: Romeinsk toanielskriuwer, 200 foar Kristus.
 Plutarchus: 100 nei Kristus. Hat de libbens fan ferneamde Griken en
 Romeinen beskreaun.
 Polyriten: lju, dy't in soad swetse.
 Proto-fylarch: earste stamlieder.
 Rafael: Ingel, reismaat fan Tobias, sjoch Fryske Bibel 1978, side 1200.
 Sallustius: skiednisskriuwer yn Rome, earste ieu foar Kristus.

Seneca: Romeinsk wiisgear út de tiid fan Nero.

Sophocles: Gryksk toanielskriuwer.

Stoa: Grykske wiisbegeartekoalle, dy't as heechste wiisheid seach oeral kâld ûnder te bliuwen.

Syfrogant: wurd, troch T.M. makke, nei it Ingelske wurd steward, fersoarger.

Terentius: Romeinsk skriuwer, 184-159 foar Kristus.

Theodorus Gaza: hat in Grykske grammatica skreaun, dêr't Erasmus Gryksk út leard hat.

Theofrastus: fjirde ieu foar Kristus. Hat in Gryksk boek oer planten skreaun.

Thucydides: 420 foar Kristus. Skiednisskriuwer.

Traniboar: wurd, troch T.M. makke, dêr't er by tinkt oan de bench-eaters, de bankiters, dy't yn de 'inn', de herberch foar de rjochtsgelearden, oan tafel foarrang hiene.

Trapemerne: troch T.M. betochte namme, mei in Gryksk oansjen, mar sûnder betsjutting.

Tricinus Apinatus: troch T.M. makke namme, betsjut: grapmakker.

Ultraequinoksialen: de lju oan de oare kant de evener.

Ulyses: Odysseus, syn reizen binne beskreaun troch Homerus.

Utopia: betsjut 'gjin plak' yn it Gryksk.

Utopus: de earste kening fan Utopia.

Zapoleten: lju, dy't har oan eltsenien ferkeapje, Switsers.

